



This is a digital copy of a book that was preserved for generations on library shelves before it was carefully scanned by Google as part of a project to make the world's books discoverable online.

It has survived long enough for the copyright to expire and the book to enter the public domain. A public domain book is one that was never subject to copyright or whose legal copyright term has expired. Whether a book is in the public domain may vary country to country. Public domain books are our gateways to the past, representing a wealth of history, culture and knowledge that's often difficult to discover.

Marks, notations and other marginalia present in the original volume will appear in this file - a reminder of this book's long journey from the publisher to a library and finally to you.

Usage guidelines

Google is proud to partner with libraries to digitize public domain materials and make them widely accessible. Public domain books belong to the public and we are merely their custodians. Nevertheless, this work is expensive, so in order to keep providing this resource, we have taken steps to prevent abuse by commercial parties, including placing technical restrictions on automated querying.

We also ask that you:

- + *Make non-commercial use of the files* We designed Google Book Search for use by individuals, and we request that you use these files for personal, non-commercial purposes.
- + *Refrain from automated querying* Do not send automated queries of any sort to Google's system: If you are conducting research on machine translation, optical character recognition or other areas where access to a large amount of text is helpful, please contact us. We encourage the use of public domain materials for these purposes and may be able to help.
- + *Maintain attribution* The Google "watermark" you see on each file is essential for informing people about this project and helping them find additional materials through Google Book Search. Please do not remove it.
- + *Keep it legal* Whatever your use, remember that you are responsible for ensuring that what you are doing is legal. Do not assume that just because we believe a book is in the public domain for users in the United States, that the work is also in the public domain for users in other countries. Whether a book is still in copyright varies from country to country, and we can't offer guidance on whether any specific use of any specific book is allowed. Please do not assume that a book's appearance in Google Book Search means it can be used in any manner anywhere in the world. Copyright infringement liability can be quite severe.

About Google Book Search

Google's mission is to organize the world's information and to make it universally accessible and useful. Google Book Search helps readers discover the world's books while helping authors and publishers reach new audiences. You can search through the full text of this book on the web at <http://books.google.com/>



Over dit boek

Dit is een digitale kopie van een boek dat al generaties lang op bibliotheekplanken heeft gestaan, maar nu zorgvuldig is gescand door Google. Dat doen we omdat we alle boeken ter wereld online beschikbaar willen maken.

Dit boek is zo oud dat het auteursrecht erop is verlopen, zodat het boek nu deel uitmaakt van het publieke domein. Een boek dat tot het publieke domein behoort, is een boek dat nooit onder het auteursrecht is gevallen, of waarvan de wettelijke auteursrechttermijn is verlopen. Het kan per land verschillen of een boek tot het publieke domein behoort. Boeken in het publieke domein zijn een stem uit het verleden. Ze vormen een bron van geschiedenis, cultuur en kennis die anders moeilijk te verkrijgen zou zijn.

Aantekeningen, opmerkingen en andere kanttekeningen die in het origineel stonden, worden weergegeven in dit bestand, als herinnering aan de lange reis die het boek heeft gemaakt van uitgever naar bibliotheek, en uiteindelijk naar u.

Richtlijnen voor gebruik


Google werkt samen met bibliotheken om materiaal uit het publieke domein te digitaliseren, zodat het voor iedereen beschikbaar wordt. Boeken uit het publieke domein behoren toe aan het publiek; wij bewaren ze alleen. Dit is echter een kostbaar proces. Om deze dienst te kunnen blijven leveren, hebben we maatregelen genomen om misbruik door commerciële partijen te voorkomen, zoals het plaatsen van technische beperkingen op automatisch zoeken.


Verder vragen we u het volgende:

- + *Gebruik de bestanden alleen voor niet-commerciële doeleinden* We hebben Zoeken naar boeken met Google ontworpen voor gebruik door individuen. We vragen u deze bestanden alleen te gebruiken voor persoonlijke en niet-commerciële doeleinden.
- + *Voer geen geautomatiseerde zoekopdrachten uit* Stuur geen geautomatiseerde zoekopdrachten naar het systeem van Google. Als u onderzoek doet naar computervertalingen, optische tekenherkenning of andere wetenschapsgebieden waarbij u toegang nodig heeft tot grote hoeveelheden tekst, kunt u contact met ons opnemen. We raden u aan hiervoor materiaal uit het publieke domein te gebruiken, en kunnen u misschien hiermee van dienst zijn.
- + *Laat de eigendomsverklaring staan* Het “watermerk” van Google dat u onder aan elk bestand ziet, dient om mensen informatie over het project te geven, en ze te helpen extra materiaal te vinden met Zoeken naar boeken met Google. Verwijder dit watermerk niet.
- + *Houd u aan de wet* Wat u ook doet, houd er rekening mee dat u er zelf verantwoordelijk voor bent dat alles wat u doet legaal is. U kunt er niet van uitgaan dat wanneer een werk beschikbaar lijkt te zijn voor het publieke domein in de Verenigde Staten, het ook publiek domein is voor gebruikers in andere landen. Of er nog auteursrecht op een boek rust, verschilt per land. We kunnen u niet vertellen wat u in uw geval met een bepaald boek mag doen. Neem niet zomaar aan dat u een boek overal ter wereld op allerlei manieren kunt gebruiken, wanneer het eenmaal in Zoeken naar boeken met Google staat. De wettelijke aansprakelijkheid voor auteursrechten is behoorlijk streng.

Informatie over Zoeken naar boeken met Google

Het doel van Google is om alle informatie wereldwijd toegankelijk en bruikbaar te maken. Zoeken naar boeken met Google helpt lezers boeken uit allerlei landen te ontdekken, en helpt auteurs en uitgevers om een nieuw leespubliek te bereiken. U kunt de volledige tekst van dit boek doorzoeken op het web via <http://books.google.com>





[Handwritten mark]



2+



BLOEMLEZING

UIT

OUD-, MIDDEL-, EN NIEUWFRIESCHE GESCHRIFTEN.



BLOEMLEZING

UIT

OUD-, MIDDEL-, EN NIEUWFRIESCHE GESCHRIFTEN.

BLOEMLEZING

UIT

OUD-, MIDDEL-, EN NIEUWFRIESCHE GESCHRIFTEN,

MET GLOSSARIUM,

BIJEENVERZAMELD DOOR

F. BUITENRUST HETTEMA.

—
—
DERDE DEEL,

NIEUWFRIESCH.



LEIDEN. — E. J. BRILL.
1888.

BLOEMLEZING

UIT

NIEUWFRIESCHE GESCHRIFTEN,

DOOR

F. BUITENRUST HETTEMA.



LEIDEN. — E. J. BRILL.
1888.

PF1513

B8

Aan het Bestuur

VAN HET


**FRIESCH GENOOTSCHAP VOOR GESCHIED-, OUDHEID-,
EN TAALKUNDE TE LEEUWARDEN,**

WORDT DEZE BUNDEL

UIT HOOGACHTING OPGEDRAGEN

DOOR

DEN VERZAMELAAR.



EEN WOORD VOORAF.

In Friesland heerscht een vrij opgewekt letterkundig leven.

Niet alleen dat een Selskip for Fryske tael en skriftenkennis met de »kríten" Leeuwarden, Sneek, Baard, Grouw, Joure en Franeker 's winters geregeld op vele plaatsen bijeenkomsten houdt, die druk bezocht zijn; maar ook voeren rederijkerskamers, tooneel-, en verscheidene zanggezelschappen, over het geheele gewest verspreid, meerendeels Friesche stukken op; houden voordrachten en wedstrijden.

Want moge het Hollandsch ook de taal zijn voor school, kansel en balie, gehoord worden in station en trambuis, uit den mond van Hollanders en ook van Friezen; in huis en op het land, zelfs in enkele steden op straat, spreekt men nog Friesch in verschillenden, zij het ook weinig uiteenlopenden tongval.

De Nieuwfriesche Literatuur is rijk aan voortbrengselen, over het geheel goed, vele uitstekend van gehalte.

Al de oorspronkelijke en vertaalde toneelstukken, romans en novellen, als ook liederen, vertellingen en strijdschriften optesommen, is ondoenlijk. Enkele zaken slechts wil ik vermelden.

In 1845 werd door H. S. Sytstra het tijdschrift »Iduna" opgericht, waarvan hij eerst alleen, later in vereeniging met T. R. Dykstra de redactie voerde. Na hun beider dood nam G. Colmjon die op zich. Het werd in 1871 vervangen door »Forjít My Net", dat, uitgegeven van wege het Frysk Selskip, Colmjon als redacteur tot 1884 behield, en thans door O. H. Sytstra bezorgd wordt.

In Januarij van dit jaar verscheen een nieuw: »For hûs en hiem", waarvan P. J. Troelstra als hoofdredacteur optreedt.

Van het tweetal jaarboekjes beleeft de »Swanneblommen, utjown fen it Frysk Selskip", dat achtereenvolgens H. S. Sytstra, T. R. Dykstra, en G. Colmjon tot redacteurs had, thans onder leiding van H. O. Sytstra verschijnt, zijn 39^{sten} jaargang; de »Byecoer", (red. Waling Dykstra) zijn 43^{sten}.

In Suringar's 12^o Almanak, in het Friesche Jaarboekje bij L. Schierbeek, en in den Frieschen Almanak bij P. v. d. Sluis v. d. Bosch, werden en worden nog vele oorspronkelijke stukjes in de landstaal opgenomen; evenzeer als in den Frieschen Volksalmanak, (van 1836—1864, en 1884 tot heden, thans redacteur J. v. Loon Jz. e. a.). Vele couranten, o. a. het Friesch Volksblad (Leeuwarden) en het Nieuw Advertentieblad (Heerenveen) plaatsen in de volkstaal gestelde stukken en advertentiën. Liederboeken als »It Lieteboek, Fryscce sang mei Pianolieding», van J. v. Loon Jz. en M. de Boer (1876) en »Ny Frysk Lieteboek» van P. J. Troelstra en P. H. de Groot (1886), bevorderen zeer Frieschen zang; terwijl de »Boeresionger» van W. Dykstra e. a., hoewel zonder muziek, algemeen bekend is. Van Verzamelingen noem ik het »Frysk Lêsboek» van W. Dykstra (1883), terwijl men in »Van de Schelde tot de Weichsel» dl. III, (1882) en in v. d. Meulen »Moaye Blommen fen ús Fryske Letterkroane» (1880) van allerlei aantreft.

Wat deze uitgave betreft, liet de weinige ruimte, waarover ik te beschikken had, slechts een beperkte keus toe; zeker het vijfvoudige aantal vellen zou vereischt worden, indien men alles, wat het verdiente, vrijelijk kon opnemen.

Van vele schrijvers ontving ik bijdragen in handschrift; niet voor alle deze had ik echter plaats.

De volgorde der stukken is willekeurig; die der verstorvene schrijvers gaan vooraan. De nog levende letterkundigen namen zelven de correctie over, veranderden hier en daar de spelling, en soms eene kleinigheid van den inhoud; overigens is de tekst zooveel mogelijk naar de eerste lezing afgedrukt.

Ten slotte een woord van dank aan de schrijvers, die welwillend van het hunne zonden, niet het minst aan hen, die nog ongedrukte stukken gaven; aan de uitgevers, die vrijgevig voor dezen druk hun kopie-recht afstonden; aan den Heer J. v. Loon Jz. voor de vele wenken en mededeelingen van hem ontvangen; en verder aan hen, die op eenigerlei wijze deze uitgave hebben vergemakkelijkt.

I. UUT FEN HOES BY DE BOER. DE MOANTIID.

Uit: De Lape koer fen Gabe Skroor 1822. p. 25. (Prov. B.) Ook: Rimen ind Teltsjes fen de Broärren Halbertsma 1871. p. 4b.

It ljocht brekt trog de griene gedintjes. De klok slagt hjeal wei
fiwen. De wiilde foegels tjirmje oer 't fjild. De hoanne kraait in
de lipkes lieppe iinn'e finne. De protters kwele in tjotterje opp'it
oeleboerd, in de skoastien. De earrebarre klaphalset. De ljurken
sjonge oer'e skoerre. De ade mem hjet de klok: Bauk! seitse, dou 5
mast er oof komme, fanke! in roppe Hidde in de feint: dan ken
de aad boer jitte wat lissen blieouwe. Goed, seit Bauk, in wrieouwt
e'rris iin'e eagen in strikt oer'e readc roone wangen. Sij skouwt
de gledde billen oer'e beadsplanke, klaait har oon in ropt Hidde in
de feint. Der mei is alles iin 't spier. De feint jouwt de kij eerst 10
ien liits jeft' hea in Hidde begint te mjoksjen. Bijke, dij de hele
nagt op de aad boer siin broek lein het, rekt him uit in de boet-
huus door uitgeande snuffelt er op it hiem om in sieket de on-
gansen op. Bauk set nou fjoer oon in hinget it tjenwetter oer: mar
wij matte eak wat ljocht ha, seit se, in skouwt it raam op, in 15
smijt de finsters iepen, dat se tjin'e moerre stuitje. Nou stekt se
har tjeppé troanje iin'e loft in sjogt mei ien pear freunlike eagen

III Dr. meer wetenschappelijke spelling; en de wijzigingen hiervan in R. ind T.
III. Uet. R. Uwt. huws. — III. Moarntyd. R. moárntiid.

1. troch. R. throch. III. gerdyntjes. R. gerdynkes. III. slacht hjelwei. — 2. III.
wyld. R. fuwgels. III. krait. R. ind. — 3. III. liepe yn 'e quele. R. thjotterje.
III. op it. — 4. R. uwleboerd ind. III. scoarstien. — 5. R. oer 't scuwrre. III.
alde. R. álde. III. hjert. seit hja. — 6. III. óafkomme. R. oafkomme. III. den. —
7. III. aldboer yette hwët. R. áldboer. lizzen. III. bljouwe. R. ind. III. wrjouwt. —
8. III. yn'e. R. ind. III. strykt. roune. R. Hja. III. scouwt. — 9. R. bædsplanke.
III. klait hjar oen, R. oan, ind. ind. — 10. III. Dearmei. R. Dærmei. III. yn. R.
earst. — 11. III. lyts. R. jefte. ind. III. mjoxjen. — 12. III. nacht. aldboer syn.
R. áldboer. III. uet. R. uwt, ind. III. boethuesdóar uetgeande. R. ind de buwthuws-
doar uwtgeande. — 13. R. ind sïket. — 14. III. oen. R. oan. III. tjernwetter. R.
tsjern-. — 15. III. hwet ljocht. hja, R. ind. III. raem. R. ind. — 16. III. smyt.
R. muwrre. — 17. III. hjar tjeppé. R. tsjeppe throánje. III. yn'e. R. ind. III.

oeral iin'e blide dage om. It ljochte grien fen'e simmerkrite skimert
trog de tjokke daauwe. Het jong goed haffelt iin'e liesen om. De
20 ropeintjes wraggelje nei har ta in langhalsje om ien haanfol beanne.

De ade mem lit het molken iin'e tjenne rinne. Sij is liikwol ien
minske fen segstig jier in dogs tilt se de tine mei op, dat har de
lidden kniese in set him op'e tjenne in lit het molken er uit rinne,
dat het broest. Der mei wudt de spatskoetel er oplein, het tjen-
25 lid feast kiille, de pols oonslein. De ade looije bonte wudt fen'e
staal helle in begint te tjenjen, dat het hoes dreunt in de biinten
kreakje. Nou it oor folk sit te meltjen begint de aad boer him eak
te rissen. Hij stiet op in klaait him oon in snijt for het folk elkmes
ien tjok omstik brea. As dat dien is, faget er it meas oof in stikt
30 it iin'e skie. Hij nimt de bril uit it finsterbank in begint te leases
iin'e reis nei it himmelske Jeruzalem.

It meltjen is dien. It folk komt bij de hud. De ade man nimt
siin roon-breed-skade hoetje oof in bidt. De feint gobbet efter de
hoed wei in gijsjende tjin Bauk trapet har onderwiles op'e tjen-
35 nen, dat se it laaitsen eak net iin hade ken. Elts nimt siin stik
brea, leit it opp'e knibbel in iet er fen. De ade mem is bang dat
het waar foroorje sil, sa het it har jister jonne iin 't kruus stitsen.
De aad boer klaget eak oer jicht in de slimme tiid. Hij beskrobbet
it jongfolk dat se sa oerdwealsk net wease matte; want dat er de

sjocht. — III. frjeunlikke. R. frjeunlike. — 18. III. yn. R. blide. III. scimert
troch. — 19. R. throch. thjokke. III. tjokke dauwe. It. yn' e. R. liezen. — 20.
R. ropeinkes. III. hjar ta. R. ind. III. hōanfol bjenne. R. hoanfol. — 21. III.
alde. R. álde. III. it molken yn'e tjerne. R. tjerne. III. Hja. lykwol. — 22. III.
minsce. sextich. R. ind. III. dochs. R. thilt. III. hjar. — 23. R. knieze, ind. III.
tjerne. R. tjerne, ind. III. it molken. uetrinne. R. uwt. — 24. III. it. R. bruwst.
III. Dearmei. R. Dærmei. III. wirt. R. wirdt. III. -scoetel. it tjerndl. R. tsjern. —
25. III. kyle. R. feestkile. III. oenslein. R. oan-. III. alde loaie. R. álde loaye. III.
wirt. R. wirt. — 26. III. stôal. R. stoal, ind. III. beginst to tjerjen. R. tsjernen.
III. it. R. huws droant ind. III. bynten. — 27. III. òar. to. R. oar. meltsjen. III.
aldboer. R. áld-. — 28. III. to. R. ind. III. klait. oen. R. oan. III. snyt foar it. R.
foár. — 29. R. thjok. mæs. III. ôaf. R. oaf, ind. — 30. III. yn 'e scie. brul.
uet. R. uwt. ind. III. to. R. læzen. — 31. III. yn 'e. himmelsce. R. himmelsce. —
32. R. meltsjen. III. hird. alde. R. álde. — 33. III. syn roun.-scade. R. hoecke.
III. ôaf. R. oaf, ind. — 34. III. gysjende. R. gyzjende tsjin. III. hjar. R. teánnen. —
35. III. laitsen. ynhalde. R. -hálde. III. syn. — 36. R. ind. III. yt. alde. R. álde. —
37. III. it waer forðarje scil. R. -oarje. III. hjar. yn 't krues. R. kruws. — 38.
III. aldboer. R. áld-. jichte ind. III. tyd. R. tiid. III. bescrobbet. — 39. R. wæze.

earen jitte wol bekoage wudde kenne. Dermei, as de kopkes in 40 pantjes wei berge binne, bereade de frouljue de tjenne in bjinne de tinen in aden uit. De manljue geane oon 't sjedriden of leikje de simmerdiekjes op. Deaad man blieouwt iin'e hudshoeke om de foeken te laapjen in besjogt de kobbe mei de bril opp'e noos....

III. hjar. — 40. III. yette. bekóage wirde. R. bekoage. III. Dearmei. R. Dærmei. — 41. R. ind pantsjes. beræde. III. tjerne. R. tjerne. — 42. R. ind aden uwt. III. aerdern uet. oen 't sjerdriden. R. oan 't sjeádriden, oaf. — 43. III. -dykjes. aldman. R. áld-. III. bljouwt yn 'e hirdshoeke. R. fuwken. — 44. III. to laepjen. R. ind. III. besjocht. brul opp'e nôas.

E. HALBERTSMA.

II. GEALE\$ SLJIPKE.

Uit: De Lapekoer fen Gabe Skroor II. dr. (1829) p. 75. Ook in R. ind T. p. 18a.

| | |
|--|---|
| Yn poapeslom bedobbe | De wettergulpen fleagen |
| Lei Geale yn 't leavig reid; | In goelden ynn 'e fijocht, |
| Hy hie de keazen gnobbe | In nei de terpen teagen |
| Yn 't hoaf fen oarreheit. | De hoantsen yn 't gefjocht. |
| De pet oer 't holtje hinne, In oer 'e eagen del; | De schouwe teaperts songen De ade lange team, |
| Want waarm wie de sinne, De brimsen stieken fel. | In d' ekster wipt' mei srongen, In gloep fen beam ta beam. |
| In oon in wyljen stobbe, Dear hong syn baitje oon, | In Toon de seine harre Fier yn it lege mead, |
| In oon it baitje sobbe In tijorre kjeltje oon. | In Doeke mopke norre Fen 't swyljen wurg in sead. |
| De roege holders soezen Trog blomkes in trop kroed, | In koazze ynn'e doeren, Dy haffle ynn'e bry, |
| In trogg 'e stanen rœzen De simmertwirkes loed. | Lei hymjend looi te poeren In joeg de sinne fry. |

In opp'e daam dear blaaide »Hoei!" schrilde er, »Oarre, Oarre!"
 In eike sead in sloeg,
 In oer 'e loanen waaide In sprong hast uut it fel,
 Sintjans tried wyt in roeg. In seag nou as in bloarre

 Swiet ynn 'e sliep fortyze Op 't earme kjeltje del.
 Wist boi fen nimmen kwea,
 As seafkes him wat kyze Och , Geales wroegwjjirm kneage:
 Oer holle, boast in lea. 't Wie oeral »Oarreheit!"

 Hij gappe in rekte in sette Hy waad er jit trog pleage
 Syn doave schonkjes uut, Bedobbe yn 't leavig reid. —
 As by de noos him fette
 In kade kjellesnuut. Kroep yn in sydne wryne,

 't Kwea lit dy neane reast;
 Dou kenst it net ontwyne:
 It fret dy sliep in reast.

E. HALBERTSMA.

III. ÔAN IEN BERNTJE YN DE ÔARE WRALD.

Uit: De Lapekoer III dr. (1834) p. 431. Ook in R. ind T. p. 101b.

5

10

15

Byld fen myn hoes in myn herte!
 Bern fen myn siel in myn sinnen!
 Weasen fol ljeafde in noct!

 Neame , o! dôar ik dy nimmer,
 Mar binnen hjir yn it herte
 Dear stiet dyn namme bescreaun.

 Laekkeste my frjeunlikjes ôan ,
 Mei gloepigge freechjende eagen ,
 Gods ingel laekke my ta!

 Sietste my jouns op 'e scirte
 In streakk' ne dyn hantjes myn wangen ,
 • Oer wier de soarg fen de dei.

 Leiste jouns ier sa to sliepen
 Mei onscilds waes oer dyn troanje ,
 Rôasen bloeidden sa net.

Twiske de sliep in it weitsen
 Tyspelle yet foar myn sinnen
 Innerlyk, berntje, dyn byld.

Twisken it ljochten in tsjuster
 Wekken dyn flaiende loetjes
 Ljeaflikjes my uet de sliep. 20

Trjinnen forrinne in fordroeche,
 Mar wounen yn memmeherten
 Helet de iewichheit mar.

Tieden in minsken forgeane,
 Mar libjend' stiet foar myn siele
 Iewich in iewich dyn byld. 25

E. HALBERTSMA.

IV. „DE KREEFT FEN DOCKUM”.

Uit: Twigen uwt ien âlde stamme. (1840) p. 79. Ook in R. ind T. p. 197a.

It is bard yn 't jier 1623, dat ien scipper mei ien lading hout
 uwt Noärwegen koam, in op Iezummersyl binnen roun. Dy scip-
 per hie foär ien aerdichheid ytlicke libbene kreeften yn ien koer
 meibrocht foär syn keapman, dy to Leauwerd wenne; dy droech er
 by jontyd, dat it al tsjuster wie', troch de sted fen Dockum, in 5
 doe rekke er troch ongelok ien fen dy bisten uwt de koer to fal-
 len, krekt foär de doar fen ien froedsman Grada. De oare moarns-
 ier, doe de faem de striette oanfeye scoe, foun se dat bist dær
 lizzzen; hja roun forschrift ynn'e huws, in roap, *Here, vroedsman!*
Kom gau ris voär deur. Here, wat leit dair in rair ding op strait! 10
 Froedsman mei ien reade japon aan mei de wite sliepmuwtsse opp'e
 holle, in de hoäzzen opp'e slomp, roun dalik nei buwten. Hy sloech
 de hannen yn elkoärme, in sei, *Dit is ien mirakel! suud dat ook*
in jong weze van die roek, die hier boven in de lynneboom nestelt?
 It doörre net lang oaf dær roun al sciilik ien heal hondert minsken 15

to heap, om it scepsel to oanscoachjen. Ien Catechiseermaster, dy dær eak foärbykoam, dy roap, *Minschen! Minschen!* sien it beest dochs niet an; want ik loof dat et de *Basiliscus* is, daar men van inne schrift leest; et kon jimme allegaar et leven koste. »It mocht in 20 schyt, meester! sei ien turfdrager, dy dær mei syn koer foärby kaem, *Ik heb hem al goed in syn freeet sien; et stomme beest zal ons nikken doen, in die er in mingelen bier voor over het, dan zal ik hem daadlyk met de tange in myn koärf legge, in drage him waar de vrinden him hewwe wille.* »Dat gait an! sei froedsman. De tange waerd 25 helle, de kreeft yn de koerlein, in doe earst nei de brouwery om it minglen bier op to nimmen. Dær fen dinne rjocht-uwt nei de boärgemaster mei ien sleep jonges efter-nei. De turfdrager sette de koer yn it foärhuws del, in froedsman gong yn de keamer by boärgemaster. Hy sprük de boärgemaster mei ien heel bedrukte in ien 30 heal forsrikte troänje aan, in sei, »*Goeien morgen, Burgemeester!*» *Goeden morgen, vroedsman! jou hier zoo vroeg al over de vloer, man?* »Ja, *Burgemeester!* Wy hewwe hier ien rair stuk, *Burgemeester.* Wy hewwe van de morgen ien levendig ding op strait fonnen, in gien minsche weet wat ding of it is, of hoe et hiet, *Burgemeester.* Wy 35 hewwe it metnommen, *Burgemeester, it stait in 't voorhuus,* *Burgemeester.* Wil *Burgemeester* it ook ris sien, *Burgemeester?*» Vooral in believen, vroedsman, sei dy heer, *Jou wete, zeldzaamheden ben ik altoos nieuwsgierig na.* De boärgemaster, dat ien biis uwt de bizen wier, seach dalik wol dat it ien kreeft wier, mar dy hâldde him yette 40 dommer as froedsman yn wæzen wier. Dy sloech de hannen gear in sei, »*Vroedsmon! Vroedsman!* ik loof dat er ons slimme dingen over het hoofd hange; zoo'n ding staat in gien kronijk beschreven, in zoo lang as de wereld staat is er zoo'n ding in Dockum niet vertoond. Het is een stuk van te veel belang; daarom gevoel ik mij verpligt om 45 nog heden morgen om tien uur de raad te beleggen, om dan te bepalen, wat of wij met dat monster zullen aanvangen. Jou komme dochs ook, *Vroedsman?* »Ja, wis, burgemeister".

De moarns om tsjien oere koamen de herén by eltsjoärren op it stedshuws, in omdat it sa'n buwten-extranaris ding wie', hie froedsman ien scjinne wite bef fen froedsmanske om krigge, in därby ien splinter-ny broek oantein, ien sonder flappe, mar mei ien gulfje

dær yn, lyk as de âlde ljouwe fen dy tiid droegen: in omdat it âld stedshuws fen Dockum doe hwette lek wie', wierne er krekt opp'e stoel fen froedsman Grada ytlyke drippen roetwetter fallen, in omdat er bang wier, dat er syn nye broek mei dat wetter be- 55 smoärkje scoe, sa spraette dy goede man syn wite buwsdoek' oer de stoel. Dær gong froedsman deftich op sitten.

De koer waerd op it stedshuws brocht, in dær seach elts den beurt foär beurt yn, in den gong elts wer op syn pleats sitten. Ien inkele fen dy heren hiene mar just it hert om it onnoazele 60 beest oan to sjen. Doe se allegjere wer sieten, doe sei de boärgemaster, *Heren van de raad van Dockum! De heren hebben gezien, dat er in onze stad een wonderlijk creatuur gevonden is, en daar men niet weet, welk dier dit is, en van waar het gekomen is, zoo heb ik hetzelvē hier gebragt ten einde het advijs van de Heren te horen.* 65 Daarom, u, vroedsman Grada, als de oudste van de raad dezer stad, vraag ik het eerst, wat dunkt u van dit dier? »Ikke? sei froedsman Grada, *Ikke bliif bij mijn eerste advijs, dat et namentlik ien van die jonge roeken is, die voor mijnen deur dair in die hoge lijnnebomen nes- sele; want waar duwel sud et ding anders weg komen weze.* 't Ken 70 ook niet uit de straitstienen kropen weze. »Daar benje mis in, vroedsman, sei de boärgemaster, *Mijn zoon heeft onlangs een nest-fol roeken uitgehaald, en die jonge roeken geleken nergens meer op als op oude roeken. Nu is de beurt aan u, vroedsman Inia*". *Heremistijd, Burgemeester, wat weet ik vroedsman Ynje van vremde gediertens?* 75 *Ik hev wel zeggen hoord, dat de kanarieveugels als ze jong binne, dat ze dan kropen; suud et ook in kanarieveugel weze?* »Zou een jong kanarievogel dan groter zijn als een oude? dat spreekt zich immers zelfs tegen", spriuk dærop de boärgemaster. *Dat weet ik niet, sei froedsman Inia.* Wij sien alderdegenst, dat grote minschen klein 80 wurde kenne. *Mijn grootvader is van Burgemeester al bierdrager wurden.* Nou wie' de beurt oan de froedsman Starkenbolte, ien Grinslander, ien ryk man in ien fyn man; fyn yn de tsjerke, in fyn yn de wrâld. Hy die deis ien luwd gebed oer de tafel, dat ien ketier doërrre, in it iten mocht mar ien heal ketier doërrje, in dær hiene 85 syn boden gin nocht oan. Dy hiene ljewwer ien heal ketier bidden, in ien ketier iten. Dærby forstoe er hwette fen de swarte

kinst. As de Dockummer ljouwe mei froedsman Starkenbolte yn it
 trekscip sieten, in as er den uwt de scrut begoun to praten, den
 90 hâldden se hannen op hjar horlogies; went as er dat die, den fierd'
 er dy kinst it measte uwt. Doe it dy syn beurt wier om to spreken,
 dy sei op syn Grinser: *Ik wijt nijt, ik leuf, burgemeister, dat*
onze meester Douwe nog geliek hat het, dat et nomentlik in Bosilis-
cus of in ploagbeest is, daor de Here ons met besuiken wil veur onze
 95 *zonden en ongeregteigheid, en al et goddeloze vluoken, dat in Dockom*
doan wert. Doarom hol ik mij oon meester Douwe. »Meister Douwe,
 foel froedsman Grada dærop yn, die het wel eerder de planke mis
 weest. *Voorleden jaar song er voar it boärdtje in de kerk »aller ogen*
wagten" op in karsmorgen. Op dy ynfal begoun de hele rie fen
 100 Dockum to laitsen, mar de boärgemaster net; dy moast syn deftichheid
 ophâlde, in dy spriük doe wer, *Als er dan niemand van de*
Heren is, die my eenige inlichting in deze zaak geven kan, zoo laat
ons dan nog eens de beide stadsboden boven komēn, of die ons ook
in dit geval nog ook eens konden dienen. De boden koamen boppe
 105 in seagen ién foar ién yn de koer. De iene wier ien stakker, dy
 doarst it bist net besjen; dy leauwde eak steech oan master Douwe.
Ik sal der myn ogen niet na draye, Heren, spriük dy man, want,
 sei er, *as it gien Baesliscus is, dan is et ien plaigbeest, die nagts*
omlope in pest in kwalen verkondige, en ik suud er voär weze om et
 110 *hele beest met koärf in al te verbrannen.* Mar de twade stadsbode
 sei rounuwt, dat it ien scroar wie, omdat er twa fikse sciérren
 foaruwtstiik. *In sienje wel, burgemeister? hy houdt de ogen van die*
scheren afteruut, omdat er voar alle man niet wete wil, hoe groot of
ze binne, krekt as alle schrooren. Mar as it ien schroor is, dan is
 115 *er betsjoend; want hy kruupt, in andere schrooren lope.* Is 't niet
 wair, heren? ik zeg mien zin, want daarom ben ik hier ropen. — »Accord,
 sei de Boärgemaster, jou hebbe het geraden, bode; en wy zullen
 er dadelyk de proef van nemen. Kom, bode; ik had juist een
 120 nieuwe rok besteld; het laken is er al voor gekocht; wees zoo goed en
 haal dat van mijn huis. Doe dat lekken op 't stedshuws koam, waerd
 it oer de flier spraet in de kreeft dærop set. Doe begoun er to
 kruwpen, in doe moast ien fen de boden mei ien scirre, krekt it
 selde pâd lâns, it lekken trochknippe; in doe waerd er dalik om

ien scroar stjoerd , om er ien roak foär de boärgemaster fen to meitsen. Dizze scroar wier ien älden Duetscer , dy hiette eigenlik Lab- 125 benbach , mar hy sels spriik dy namme altiid uwt as *lappenpack* , in nou neamden de Dockummers him yn de wandeling sljocht wei fen *lappenpacker* ; ik tink wol , omdat er de lappen , dy syn klansten fen rjochten takoamne , sels ynpakte. Hy koam op it steds huws mei de sliepmuwtsze yn de hân , in sei , *Koeten morje , myn- 130 heer Pirgemeister!* En koeten morje , brave heren al gesamt , Wat heppe de Heren te pefelen. De boärgemaster forhelle aan de scroar it hele gefal , in liet him dat toknipte lekken sjen. — *Tausend elemente! Hundert tausend elemente!* Das hat keen mensch ketaan , maar de lebendige teufel. *Donnerontoria , prave heren!* tat is keen tijt , heen 135 roije tijt meer weerdig. Daar kan ik een lappekrone voor de kinder van make , maar keen rok voor de Pirgemeister von Dockum. Maar doe er de kreeft yn de koer lizzen seach , doe waerd er yette bleker om syn smelle kieuwen as tsjien bleke scroärren mei eltsjoaren ; in hy roap it uwt , *Kott bewahre , Heer Pirgemeester!* soll mich 140 die swernoot straffen , wenn ich solchen peest langer in de stat von Dockom tolden soltte. Et is de teufel , prave Heren , de lebendige teufel ; on wann ikke Pirgemeister war , ik that den hundsfoot in de kragt kooyen on versupen him. — *Heb 'k et nijt said* , sei froedsman Starken bolte , dat w't hijr met de kwaode te doun hebbe? Dat komt nou van 145 't vloouken , en het koartspeulen , dat de noatie hijr dout ; nou loat de Here hem los , en geft hem aan de kwode over. Ja , sei froedsman Ynia , as it de kwade is , dan is versupen de baas ; want dan helpt gien verbranden ; want die is vuurvast. In de hele rie fen Dockum roap fen , *Versupe mar! Versupe!* De turfdrager smiet de kreeft 150 yn de greft , in de hele sted fen Dockum wier bliid , mar de kreeft yette bliider. Mar by it einsluten fen de rie hiene se yette ien grap mei froedsman Grada ; dy goede man wier troch de sterke oandacht , dy er op it dispuet oer de kreeft hawn hie , gled troch it sin gien , dat er syn wite buwsdoek opp'e stoel lein hie , in doe er onderwi- 155 lens ris efkes de eagen foär-del sloech , doe miende froedsman , dat him it himd ta de gulf fen de broek uwthingge , in doe hâldde er syn greate roune flabhoed foär it liif , in moffele sa gluwpswize dy wite buwsdoek ta de broek yn ; mar boärgemaster , dy flak næst

160 froedsman siet, in dy de man troch in troch koe, hie wol oan syn forlegentheid sjoen, dat er hwette geande wier: dy seach ris scean efter de hoed fen froedsman, in doe seach er dat hele wirk oan, mar hy liet him neat merke. Dit gebeurde al doe se mar just op it stedshuws sieten. Yn it ein, doe de Heren opstean scoene, doe 165 seach froedsman ris efterom, in sei, *Gunst nog toe! Burgemeister!* waar sude myn witte buusdoek weze? Mar gin minsce wist it. Suud er ook onder myn stoel legge; want hy het er op leid, dat weet ik, sei froedsman. Sude dat rare ding my die doek ook uet de buusse weg tsjoend hewwe." »Om jou de waarheid te zeggen, sei de Boär-
170 gemaster, hy sit in jouw eigen broek. Zie maar, er hangt nog een tipje toe de gulft uit." »Ja, waarlykken! sei froedsman, in hy helle de hele wite buwsdoek ta de broek uwt. Froedsman krygge ien kleur as ien hoännekaem, in swärde, dat er noait wer ien broek mei ien gulf drage woe, in de hele rie fen Dockum gong laeitsende
175 nei huws, mar de boärgemaster yette aldermeast."

It hele selscip dær ynn'e herberge laekke wakker om dit fortel-tje, behalven de ontfanger; dy seach my stiif oan, in knarste soms opp'e tosken; mar doe freagge Jouke my, »Wiste eak, Gabe, ho of it tonei mei dy kreeft gien is?" Ik sei, Ja, kastelein; dy is 180 yette op ien simpele menear wer to lânné komd. Ytlyke jirren dærnei, doe de kreeft al lang forgotten wier, doe fiskken de heren fen Dockum de stedsgreften mei ien seine oaf, in doe fongen se uws maet de kreeft wer. Zoo'n grote grenaal is er noch nooit in Europa fonnen as disse hier in dit kleine Dockum, sei ien hopman 185 fen de Boärgerwacht, *Die zal ik beware zoolang as syn Hoogheit de Prins hier komt.* Die lei him oan ien sulweren kjeattingkje onder ien bræge faest om him yn it libben to hâlden.

E. HALBERTSMA.

V. DE KRJEMMESITE.

Uit: Leed in Wille fen E. Halbertsma in De Flotgærzen fen J. H. Halbertsma, (1854) p. 386. Ook in R. ind T. p. 324a.

It wiif fen Foake-miich wie' yn de kream fen hjar earste bern, ien grou jonge, dy Tsjaling hjitte, nei syn pake oan memmekant, in dær scoe' do de lëtste krjemmesite fen juwn wirde. Want dær wierne al twa oansitten wæst.

De klok hie' d'oare deis nin twa uwre let, as de boerefrouliu 5 kamen dær al oansetten; allegearre wakkere thwang; ylike allehiel yn 't brat. Hja hienen allegearre hwette foár it krjemwiif yn it braskoerke oaf de buwsdoek; de iene brocht ien poun greate wite klontsjes, de oare brune; de iene ien swiere kruwskintebiale, in de oare ien spekkoeke; de iene ien sutmestjsiis, in de oare ien boale 10 buwter; de iene ien stik ljirre, in d'oare ien poun thé, oaf ien pear poun struisuwker. Koártom, hja toagen sa'n bulte oan, dat de krjemheinster mar wirk hie' om alles ien behearlyk plak to jaen. Tel dær nou den noch by al it swiet iten, dat se dagen fen to foren al throch hjar bern bringe littén hienen, den scoene men er 15 ien ploech hongerige poepen mei aeffoerre hawwe. Alle bern kriggen den ien twjibak mei suwker; in as se de poppe yn 'e gluwpe in it krjemwiif yn it waermbæd seagen, in freaggen, hwer dy poppe fen dinne komd wie', in as dë frout siik wier, den sei de krjemheinster hjar, »Reinsk, ljeawe! het ien fiere reis nei de wâlden dien 20 om ien poppe to heljen. Dær sieten honderten fen poppen yn 'e bjemmen, dy hjar allegearre taroopen, My earst! My earst! Mar do het Reinsk dizze poppe nomd; want dat wie' de ljeafste in de moaiste fen allegearre. Mar op 'e weromreis het Reinsk ien spiker yn 'e foet trape, in dær mat it sloaf nou fen to bæd lizze." 25

It feest begaan mei thé, fen dy bæste muwzekeutelkes, dy mei ien spjirke mannich saffraen set waerd. Hja dronken uwt lytse pasteleinen kopkes in pantsjes: ien wyt klontsje yn it pantsje, in foár de borgerfrouliu' ien pear drippen rjemme er by, dær se den de gleaune thé uwt it kopke opgeaten, mar de boerinnen dronken 80 de thé sonder rjemme oaf moalke. Do se de mage dær sa hwat ien

oardeluwe miel broid hienen, fortreaeppe it selscip him hwette yn
 de tuwn; taeften hjir in dær ien rusk beyen, oaf ploakken ien
 anjelier, dær de Friezinnen wakkere sly nei binne; oaren sjaggellen
 85 yn 'e boerren om, in snobben hwet healripe parren. Jonge frouliu
 binne hast krekt as hinnen; hja pikke in bikke de hiele dei by
 bytsjes fen alles throch eltsoár. Om fiif uwre hinne wie' it boun
 wer by eltsjoár. It toneel wier sa fier foroare, dat de tafel oan de
 40 kop ta fol stie' fen al de krjemjeften, dy de gasten oantoage hie-
 nen, in dær midden yn de keiningin, ien oeribele greate koperen
 kofjekanne mei thrye kranen, dær de krjemheinster giele kofje, dær
 eak hwette pypkaniel yn kaem, mei rjemme in brune klontsjes foár
 it selscip uwt taeppen. Do kryggen de krjemboalen, de koeken, de
 twjibakken mei suwker, in hwat er mear to pluwzjen foel, eak ien
 45 bar. Hja smuwsden in slabben mar foárt, in rattellen wiles as ien
 lazarusklep. In dat allegearre ta gelyk; want dat is ien kinst, dy
 de frouliu' allinne kenne. Ondertwiske kaem de poppe eak uwt de
 widze allehiel yn it brat, in gong fen scirte ta scirte. As de jonge
 begaan to grinen, wie' er gou ien jongwyfke, dy de boársten hwatte
 50 prykken, in him tate joech. Elts pryzze it bern as ien scoan bern,
 by namme, omdat it sa'n grou jonge wie'; want de frouliu taxearje
 ien poppe krekt az' ien bigge by it poun. »In hwat liket it boike
 op 'e faer! seinen se allegearre, It is krekt as er Foake uwt de
 muwle stapt is!» Mar onder al dat broyen, rabjen, drinken in iten
 55 fen ien tweintich waerme frouliu, wier it dær smoarhjit wirden, in
 de poppe, dy muwrrefæst yn it pak siet, krigge it sa benaud, dat
 it bern blou om 'e holle waerd. Ien jongwyfke, dy it op 'e scirte
 hie, wie' mei ien oerboerwiif sa drok oan 't ratteljen, dat se er
 neat fen murk: gelokkich kaem Foake, de krjembaes, dær krekt op
 60 yn, om de frouliu 'ris to prayen, mar do er syn jonge seach, boár-
 stende fen benautheid, naem er ien sulwerheften mæs fen 'e tafel
 in snei de bânen fen de ruften in wynsels los, dat de jonge yn ien
 omsjæn puwrneaken wie' in yn ien tobke mei ly wetter anstons wer
 bykaem. Dær waerden al freamde eagen opscoerd fen dat bedrjou.
 65 »It binne tiere blomkes, seinen se do; ien bern komt gau 'ris hwat
 oer." »Benamme, sei Foake, as se yn de beknipinge sitten. As
 jimme hjir sa lang yn 't kapruft sitten hienen as de jonge, hie'

de helt fen jimme al dea' wæst." »Men scoene sizze, reauntte de krjemheinster pastoarske yn 't ear, hwær sa'n man him al mei bemoit!" Mar de krjembaes snettere om 't hoeke fen 'e doar throch 70 de fuwst as ien trumpet, in makke gau dat er uwt de reek kaem.

It wie' hjelwei-olwen; do panderren de âldste frouliu swietkes nei huws ta, mar de tsjien jongste bleauwen noch hwat sitten, omdat it moaiste, de neikluft, noch benefter wier. Foake hie' de juwns syn broar mei Jelle-miich, Gosse in Camstra by him hawn yn ien 75 oar keamer, mar nou kaem er mei syn selscip eak by de frouliu, om noch 'ris hwat to petearjen. Dær siet fen beide kanten al hwat foer yn; want it krjemwiif hie 'ien hjeljier foár hjar wâldreis tsjien flæzen Bordeaxe barndewyn op poâtresinen set, dy nou as podden uwtynd wierne, in de kop in geboarteleppel hienen sa lang mei 80 dat swiete goed by de frouliu in de manliu beide yn it roun kuyere, dat se al 'n moai luftich sin hienen. In do it hiele boun by eltsjoár kaem waerd it net better; want do begoanen de manliu ien steil wird to dwaen, in it de frouliu ta to bringen op thrye leppelfollen. Dat knoffelle sa ta, dat ien pear frouliu mei âlde biarsalmien be- 85 goannen in songen as lysters fen, *De ruiter en de meid, en sy vryden alle beide*; oaf fen, *Cleemeen, Waar heen, Waar dwalen uwe zinnen?* oaf fen, *Wat lijdt er een zeeman al verdriet, Als hy gaat naar vreemde landen.* De dizze nachtegealen mei hjar snetterjende stimmen dien hienen, begoán Fod rjidlingen op to jaen; want dær koe' 90 se hjar hiele jonnen mei formeitse, in throch folle dwaen, in omt se wakkere fornimestich wie', wie' hja eak hiel tuwk yn 't rieden warden. »Nou den, sei Gosse, hwærom krait de hoánné mei de eagen thicht? Rie', rie', hwat is dat." Do se 't net retten, sei Gosse, »Omdat syn hinkes oars miene scoenen, dat hy syn lexom 95 net fen buwten koe." »Och, hea'! is 't oars net!" sei Fod. »Hwær om, freagge Gosse wer, Hwærom hawwe se ien hoánné in nin hin op 'e tuwr set? Rie', rie', hwat is dat." Do hja it net retten, sei Gosse, »Omdat as er ien hin op siet, de koster alle moárnen boppe op 'e tuwr kladderje moast, om de ayen uwt it næst to heljen." 100 »Och, hea'! is 't oars net!" sei Fod. »Dou seisthe al," sei Jelle, Och, hea'! is 't oars net! Sa giet it mei alle rjidlingen; sa lang asthe net wisthe, hwat it is, mimersthe hwat it dochs wæze mei,

in dou heste uwre noch ræst foár datsthe 't wiste; dou scoeste de
 105 stjinnen wol uwt de groun scoerre, om er efter to kommen. Mar
 wisthe it rjidling, den is 't, Och, hea! is 't oars net. Sa scil it
 dy eak gean mei it houwelik. Dær is nin rjidling, dær de frouliu
 gleauner nei binne, dær se sa de kriuel fen habbe, as it boaskjen.
 Mar asthe it onderfoun heste, Fod, den scilst eak sizze, Och,
 110 hea! is 't oars net. »Hjameye dat sizze, sei Fod, mar hja miene
 't net. Hwærom wolle de frouliu, dy troud wæst binne, altiten
 wer trouwe? As 't neat besonders is, den wolle men net wer." "
 »Ja, mar, dat begrypsthe net, Fod, sei Foake glimkjende. Dat is
 115 mei ien frommisce krekt az ien hynzer; az dat ienders oan 't kræ-
 bebiten wæst is wol it wer". »In dær komt by, sei master Cam-
 stra, dat ien frommisce, dat nin man fiterje oaf narje ken, nin tier
 oaf wille op 'e wrâld het. As de fonken er uwt binne, den bjout
 dat plesjirke altiten noch oer." Do foelen al dy frouliu master mei
 gekrai op it liif in kitellen him sa morddedich yn de beide siden,
 120 dat er mei de boel scjin oanhelle wârd, in net los kaem foár dat
 er thryeris luwd roppen hie', »Froulius genede!" »Mar wy reitse
 sa keal fen uws rjidlingen aef, sei Fod. Wy matte mar mei de
 rjidlingen as mei it meiden, lyk as Jelle seit; it net ta hylkjen
 komme litte, in it rjidling net uwtlizze. Ik begin: Kenste eak ien
 125 reade faem mei tweintich reade holdoeken? Rie', rie', hwat is dat.
 Nou jou vrou!" It krjemwiif; »Hwat bern is twaris to wrâld komd,
 in noch net doapt? Rie', rie', hwat is dat. Nou jou, master." "
 Master Camstra; »Kensthe eak ien fet sonder naed oaf scird, dat
 oan de kop ta fol is fen twaderlei oalje, dy net yn eltsoár rint?
 130 Rie', rie', hwat is dat. Nou dou, krjembaes." Foake; »Kensthe eak
 ien lytse prop fen ien manke mie ien stjinnen roak? Rie', rie',
 hwat is dat. Nou dou, boerinne." Gertske Eeltsjes; »It fet ropt,
 in dy it leech suwpe swye. Rie', rie', hwat is dat. Nou dou, mas-
 terske." Afke Camstra; »Kensthe tsjien wite scijpen, dy hiele
 135 dagen oan iek reak pluwsje? Rie', rie', hwat is dat. Nou, dou
 noch ien, Gosse, uwt it hexersholt." Gosse; »De tafel grinet, wylst
 de gasten yte? Rie', rie', hwat is dat. In nou de admirael, de
 krjemheinster." Bauk Hoites: »Twa rige wite ky,

In dær ien reade bolle by.

Rie', rie', hwat is dat. In nou dou, Jelle.". Jelle:

140

»De Winâmer¹⁾ katten
Jeye de Mullumer²⁾ rotten
Throch de Harnser kloksgatten.

Rie', rie', hwat is dat. In nou dou, Ynse." Ynse, de feint fen Fod; »Hwa siket altiten nei syn geboartepleats? Rie', rie', hwat 145 is dat." Op al dy rijdsels waerden fen it hiele selscip forscate ramen dien, in ho wol se dea'maklik binne, waerd er net ién fen ret. »Dat komt fen de barndewynskop", sei masterske. As men ien thritic fen dy paddige resinen slynd het, ken men better sjonge, as op dy rijdlingen om hwottefylje. »Kom, sei Foake, as dat sa is, 150 Afke, mat de houn, dy uws biten het, uws eak mar wer genæze." Hy rierde de kop om, in brocht it hjar ta: sa gong hy al wer it boun yn 't roun, in kaem it læst by Fod, dy 'ris læsde, hwat op de leppel stie, om to witen ho âld as it krjemwiif wie'; want it wie' hjar geboarteleppel. Do hja seach, dat it krjemwiif pas njog- 155 gentsjin jier wier, in hja al jin-in-tweintich, suchtte hja yn hjar sels, dat hja noch net mei hjar Ynse forboan wie'. »Kom, kom!" sei Jelle, dat ien finen sliper wie', »Suchtje mar net. Læs ljewwer 'ris hwat op de kop stiet." Op dy sulweren kop 'stie' op de acht kanten it meiden in hylkjen uwtsnein. Op de earste kant, as de 160 faem in feint eltsoár foár it earste sjæne. Op de twade, ho hja to keamer geane in dounseje. Op de thredde, ho 't hja snein to jonne meide. Op de fjirde, ho 't hja mei de knotte boaskje. Oan de oare side de fjouwer oare kanen, in dær op de fyfde kant, it gærjen fen it huwsrie in it huwsjen; op de seisde it trouwjen yn de tsjerke; 165 op de sawnde, it brulloftjen, in ta besluwt op de achste kant it earste bern yn 'e widze, in it jongwiif yn 't waerm-bæd. Do Fod dat alles beloaitse hie', »Nou ja, sei se, in hwat scoe dat? Wy hawwe hjir nou nommero 8; de earste poppe yn 'e widze, mar it krjemwiif al op." »In dou, sei Jelle, bisthe op nommero fiuwer. 170 Mar dat mien ik net. Ik forsiikje dy, datsthe oan de frouliu it rijtsel forlæste, dat er om de roane fen dy kop boppe dy acht kanten lâns uwtsnein stiet." Hwærop Fod dizze worden foârlies, »Hwat jongwiif het de measte wille by hjar man? Rie', rie', hwat is dat."

1) Winaldum.

2) Midlum.

175 Dær kamen al rare gjalpen in uwtfallen , dat siz' ik jimme; hwant hja boanen hjar net folle yn. Wy scille er mar fen swye; want it wier ien wylde boel, dær alles throch eltsoár kráide. Mar íén ding ken ik dochs net swye. Dær wier nammelyk onder de tsjen jonge frouliu eak ien widdou fen thrye-in-tweintich jier, mei namme Wopk 180 Wiggeles, dy foár ien fearnsjier hjar man op sea forlern hie'. Rinse Eables, sa h jitte hjar man, wie' scipper op Hamborg, ien Kims-werter, dy eak to Kimswert mei syn wiif wenne; mar nei syn dea' wie' se wer by hjar mem to Wielsryp yngien. Do de domeny in de álderling hjar de tynge brochten, dat hjar man mei man in 185 muws foár Helgolân forgien wie', guwlde it sloaf it uwt, dat boeren in oerboernen hjar tsjirmjen hearre koenen, in hja naem hjar dy dea' sa nei, dat se eltse dei jammerre, dat se mei Rinse hjar græf net yn it seawetter foan hie'. Dær wier mar nin stilstean yn to kryen, in yn pleats fen to sliten lykke it noch wol oan to boaz-190 jen. Eindelyk sei hjar sister, »Wopk, dou bringste dy sels om hals. Dou maste dat hwette uwt dyn sinnen sette, as dou scilst dyn man gau nei it hoaf folgje. Kom, forbrek dy hwat. Dou kenste mei de deaden net huwshálde. Juwn is er oansit by Reinsk; dær is krjemmesite. Dær bisthe eak by bean. Dær komme oars net as 195 fen dyn kinde; dær hjersthe by, in dær maste hinne. Kom, as ien faem; struwp dy mar oan. Ik scil dy wol ien hanke helpje." Nou, hja liet hjar mei folle oanstean, eak fen mem, einlik dochs sizze, in hja stíken hjar yn 't brat sa moai as ien jong widdou wæze ken. Dær siet Wopk as ien bloyende roas yn 't midden fen dit boun; 200 ien frommis oan alle kanten folstein in wielderich uwtlein; fiks uwt de kluten scetten, in as se gong wâyde se oer strjitte. Hja hie' fen dy greate, iepene in bliere blouwe eagen, in dær ien fyn besneine lange noas twiske. Twa dopkes hie' se yn de wangen in ien yn 't kin, dy foár den dag kamen as hja laekke. Om hjar fine 205 lippen hie' se ien glimke, dat aeflibbe stakkers noch goed die'. Dat holstik siet op ien edele sniewite hals mei ien moetel krop, dær de lelieblankens noch fen forheage waerd throch it pikswarte jak in de krippendoek, dy 't hja droech om de rouwe fen hjar man. Hjar hearlike jermen, de greateste pronk fen it Frysce frommis, roanen 210 uwt yn sniewite lytse hannen mei moetele spitse fingers mei fine

neilen, in dopkes op alle knokkels. Mar it moaiste fen alles wie' noch hjar gol wæzen, dat nin quæ thochte, nin quæ sei aef die, sa dat se sonder efterthocht alles uwtflapte hwat hja miende. Sa siet Wopk yn 'e midz fen dizze oerdwealsce frouliu! Hja hie' de hiele jonne net folle sein, mar men koe' oars aan hjar glimkjen in 215 praten wol hearre, dat it selscip hjar noázkke. Do it rjitsel fen de sulweren kop op 'e lappen kaem, rekke se lykwol fry hwat yn 'e knipe. Allernæst hjar siet ien ålderflotst wiif, dy it hert op 'e tonge lei; hja h jitte Gaepke Fetses, in wie' troud oan ien koukeaper fen Wielsryp. Dat minusce hie' eak ien tsjeppe troánje, ien lyts dripke 220 sceind fen de pokken; mar dat hinderre net. Hwat slimmer wie', hja seach nei de oare wike, in dy hjar ien lielts namme jaen woe-nen neamden hjar scilige Gaepk, scilige wip, in scilige mik. *Hwat jongwiif het de measte wille by hjar man?* Do dat rjitsel fen de sulweren kop by alle frouliu láns wæst hie', in de iene it noch moa- 225 ler aefsein hie' as de oare, kaem einlik de bar oan moaye Wopk; mar hja sei, »Dær ken, in dær wol ik my net oer uwtlitte." »Dat hældt net, sei Gaapk. Wy habbe allegearre uws sin sein; dou biste sa goed net, Wopk, asthou scilsté it eak sizze." »Mat ik it den sizze? sei Wopk. Thwingsthe my? Nou, Gaepk, den hesthou de 230 measte wille by dyn man: want as wy mar íén man sjæne, den sjochsthous twa." Do fleagen se allegearre op in kraiden in scette-ren it uwt fen laitsen. »Ljewwer twa as ien!" guwliden de manliu, »Dou heste gelyk, Wopk! Ljewwer twa as ien! Ljewwer twa as ien!" Mar ho it hiele boun eak scetterre, Gaepk wier prot. »Hwat 235 seisthou, sei se tsjin Wopk, Dat ik duwbeld sjæn? Dat ik scilich bin? Scilich dy it seit." »Ei! né! Gaepk! sei Fod, Foi! dat matte je sa net begripe. Wopk mient net dat je scilich binne; jou plure hwat, in sokke frouliu hawwe de manliu ljefst. Wy hawwe het ommers sels eak meast op manliu' stean, dy de eagen sa hwette 240 driuwe, wyt' je?" »Dou mienste dochs nin scilige jonges?" sei master. »Né, né! sei Fod. Sa gek binne wy net, dat wy ien scilige mik ljewwer hawwe as ien, dy riuchtuwt sjocht. Né, sokke dy sa plure as Gaepk!" It minusce leaude it gelokkich, in hja seach allehiel nei de oare wike. O wé! as hja it net leaud hie'. Ien 245 fromminsce scil dy alles op it ein forjaen, behalwe asthe hjar

seiste, dat hja onsjuch is. Dat scil se dy yn der iwigheit wreekje!

Dær kaem op it lëtst (want it wie' hynstemiddei) eak ien tiid
 sen scieden. De frouliu riisden oerein, scodden de pels hwette, in
 250 scoenen foärt, do Akke Uwbeles, ien boerinne, dy seis bern hie',
 oan it boun sei, »Wy matte Beitsk de eare dwaen, dy hjar ta-
 komt; wy matte hjar allegearre mei de plasse thuws bringe." Om-
 dat nou to begripen matte men wite, dat de Friezinnen yn de krite
 fen Wielsryp, in eak yn 'e hiele Suwdhoeke, ien jongwiif, dy ien
 255 jier mannich sonder bernheljen by de man slept hie', op krjemme-
 sites fen de krinteboalen allinne de plassen ite mocht. In ongelok-
 kich wie' dat sa mei Beitsk Hommes, dy eak op 'e krjemmesite
 wie', ien boerinne fen Tjepperbuyr, deun aan Wielsryp. It wie' ien
 frommis as ien loage, mar hwette smel fen heupen. De molkenkea-
 260 mer bruwdde er oars uwt; in sa kreas as ien kruwsbei! »Ja, sei
 Foake, Dær mat fen wæze. Is 't nin scande? As men sa'n from-
 mis as Beitsk mei ien broek tsjin de scerteldoek slacht, den scoe
 men sizze, is 't sa." Mei ien stâu de hiele fleet fen frouliu by Foak-
 es de doar uwt. Fod in de faem pangellen efter nei om 'ris aef
 265 to loeren, hwat hja uwtsette scoenen. It wie' ien moaye stille sim-
 mernacht; de moánne quynde sëft in bleek throch thinne scippe-
 wolkjes, in oer it stille fjild hjerde men neat as it hoaljen in joel-
 jen fen dizze oerdwealsce jongwiwen. Sa kamen se op Beitske-in-hjarre
 hiem, in rinkellen aan de klink fen de milhuwsdoar. Auke-boer,
 270 de man fen Beitsk, ien jong tsjirl fen 25 jier, kaem yn de onder-
 broek fen it bæd, in die' sels op, net thinzende, dat hy yn 't holste
 fen de nacht noch sa'n besiik krye scoe'. As de blits krongen de
 frouliu yn huws in om him hinne. De rapste, dy foär him stie,
 sei, »Hjir bringe wy dy nou dyn jongwiif wer mei de plasse thuws;
 275 mar, Auke-boer! pas my op, dat it de læste reis is!" in wylst hja
 dat sei, gripen twa him fen afteren yn it baitsje in it himdshalzem,
 in fjouwer fen de sterkste klimden him elts by ien earm aef sconk;
 sa slypten se him, hwat hy eak wraemde in scopte in flokte, mei
 holpe fen Fod in de oare frouliu nei it heafek ta, in dær kitellen
 280 in tantearen se him sa moårdedich, dat de boer it uwtmoartte.
 Op it lëtst scjin mei de boel oanhelle, kriggen se him sa fier, dat
 hy op syn bleate knibbels betterscip beloawwe; mar hy kaem net

los, foár dat hy se allegearre de folgjende sneintejonne op de kofje
in Dimter koeke by him nedige hie'. Dær op gong elts syn wei nei
huws, in de jonge wiwen kamen allegearre mei ien lufthich sin in 285
ien ingelaftich wæzen by hjar manliu op bæd.

J. H. H.

VI. IT INGELGEREAUNT OP SCIERMONTJEAIG.

Uit: Leed in Wille in de Flotgærzen (1854) p. 455. Ook in R. ind T. p. 345a.

De noárdsea dynde in gromde yet,
Mar it needwaer wier bedarre.
De wrakken driukellen nou oan 't strân,
Mar 't folk koe' dochs wer farre.

Ho mannich fisker kaem net wer! 5
Yn 't djip wier hy fordronken,
In mannich widdou mei hjar bern
Siet nou yn rou forsonken.

Eak Seakle, och! foer yn dat waer;
Hwær stâu er earm-man hinne? 10
Dær hie' men teal oaf teiken fen;
God wist it mar' allinne.

Syn Tetke siet mei hjar twa bern
De nachts nei 't waer to hearren,
In wachtte yn noed de tyngé aef 15
Fen libben oaf fen steарren.

Hjar boi dy wier syn sawnde al uwt,
Mar it golle muwtle famke
Hie' twaris earst de maiblom sjuwn,
In slepte, it swiete lamke. 20

Mei de eagen lei de poppe thicht
In sobbe mei hjar lipkes,

Krekt as se op memmescirte lei
In lurkke oan 't folle titke.

25 »Och!“ sei do Tetk, »Dyn heit, myn ok!
 »Hwa scil dyn brea' nou winne?
»Hwær is dyn heit? Myn man, myn hoal?
 »O God! Hwær is hy hinne?"

Mei íén begoan 't froede bern
80 Yn 't sljipke blier to glimkjen,
In dopke op dopke loek yn 't wang
 Fen 't ynnichst sielformeitsen.

35 »Uws Sjurtke glimket!" sei broar-Sierk,
 »Sjoch, mem, ho laket Sjutte!
»Hja laket mei de eagen thicht:
 »Mem, hwat scoe dat bethsiutte?"

 »Wel, leawe boi! sei Tetke do,
 »Ien ingel is hjir om 't lamke.
»Dy reauntet Sjutte hwat yn 't ear
 »In boártet mei uws famke.

40 »As bernkes stearre nimt uws hear
 »Hjar yn syn liuchte himel
»Dær wjukkelje se op in del
 »Yn sillich boártgewiwel.

45 »In soms den tommelje se op ierde del,
 »Fier uwt dy heage stjerren,
»In fluesterje hjar pop yn 't ear
 »It wird fen God de heare."

50 Mei íén waerd rinkele oan 'e doar,
 In Tetk' de klink flink iepen!
In Seakle, sjoch, dy stiet er foar
 Yn stoárm in weag behâlden.

Tetk' joech ien gialp, in do deastil
 Kniip hja him yn 'e hannen.

De ljeafde is stom; hja het nin wird
By 't wersjæn fen de mannen.

55

Do Seakle oan 't tellen fen syn need,
Fen blaxemfiur in wayen;
Ho ien thryemæster næst hjar sonk,
In by de wyn hja layen.

60

»In dou, myn boike!" sei er, »Sierk
»Hesthou foár heit wol bidden?"
»Ja, it *onse vader* thryeris, heit!
»In dat het God forbuwke.

»Ien ingelke het er oan uws stjuwrd;
»Dy reauntte Sjurtke yn d'earen,
»Dat heit behålden wier yn 't waer.
»Nou thankje ik God de heare."

65

As wy âld it onriucht dwaen,
De earmen grutsk minachtje,
Woll' de hil'ge ynglen Goads
Net by uws oernachtje.

70

Mar d'onscild'ge suwgeling
Sükje se yn alle hernkes;
Hwat foár uws geheimnis bliuwt,
Telle se oan de bernkes.

75

Sciermontsjeeag,
Augustusmoáinne 1823.

Dr. J.

VII. IT EWANGEELJE FEN MATTHEWES.

Cap. VI. 7—VI. 16.

7 As jimme den bidde, scille jimme naet lang op it selde om-
tsjouwe lyk as di heidenen; want dy miene, dat hja om di man-
8 nichte fen di worden forheárd wirde. Wird den net oan hjar

allyk; want jimme heit yn 'e himelen wyt hwat jimme brel
 5 9 hawwe eár dat Jimme him dær om fréagje. Bidde Jimme den sa
 »Uws heit, dy dær biste yn di himelen! Dyn namme wirde hillige
 10 Dyn keiningryk komme. Dyn sin wirde dien. allyk yn di hime
 12 sa eák op ierde. Jouw uws hjoed uws deiliks bréa'. Ind for
 13 jouw uws uwze scilden allyk as wy forjane uwze scildners. Ind
 10 lied uws naet yn forsikinge, mar forlosje uws fen di quéade
 Want dines is it keiningryk ind di kreft ind di hárlikheid ta yn
 14 iewigheid. Amen." Want as Jimme di minsken hjar missetten for
 15 Jane sa scil eák Jimme himelsce heit Jimme forjaen. Mar a
 Jimme di minsken hjar missetten naet forjane sa scil Jimme hi
 16 melsce heit Jimme missetten naet forjaen.

VIII. SETS EN TZJERK YN SNITSER MERK.

Wijze: *O Bogchel gjij pareert altijd.*

Uit: Fryske Almanak 12°. (1829). Ook in It Lieteboek, Frysce Sang mei Pianolieding fen J. v. Loon Jz. en M. de Boer. 1876. p. 111. Gewijzigd.

Kom, Setsljeaf, ik wird oors ijn 't lijf,
 lk wol dy graag ris pattje,
 Dy stoe de muwlle er lang al neij,
 Ik sjaen 't, myn ljeave schatje.
 Kom, faam, sey reade Tzjerk,
 Du mast' mey my to merk,
 Den sill' wy joon ris schatze,
 'K ha tweintig scheljen ijnze buwz,
 Dy ha 'k fen omke Watze,
 5 Dy het ze by de ruwz.
 In Setske fleag him omme hals,
 In hâdde as ien kladde,

Lieteboek p. 111: Yn 'e Snitser Merk.

1. Setsljeaf, kom, nou keamer op. — 2. Kom lit wy joon ris patsje. — 3. Stie. —
 4. sjoch it wol, myn scatsje. — 5. Kom mei, sei Tsjerk. — 6. Kom mei to Snitser merk. — 7. Hwet seill' wy joon den scotse.

Ey fanke! zey hy, lit my los,
 Du pattest my oon fladde.
 In dear mey pearen op,
 In Tjerk sprong mey sijn pop,
 Sjog, feinten, sjog her springen
 Jæ ljkje poer az ijnze brân,
 Jæ donszje az hokkelingen
 To maeitijd ijn it Lân.

15

To, Spijlman! mey dijn kealleflesk,
 Du mast nou fiks opstrijke,

Fen donszjen kry ik nooit mijn nogt,
 Al doerrit it in wijke,

In gles fol brandewijn,

Jit ik er eerst mar ijn,

Hijr Hospes, hijr mast wezze,

Ik mat in ijnzwiert suwpla ha,

Zok goed kin my genezze,

Uwz suwpe in waaij bin 'k ba.

25

30

'K mat Simmers altijd ijn it mæd,

In Winters ijnze groppe;

De Kouwe stront bin ik nou zæd,

In hâd it mey myn poppe;

Kom, nou ris fenne groon,

Kom, famkes! nou ijn 't roon!

In is it jild forsprongen,

Den matt' de hoeden fenne kop,

In oors for lege pongen:

Strijk op! strijk op! strijk op!

35

40

MASTIR JOUKE.

14. Oars pattest. flarden. — 15. Dærmei gong 't keamer op. — 21. spylman!
 doch nou mar dyn bæst. — 22. matst mar. — 24. Al duwrret 't eak ien. — 25.
 Kom Sæts-jeaf, kom mei foar! — 26. Kom feinten, mei eltsjoar. — 28. Earst
 matt' w'ien ynswiet. — 33. De kouestirten bin 'k. — Kom, fammen, kom yn.

Alle spelveranderingen zijn niet opgenomen. Lietb. spelt naar die van Hal-
 bertsma, Rimen ind Teltsjes. vgl. Lieteb. p. IVa.

IX. DE BRUNE IN DE BLES.

OP TRYE ROMERS.

Uit: Suringars Fryske Alm. 12°. (1832).

B R U N E.

Hoe! bist dou dat bleske? Wel ik koe dy net goe langer, dou sjogster gammel uwt, jue, sa meager dat min alle ribben wol ijnne beeulg telle ken, in de stut by 't gat oaf? fijtterlokken oafknip? dat stiet er schean foar. Fy man! it grijst my as ik dy goe besjean, en het rint dy moal goed to de noasters uwt! Ik wit net of Freantjer dijn leste merk net is, en den it baaitje nei de looyer, feint; dou hest ijn rare hannen west.

B L E S.

Ja, Brune, ijn rare hannen west.

Ik bin nou trettjen jier âd, mar ik hab nuwere bazen hân. Op 10 mijn tred jier for fijftig diktonnen te Eastermar forkoft, bin ik nei Wergea komd. Mijn nye baas zai, ik hie in stap uwt tuwzen, der om moast ik oont hirddraven, dat zelde jier leerde ik za folle, dat ik in prijs te Weidum woon, dat klonk de heele zwette lâns, it wier oors sa folle gerop net wurg, it lijkke zulver mar ik wit net 15 hit wier. Mijn baas dy in goe wird dwaan koe, gonger loed oer uwt, oeral wiert as wy by in herberge koammen, »der habje in adig bleske keapman," ja it spul stiet er op za it heart en der zit in puggel oon (ik hie doe oors in beeulg as in wijnhooch). »Rint het eak wat oon?" Wat oon rinne? fleane, dat it jin grien in blauw 20 for de eagen wird. Te Weidum het it de prijs woon, mar it lijkke neat (ik hie doe oors za folle as ik hysje koe).

Mijn twade baas wier in stedman, der koam ik ijn 't gasthuwz. Trye Romers in 't Zwarteweyster tolhuwz wiern de fierst eynen, mar dat libben doert net lang, lijk as 't mei folle mooye dingen giet. 25 Mijn baas teag freedsmiddei al ier nei de Okse, om mey sijn ljue oer hirddravers te praten, ijn pleats dat hy mei in schetteldoekje foar, lijkas te foren for sijn teanbank stie, om in poon koffje-beane te weagen. De mingers bleauwen wei en de njerring teag de door uwt. Baas sijn jild op, ik fet en oerdwealsk.

Doe by in tzjok lân notaris mei in lijf as in heast keal, dy wend so wie dat de hijnzers it paad joons zogten as hy zels it zoer hie, mar mei my koe it treddeheal flesse wijn minder lye, dat wier in great gat ijn in minske mage, in schalpere al to folle, derom moast ik nei in oor baas, en dat wie Gleaune Wiltje. Doe feije dat de stront fen de dijk fleag. As wy ta in sted uwtrieden, gong it sa 35 hird dat de Poatten uwz fen de zwang hast efter nei fleagen. De ljue blijd dat wy forby wierren, in de kreamers alderblijdst; dit doerre sa lang dat ik stoak meager wier in op trye foeten sprong, in mijnen baas sijn buwzjild opwier, hij hie de rekkening net goed makke. Wy kriggen beide rest, ik oppe stâl in Wiltje baas uwt 40 fen huwz by in steds rekkenmaster.

Doe ik wer sa wat op foerre wier, rekke ik by in keapman dy folle hijnste ried, der moast ik de telstap leere, mar dat gong lijk as mei uwz schoalmaster, dy man wier gin uwtrinder mei de pen en doe er in freamd poehaan ijn 't lân koam mei in nye mode fen 45 schruft, zoe master ijn in amary in prefester ijn 't schrjouwen wirde: mis wier it; nin minske koe it nye schruft laeze, en doe siktaris in brief krigge fen master, dat it wijf ijn 't warm bêd lei, lies siktaris dat er in kou slagte hie mei honderd poon smoer, zei hy. Zoo zoo, dat meestert goed. 50

It gong my neat better fen de hirddravers stap oaf in springe lijk as de eksters. —

Bleske kriggit in slag mei de zwijppe en tzjogt hinne. Takkommende jier komme ze wol wer by eltzjoor.

(T. E. HALBERTSMA).

X. IT STIMRJUECHT: IN TWADE JOONPRAATJE TUSKEN MASTER IN BOTTE.

Uit: De Roeker. V. Ijeauwerd, H. C. Schetsberg, 1833. (Prov. B.).

MASTER. Wel, Botte! ik soe dy nou ris forsykje, lyk as ik seid hab: Ik hie joon in bytje tyd oer. Hoe giet it heite? Jiette soon?

BOTTE. Best ynne order, Master! Mar it wyf is net als te goed.
 Jae is juust net sterk, in het har lilk makke om TRYNTJE, uus boer-
 s wyf, in dat kaam wol bij omme lânssaken: Dat het for har in te-bek-
 set west, man! Men soe sizze: wer 't de frouljue net al oer prate.

MASTER. Oerre lânssaken? Beginne de frouljue der ek al mei?
 't Lykket wol, dat elk nou dat ding oontaaste mat.

BOTTE. Ja, Master! tjinwurdig sprekt alleman der oer, in elk
 10 for oor wit it best, hoe 't wezze mat. Uus boerwyf is, sa as jou
 witte, Bysitterske, in dij het dan ek de klok hier wol ris fen lieden
 heerd, howol datse net wit, wer 't de bingel hinget: Jou witte
 wol, datse net swije kinne. Nou binnese ris tyge oonne gong west
 oer de stimmingen, dij 't nou west habbe. In der oer habbese el-
 18 koar sa springlik makke, dat myn wyf fort, doese tuus kaam, fen
 har sels rekke in nei bed moaste, in op bed moast ik har mei iet-
 tik in kåd wetter ir wer bij bringe.

MASTER. Fui, BOTTE! watst' der seiste!

BOTTE. Ja, Master! 't is slim. Ik hab ir har nei frege, wer
 20 't jae it al sa wat oer hân hiene, in as ik it wol forstien hab,
 dan 'wier it oer it stimrjuecht. Ik for mij mat sizze, dat ik net
 goed wit, wat dat is. Soene jou mij dat wol ris uutlizze wolle,
 Master?

MASTER. Ik wol dij wol sizze, wat it is. Mar, wat hestou der
 25 dogs mei te dwaan? Dou litste dyn stimbrieftke mar altyd trog in
 oor ynfolle. Het kin dij dat dogs schele? Dou bemoeiste ir dij
 ommers nooit mei.

BOTTE. Heart dat dan sa net, Master? Uus Siktaris het dogs
 seid, dat wij dat sa dwaan moasten, in dij wit it dogs wol.

MASTER. Nee, BOTTE! dat heart sa net. Dat is de mieming fen
 uus Keuning net. Dij het ljeafst, dat elk uit syn eigen ægen
 sjocht, in derom hâdt hij sa folle fen it leren: Oors is dat ding
 ommers in waaksen noos. .

BOTTE. Wel, Master! der 't uus Siktaris hier sa folle wurk fen
 35 makket, soe 'k sizze, dat it tyge beste ljue wezze matte, in dat
 jae 't allinne for 't best fen it lân dogge.

MASTER. Sa moast it wezze; mar sa giet it altyd net, in sa kin
 men it ek wol net ynne miette sjean. Tjinwurdig wol elk heeg

wezze; in dij nou oors net fortkomme kin, giet bij de oren, dij 't ek it stimrjuecht habbe, roon, in freget har om har stimmen. 40 As dij man nou wat het, in de ore sjogge, dat jae him te nei ek wer ris broeke kinne, asse jild of wat oors habbe matte, dan freegje de measte ir net nei, of 't hij gnap is, mar allinne, of 't hij har ek wer helpe kin, in dan jouwese mar har stimmen oon him wei. Jaa tinke ir net oon, dat mei sokke ljue it lân net holpen is, mar 45 altyd afteruut gean mat Sokke ljue witte dogs ornaris net folle, in litte har dan ek wer fen de ore, dij 't graag ynne Staten wezze wolle, beprate. In as der dan nou ris in inkele gnappe oender is, dij het de oren ynne macht, in dan stimmese mar, sa as har foorseid wurt. In der binne tjinwurdig meer minsken, dij 't har lân 50 in ljue net kinne, as al.

BOTTE. Mar soe men dat net oors krije kinne, Master? Want, as 't sa is, begryp ik mei jou, dat it net gean kin.

MASTER. Ja, BOTTE! dat kin wol; in asse it begrype wolle, heel maklyk. As 't nou wer tyd fen stimmen wurt, dan mat elk, dij 55 't stimrjuecht het, hinne gean in nimme har net, dij 't ir him om freegje, of om freegje litte: Mar hij mat mei syn boerljue oerlizze, wa 't se habbe matte. Der 't se fen tinke, datse har wolwezzen yn 't eeg habbe in 't lân helpe wolle, dij matse ta *Kiesers* stimme....

MASTER. It is elk sa net joon, om sa mar ynne ampten te wezen. Der binne tjinwurdig net folle, dij 't ir mans genoag for binne, in dij 't ir klear for binne, miene ek, datse ir net om freegje meie, omdatse swarre matte, datse it net om winst dien habbe. Dij ore gonge huuske bij huuske lânz, in freegje omme stimmen sels bij ljue, dij 't jae oors net oonsjean wolle in uitlaaitse. 65

BOTTE. Matte jae ek swarre, Master?

MASTER. Ja, BOTTE! Jaa matte swarre, datse, »onder wat voor-wendsel ook, geene giften, gaven of geschenken, hoe ook genaamd, ontvangen of genoten hebben, ontvangen of genieten zullen,“ om ta dij ampten te kommen. In sokke eden mattese dwaan, BOTTE! for 70 datse it ampt oonnimme meie, in mij tinkt! as alle minsken dij eed tyge neigiengene, dan scoene ir sa folle fregers nei ampten net wezze, want dan scoene jae wol begrype, dat, as jae frege hiene, jae dij eed net dwaan koene. As ik immen om wat freegje,

75 in hij 't mij jouwt, dan mat ik him ommers ek wer wat jaan, as
hij mij om wat freget: In leit 't net ynne wurden, hoe ook genaamd,
onder wat voorwendsel ook, ynsletten?

BOTTE. Jou habbe gelyk, Master! Ik soe it wol litte, as wier
ik gnapper noag, om immen derom te freegjen. Der matte dan,
80 tinct mij, folle wezze, dij 't nin consjinsje habbe.

MASTER. Fen allegearre kinste dat net sizze. Sommis witte jae
ek net, watse swarre. In, as jae san eed forlezze, dan stammerje
se ek wol ris wat. Of 't dat nou komt, omdatse net folle lezze
kinne, of datse bang binne, of datse fiele, dat it ir net trog kin,
85 wit ik net: Mar it giet sa wol ris.

BOTTE. Nou, Master! ik mat sizze, sa hab ik der jiette net oer
heerd. Nou wit ik ir in bytje meer fen, in sil te nei better oppasse.

MASTER. Ien ding hie 'k hast noch forgotten dij te sizzen. Aste it oors
dien krije kinste, dan matste foral nin minsken nimme, dij 't ampten
90 habbe, of har ysselyke graag habbe wolle. Dij dore sa vrij net prate, jae
hingje san bytje oonne riggearinge, omdat seder sa wat fen oafhingje.

BOTTE. Ik forstan jou, Master! De ljue, dij 't op it kessen matte,
matte fen nimmen oafhingje; it matte nin amptejaggers, nin knik-
koppers, nin conformisten, mar ljue, dij 't har sels, mat it wezze,
95 for de wolfeart fen it lân oerhabbe, nin roppers, mar swijers, wezze.

Uus oarremem het mij ek jamk seid: »Jonge! aste greut biste in
»op dyn eigen wjueken drieuwe matste, hâd dij dan oon God; ont-
»hâd it goede, dat Domenij seit; hâd de Forst for ægen; siz, wat
»dij op it hart leit, aste mienste, datste der wol mei dogste; schamje
100 »dij for nimmen, sa lang aste goed libbeste; in gong altyd rjuecht
»ta, rjuecht oon: want, heiteman! it is mei sizzen net te dwaan!"

MASTER. Nou, BOTTE! ik mat foart. Ik mat joon jiette in pom-
pier lezze, dat mij fen de ljue, dij 't oppe schoallen tasjogge, stjoerd
is. Dat is nou wer wat nijs. As it sa foartgiet, dan wurde de bern
105 ynne widse wyser, as wij nou binne. Dan, tinct mij, matte wij de
âden allegearre mar forsoeppe, oors sil 't ir bij uus krekt sa komme
uut te sjean as yn *Brabân*, der 't nou alle Abbekaten, dij nikts te
dwaan hiene, it lân riggearje.

BOTTE. As 't dan net oors kin, genacht dan, Master

110 MASTER. Nacht, BOTTE! sliep swiet. (T. E. HALBERTSMA).

XI. DE KEAPMAN FEN VENETIEN.

V. BEDRIEUW. — I. TONEEL.

(FRAGMENT).

Uit: De Keapman fen Venetiën in Julius Cesar, twa toneelstikken fen W. Shakespeare. Uit it Ingels foarfrieske trog R. Posthumus, p. 101.

Gratiano in Nerissa prate oender her beiden.

Grat. Ik swar bij jinder moanne, dat jo mij onkroemtme bij-lizze. Wier, wier, ik joeg him oon de rjuechters schrieuwer. Ik woe foar mijn part wol, dat hij, dij him het, ien weer wier, omdat jo, mijn ljeave, it jou so nei nimme.

Port. Ho, nou al kibje? Wer iz it om?

5

Grat. Om ien hoep fen goud, ien fladde fen ien ring, dij jae mij joon hie; wans opschruf wier, az oaf al de wrâd ir oon hinge, lijk az de rijmkens fen messemakkers op her messen: »Hab mij ljeaf »in foarlies mij naat.”

Ner. Wat praat jo fen it opschruf, oaf de prijs? Jo onthiet- 10 tene mij mei ien eed, do ik him jou joeg, dat jo him drage soene oon jou deads oere to. In dat hij bij jou ijn jou græf lizze soe. Jo moastene, howol naat om mij, dogs om jou swiere eeden, him meer ontsjoen in bewarre habbe. Him oon ien rjuechters schrieuwer to jaan! Mar ik wit it wol, dat dij schrieuwer nooit hier om sijn kin 15 habbe sil.

Grat. Hij sil dat ir om habbe, az hij ien man wirt.

Ner. Ja, az ien fromminske so lang libbet, dat jae ien man wirt.

Grat. Nou, bij dizze han, ik joeg him oon ien jong man, ien foege jonge; ien lijtse fotsige jonge, naat greater az dou, de rjuechters schrieuwer; ien babbelbek fen ien jonge freege him az sijn lean. Om mijn hert koe ik it him naat weegere habbe.

Port. Dat wier ijn jou to lekjen, ik mot rjuechtuit mei jou prate, dat jo so ligt fen jou wijfs eerste gave oafstaptene; ien ding, oender eed oon jou finger stitsen, in so-op trouw oon jou flesk 25 festneille. Ik joeg mijn ljeaf ien ring in die him swarren, dat hij dear nooit fen schiede soe. In hier stiet hij. Ik door foar him ir op swarre, dat hij him naat weijaan soe, nog fen sijn finger schoerre

om al it goed, dat de wrâd besit. Nou, tijge bij tijge, Gratiano,
so jo jouwe jou wijf ien to botte reden foar smerte in leed, az it oon
mij wier, ik soe ir gik fen wirde.

Bass. Wol, ik die best mei mijn loftse han oaf to snijen in to
swarren, dat ik de ring foarlear trog him to foardeegenjen.

(IJn him sels.

35 Grat. Mijn heer, Bassanio, joeg sijn ring wei oon de rjuech-
ter, dij ir om freege, in him ijn wezzen eak foartjienne hie. In do
freege de jonge, sijn schrieuwer, dij ien bijtje moeite fen it schrieu-
wen hie, om mijnen. In de feint, in de heer, woe oors neat oon-
nimme, az de twa ringen.

40 Port. Wat ring joegene jo him, mijn heer? Dij naat, hoopje
ik, dij jo fen mij kriggene.

Bass. As ik ien leugen bij ien misset dwaan koe, dan soe ik
nee sizze. Mar jo sjeane, dat de ring naat oon mijn finger iz, dij
is foart.

45 Port. Jou falsk hert iz even leeg fen trouw. Bij heeg in leeg,
ik wol nooit op jou bed komme, foar dat ik de ring wersjoch.

Ner. Nog ik op joues, foar dat ik mijnen wersjoen hab.

Bass. Swiete Portia, az jo him koene, dij ik de ring joon
hab; az jo him koene, om wa ik de ring joeg; in begrijppe woene,
50 werfoar ik de ring joeg; in ho ik tjin mijn sin fen de ring schaatte,
dear hij neat oonnimme woe az de ring, dan soene jo de greatens
fen jou ongemaklijkkens foarlijtsje.

Port. Az jo de deugd fen de ring kind hiene, oaf heal de wirde
fen her, dij de ring joeg, oaf jou eigen eer om de ring to bewar-
55 jen, dan soene jo naat fen de ring schaat wezze. Wat man iz so
onrillijk, az it jou goedtocht hie om him mei ienige wirden fol
fjoer to foardeegenjen, dat hij dan so onbeschamme west habbe soe
om op it besit fen ien ding to stean, dat jo az ien steatlyk ljeaf-
depan hiene? Nerissa leert mij, wat ik ljeauwe mot. Ik wol dear
60 foar stearre, dat ienig fromminske de ring het.

Bass. Nee, op mijn eer, mijn vrouw, om mijn siel, nin from-
minske het him, mar ien dokter ijn de rjuechten, dij it weegere
om trije toesen doekaten fen mij oon to nimmen in om de ring
freege, dij ik him weegere in liet him, fol misnoegen, foartgean;

him, dij it libben sels fen mijn ljeave frjuen bewarre het. Wat soe 65
ik sizze, swiete mijn vrouw? Ik wier twongen om him dij achternei
to stjoeren. Ik wirde beset fen schamtme in tankberheit. Mijn eere
woe so naat mei ontankberheit oergriemd wirde. Foarjouw mij, goede
mijn vrouw: Want, bij dizze heilige kerssen fen de nacht, wierne
jo dear west, dan soene jo, tink ik, mij bean habbe om de ring, 70
in dij sels oon de wurdige dokter joon habbe.

Port. Lit dij dokter nooit tigt bij mijn hoes komme: Want hij
het dat juweel krigge, dear ik sofolle fen hâde, in dear jo ien eed
op diene, dat jo it om mij bewarje soene. Ik wol so mijld wirde
az jo. Ik wol him nin ding weegerje, wat ik eak hab, nee, mij 75
sels naat, oaf it bed fen mijn man. Ik sil hijm kinnen leere, dit wit
ik fest. Sliep nin ien nacht boetten dit hoes. Hoed mij az Argus:
Az jo it naat dogge, az ik allinne litten wird, nou, bij mijn eer,
dij jiette mijn eigen iz, dan wol ik de dokter to sliepmaat habbe.

Ner. In ik sijn schrieuwer. Sjoch dearom wol to, ho jo mij 80
oon mijn eigen hoede oerlitte.

Grat. Wol, dog jo dat. Lit mij dij ring dan naat wer nimme:
Want az ik it die, soe ik de jonge schrieuwer sijn pen foardearre.

Ant. Ik bin de ongelokkige oarsaak fen dit kibjen.

Port. Mijn heer, fijn jou dearoer naat beswierd. Jo binne, naat 85
jinsteande dit, wolkom.

Bass. Portia, foarjouw mij dit onruecht uit twang. In ik
swar dij, wijlst dizze frjuenen it heere, sels bij dijn mooie ægen,
werijn ik mij sels sjoch, —

Port. Betink jiemme dit ris, frjuenen! Ijn mijn twa ægen 90
sjocht hij him sels doebbel; ijn elke æg ien. Swar bij jou doebbel
sels, in dat sil ien eed wezze, dear men op bouwe kin.

Bass. Nee, mar hear mij. Foarjouw dizze misset in ik swar bij
mijn siel, dat ik nooit wer ien eed, dij ik dij die, brekke sil.

Ant. Ik liende him iens mijn lichim to sijn lok; dat, sonder 95
sijn help, dij jou mans ring het, allehieel foarongelokke wier. Ik
door jiette reis mijn siel az de boete foarbijnne, dat jou heer wil-
lensmoeds nooit sijn wird wer brekke sil. (Tjin Portia.

Port. Dan sil jo sijn borg wezze. Jouw him dizze. In siz him,
dat hij dij better bewarret az de oore.

Ant. Hier, mijn heer, Bassanio. Swar, dat jo dizze ring bewarje sille.

Bass. Wrijgtig wier, dit iz de selle, dij ik de dokter joeg.

Port. Ik hie dij fen him. Foarjouw mij, Bassanio: Want 105 mei dizze ring laai de dokter bij mij.

Ner. Foarjouw mij eak, goede Gratiano: Want dij fotsige jonge, de dokters schrieuwer, laai de leste nacht ijn pleats fen dizze bij mij.

Grat. Wol, dit lijkket op it foarbetterjen fen de hearrewegen 110 mids ijn de simmer, az de wegen goeder noag binne. Wat! binne wij koekkoekken, foar dat wij it foartjienne habbe?

Port. Praat so plomp in roeg naat. Jiemme binne alle foarslein. Hier iz ien brief, lez dij, az jiemme liddige tijd habbe. Hij 115 kaam fen Padua, fen Bellario, in jiemme sille dearijn fijnne, dat Portia de dokter wier, in dizze Nerissa her schrieuwer.

Lorenzo hier sil mijn getuug wezze, dat ik so ier op reis gong az jiemme; in jiette mar even werom west bin. Ik bin jiette naat ijn mijn hoes west. Antonio, jo bin welkom. In ik hab better nijss foar jou meinommēn, az jo foarwachtje. Brek dizze brief gauw 120 iepen. Jo sille dearuut lezze, dat trije fen jou schippen mei ien rijkke lest rimpen de haven ijnsjild binne. Jo sille naat witte, trog wat fremd tofal ik oon dizze brief kaam.

Ant. Ik stan stom.

Bass. Wierne jo de dokter, in ik koe jou naat?

125 Grat. Wierne jo de schrieuwer? Dat iz om fen mij ien koekkoek to meitsen!

Ner. Ja; mar de schrieuwer, dij dat nooit tinkt to dwaan, oaf hij moaste solang libje, dat hij ien man wirde.

Bass. Swiete dokter, jo sil mijn sliepmaat wezze. Az ik uit 130 bin, dan liz jo bij mijn wijf.

XII. OAN UWZ LIJTZE JONGE,
AZ ER IEN HEAL JIER ÂD WIRDEN WIER.

Uit: Friesch Jierboeckjen 1833. p. 24.

Ljeave, lijtze, moet'le jonge,
Berntje, swiete hijmmelsjeft',
Bortste op ljeave memme scherte?
Doddest' ijn dijn widze sœft?
Kijpest' uwt dijn waerme teknen?
Gloerkest' nei dijn môlkespijnn'?
Swolgt dijn mamke hijmmelwitheid
Uwt dijn loddereagjes ijn?
Jouwt dy tuwzen ljeafde pâtkes,
Wirdt jæ nooit fen 't berntje sœd? —

5

10

Ljeave, moet'le, lijtze jonge,
Och! dijn heite sjocht dy net!

Heite wrot't op fiere weagen
IJn ien fremd onnoflik lân,
Fier fen Friesche greide in finnen,
Op ien heidefjild ijn 't sân.
Kruwd in lead to minskedeyen
Oarz het heart er selsum fen;
't Grouwe bromjen op it kealsfel
Wekk't him uwte sliep', mijn bern!

15

20

Ruwg in woast in wijld iz 't libben,
Dear dijn heit nou ijn forkeart,
Flokjen, swarren, beeren, bjealgjen
Ier in let iz 't het er heart.
Och! sijn herte lang't nei huwz to,

25

Lang't nei memke, lang't nei dy,
Nei dijn laeitskes, nei dijn pâtjes,
Nei dijn bernebortjery!

Seisres kijppe it folle moantje
Mei sijn bliere troanje uwz oan,

30

Sont ik 't eerste libbenssjikkje
 IJnblijd harke fen mijn soan.
 Het ien freugde, het ien eangste,
 Het ien sorgen, het ien nocht,
 Heste by dijn bliide komste,
 Boike, my de huwz ijn brocht!
 Rijker, tocht my, wier der nearne
 Oppe heele wijde wrâd.
 Mar de klearens fenne loksinn'
 Makk' my eanger foare schâd.
 Biddjend tankk' ik, taensjend bea ik
 Foar in om mijn wijf in bern,
 't Sillig lot net uwt to sprekken
 Fen Goads ljeafde oer my beschern.
 In dat lok dat mocht bedye;
 't Eerste jier roan heal foarby.
 Sjonge wol ik, ijnblly sjonge,
 Juwchje, al bin ik fier fen dy.

Ljeave jonge, hijmmelsjefte,
 Pân fen ljeafde in echte trouw,
 Groei' in dy', in win ijn kreften,
 Wez uwz freugde steez az nou.
 Wird ien hoask, ien frjuenlik minske,
 Weak in mijld by oar' ljue smert:
 Sluwt foar 't kjermen nea dijn earen,
 Foar it lyen nea dijn hert.
 Wird, God jouw 't! al het de namme,
 Dy 'k dy joeg, my winskjen docht;
 Nea moat oareheit him schamje,
 Az er op sijn bernsbern sjocht.
 Eerlijk, trouw ijn hânde in wânde,
 Nooit net los, net wif fen sin,
 Froed fen seden, frjuen fen wierheid,
 Sijkje ijn flaeyen nin gewin.
 Az ien gik dy ijnne wei rint,

Lit by tijds dijn tosken sjean.
 Prijze ien prealhanz om sijn goud net.
 Wird ien tijge Fries, mijn bern.
 Wird nin aep fen fremde fratzen,
 Ker de fremdling net to frjuen; 70
 Better, nei uwz âders seden,
 Hette kâd lijkje, az to gleaun.
 Jouw dy net ijn bijzjen, plachtjen,
 Jietemin ijn fjuechtry;
 Freê bring't lok in swiet forblyen,
 Twist in scheel fier't ijnné ly. 75
 't Ruwg in woast soldatelibben
 Wirde nea dijn lot, mijn bern;
 Werz fen twang binn' Frisoos soanen;
 Dear 'z de fryheid gled forlern! 80
 Boalewirk iz 't minskedeyen;
 Slaven steare op foarstne hiet;
 Frye mannen tjeane allinne
 Foar ein huwz in hoaf to strijd.
 Az de fryheid wirdt bedrijge, 85
 Az it jildt ein huwz in hird,
 Dan iz frede bernske laffens,
 Dan iz 't tijd foar 't warjend swird.
 Dan mei Him de kampstrijd weage
 Dy it âl az Haed rejeart, 90
 Dy de goeden nea beschamjet,
 Ho de boaze wrokt in beert.
 Ljeave, lijtze, moet'le jonge,
 O! mijn hert het langst nei dy,
 Nei dijn laekjes, nei dijn paetkes, 95
 Mei dijn bernebortjery.
 Bin ik fier fen dy, mijn boike,
 Heite hert iz jimmer t' huwz,
 By mijn hoap, de treast fen memke,
 God! de stijpp' iens fen mijn huwz. 100

XIII. GREATE PIER¹⁾.

Uit: Fr. Volksalm. 1843 p. 139. Ook: Bledden uwt myn Schrieuwboeck trog R. Windsma 1847, p. 24.

Ynne' âde tijd wirdde' alle scheel
 Mey 't gleone swird besljuecht'.
 Miende' immen, dat him leed weer-foer,
 't Wier daelck, mey'n bulte rep in roer,
 5 »Fordeeg'nje dy, in fjuecht!»

Min roan naet, mey in pong-fol jild,
 Ney'n hong'rige Abbekaet
 Om ried in died; min fiscke net,
 Mey'n goud'ne heack, ney rjuecht in wet,
 10 In macke in bulte praet.

Min houwde' er ijn, min kloppe' in kleauw,
 Min baernde' in brijk in stijk.
 In fest stoe 't, dat hy onrjuecht hie;
 Ho sinne-klear sijn rjuecht oarz wie,
 15 Dy 't eerste foel æf wijk.

Foar-by-gien iz al lang dy tijd ,
 In 't âde team stoar wey;
 Mar lockig, dat 't histoarje-bled
 Uwz mennig fijt bewerre het
 20 Fen 't folck uwte' âde dey.

'k Sjong fen dat folck, fol kreft in fjoer,
 Dat, az in stien-klipp' stie;
 Dat naet forweald, forweackt in wirg
 Mar hird az stiel wier, in dat mirg
 25 Jiette' ijnné boncken hie.

't Borgoens gespuws in 't Hollânz bret
 Roan *Fries-lân* plat in oâf;

1) Foar-lezzen op it Nut to *Boâlsert*, ijune moanne fen February, 1842.

It baernde' in bleack're Sted in Geâ,
 't Brogt oer-al eangstme schrik in dea,
 In plond're huwz in hoâf.

30

Lijck az mey'n folck fen letter tÿd ,
 Wier »fryheydt!“ steez-oan 't wird ;
 Mar wijll's 't it swiet dat deuntje song ,
 Forseag in folde' it rom sijn pong ,
 In 't lean wier strop æf swird.

35

Min homppe' in staet' de frye Friez ,
 In laey him oane bân ;
 Min laecke mey sÿn tÿge rjuecht ,
 In mey 't yen-fâdig ruwn in sljuecht
 Fen 't âde Heyte-lân.

40

»Dear slagt de baere dijvel trog !“
 Seyt *Kimserts Greâte Pier* :
 »Ick buwg mijn Friesche holle net
 »Foar'n poepe-schaey , nee , ljeaver fret
 »Ick 't op , mey huwd in hier !“

45

Pier wier in flinke' eyn-erfd'e boer ,
 Dy'r tÿgge waerm ijn siet .
 Mey 't ijn-lânz scheel fen *Schier* in *Fet*¹⁾)
 Bemoeyde hy ijn 't eerst him net ,
 Dear 't him ijn frede liet.

50

Hy ploeyde' in sjiedde' in eydde' it lân ,
 Hy risppe' in tescke' ijn rest .
 It boerckjen op foar-aders gruwn
 Wier al sijn noft , dear-by befuwn
 Uwz Pier-boer him it best.

55

Mar 't freamde folckje koam op 't mat ,
 In ploacke fynne' in frjuen ;
 In Pier , dy dat naet dildje koe ,
 Naet swiet-vey lye' in swye woe ,
 Wirdd' fen sijn erf fordreauwn.

60

1) *Schieringers* in *Fet-keâpers*.

»Dear slagt de baere dijvel trog”
 Seyt Pier: »dat dildje' ick net!
 »'k Swar haet, in wreck, in duwbb'le schea,
 »In uwnck, in wea, fordrear, in dea
 »Oan 't freamde poepe-bret!”

68

»Op, feynten! op! de ploeg oan kant!
 »Lit grijppe' in lodde stean!
 »Op! folgje my! slijp swird in dolck!
 »Tjog 't harnasck oan, in jaen dat folck
 »Sijn wol-fortjienne lean!”

70

»Het helpt uwz boddjen, yer in let,
 »Uwz wrotten, nacht in dey? —
 »De poep fortraeppet hoaf in lan,
 »Steckt huwz in schoerre' yn ljeachte brân,
 »In fierit it nôt mey wey!”

75

»Wa 't dildje kin, ick naet; mijn bloed
 »Siedt, bruwz't me' ijn hert in yer;
 »Ick schil se, foar dat helscke dwaen,
 »Reys ficks hette' oppe bjealig jaen,
 »Æf 'k hiet naet langer Pier!”

80

In, az in âde ruwne Friez,
 Stiet Pier-boer by sijn wurd:
 Hy wixelt daelck it boere-pack
 Mey'n firddig fjuechters rack in dack,
 In 't boere'arck mey in swird.

85

»Ney see!” ropt Pier: »op *Hollân* los!
 »Uwt *Hollân* komt uwz 't kwea. —
 »Fordijlgje' het *Frieslân* huyn't in smaed't!
 »Forsuwp het poepsck in Hollâns praet! —
 »In dea huwn dogt nin schea.”

90

In seyn-schips-floot, mey Pier oan 't haed,
 Trog-krjues't it scholp'rig sât,

In jaeget rimen eangstme' in schrick,
Trog meer az yen romroftig stick,
'Yn 't hert fen jong in âd.

95

PIER houwt er mey sijn swird op ijn,
In kleauwt er mennig kop,
Æf macket, wa nin Friesck forstiet,
Reys hinne' in wer de foetten wiet,
In spielt se' ijn 't sâte sop.

100

Nin Hollânz schip ontsluwpt sijn eag,
Nin Hollânz schip het rest:
Elts schoerr't de plaat; it paed iz rom,
In Pier sjyll't op it suwder-schom
Mey'n biezem ijnze mest.

105

Mar naet to-free mey dat bedrieuw,
Mar siedend jiett' fen wreck,
Bringt hy de fijnne', ijn eyne lân,
It lexom jiett'-reys oan 't forstân,
In snoerret him de beck.

110

Heel Hollân rijs-bosck't, schrill't in trill't,
In krimp't fen eangstme' ijn yen;
Want Pier betell't in macket lyck; —
Tjuwg 't Alckmar! tjuwg it Medembljick! —
De reck'ning iz foldien.

115

In Graef in Hertog brogten 't uwnck,
In macken 't Fries-lân soer.
Wa wier de wrecker fen it lân?
Wa laey it pest-dier oane bân?
't Wier Greate Pier, in boer!

120

Flock, freamnd folck! flock fry Greate Pier,
Wez om sijn dwaen oer-stjoer.
Ja, dy 't gewjeald ney 't herte stijk,
't Borgoensch in Hollânsch jock forbrijk,
Wier Greate Pier, in boer.

125

180

Kruwp, freamđ folck! kruwp den ijnne schulp,
 In jaen de heag-moed oer.
 Tinck: »dy uwz yens it lexom liez
 »In moris leerde, wier in Friez,
 »Wier Greate Pier, in boer."

185

Mar, lânz-ljue! bern fen Friso's team!
 Toettje' uwt, mey kreft in fjoer:
 »Wa romt op helden heyn æf fier,
 »Wij romje' op *Kimserts* Greate Pier,
 »Al wier 't eack mar in boer!"

Wolsum.

R. WINDSMA.

XIV. ATE.

Uit: Iduna I. (1845) 101. Ook met enkele veranderingen in Bledden uwt myn Schriewboeck p. 65.

5

'k Wol mijnen leed naet fierder dreâge;
 'k Bin mijnen libben wirg;
 't Uwnck het langer noâg my pleâgge,
 Wey-slijnd flaesck in mirg.
 Iek kin Særs dogs naet belezze,
 Dear 'k so ring'n om rôn;
 Och! jæ wol naet by my wezze,
 Het my 'n bloucke joen.

10

'k Schil dear juwn in eyn oan meytse,
 Wrannmels! juwn ney 't miel. —
 Mar het schoe wol 't swietste smeytse,
 Wetter, himp æf stiel?
 Sny'n in hingjen, schoe 'k haest tinzje,
 Dwaene' in minscke weâ:
 Best iz 't, dat ick my fordrinzie,
 Dat 'z in sæfte deâ.

15

Fijt! het schil dy Sæts den sckrieme,
 Gållje, hest' so net,
 Beerje, tierje, kleye, klieme;
 Mar den iz 't to let.

20

Lit se roppe den: »Och ATE!
Wier 'k mar by dy kruwpt!
 't Kin her naet in grevel baete,
 'k Bin den al forsuwpt. —

Mar, lit sjean, — az ick my deyde,
 Selm my holp yn 't græf,
 In az Sæts den naet reys kleyde,
 Den wier 't noft 'er æf.

25

Bin ick gick? Schoe 'k my forsuwpje
 Om in faem? — Dat net! —
 'k Schil dat fet wol oarz bekuwpje;
 Better bin 'k beret.

30

Naet meer tocht om Sæts! dy steege,
 Naet meer flaeyd in beân!
 Boer-faem Wijts to boaskjen freege! —
 Dat schil better geân. —
 Deker! dat schil Sætske grijzje:
 »ATE' in Wijts in peâr! —
 'k Schil her ijn mijn fuwt-gnijzje. —
 't Spil mōat juwn jiett' kleâr ¹⁾. —

35

40

Wolsum.

R. WINDSMA.

1) „Y sjogge,” sa scriut ús dy heach-achte ynstiúlder hier by, ick folgje lijcker-„noâg de spiealdinge fen GIJSBERT-om, naet, om-dat ick dy ijn alle sticken foar „folmecke håd, mar om-dat ick 'er oan wend bin, in ljeauw, dat se goê oan 't eag-„wijt fol-dotg.”

„De *Iduna* hab ick mey njue lezzen; de boeckstoayinge lyck-wol stiet my naet „oan. Muwlek bin ick it spoar bjuester; mar, dear alle libbene teâlen mey de tijd „foaroarje, lijcket it my to, dat it Friesck ijn sijn âde kleârn te stecken, kreckt „so folle wezze schil, as it Hollânz de æf-leynde mantel fen MELIS STOKE æf fen „JACOBUS MAERLANT weer om te hingjen.”

Us lésers, der da spellinge fon GIJSBERT JAPICX nawt kenne, habbe er dos hier én priowke fon, end to wile wy hjam to bi-oardeeljen jowe, as se yete nawt rom sa moeilik to lésen is, as ús boekstawring, halde wy, om 't wy miene to witen, det ac òren der lyk as WINDSMA oer tinke, ús foar, om, sa gau as wy er i's hwet romte ta útscoarje kenne, yn *Iduna* der én andert op to jaen.

XV. DRAGTSTER-MERKE.

Uit: Friesche Volks Almanak 1837 p. 110. Ook: Blommekoerke p. 54.

Ien ljeaf in moetel famke,
As 't moantje gol in blier,
Dy teag nei Dragtster-merke,
It hjertje ligt in swier:

5 Mar werom eaft se ir hinne gong,
In 't hjertje har sa donse in sprong,
Dat wist se net.

Jae hie har wakker opdien,
In oonklaeid mei beleid;
In alles siet sa proezig,

10 As wier se ien jonge breid:
Mar werom eaft se, yn sneinse klean,
Just moast nei Dragtster-merke gean,
Dat wist se net.

15 Jae kuy're mei de fammen
De merke lans in oer;
In nearnje by de krjemmen
Hie 't famke rest eaf doer:
Mar werom eaft se op 't selle sté
20 Nin eagwink stie yn rest in fré;
Dat wist se net.

Sa roan se al jimmer hinne,
De krjemmen op in del;
In seag se den har boérfeint,

25 Den wirdd' se read in kel:
Mar werom 't bloed nei 't holtje fleag,
Sa faek it eag har boérfeint seag;
Dat wist se net.

- In gong se den wer fierder;
 't Wier krekt as tsjoendery; 30
 Jae seag sa gau gjien feinten,
 Eaf boérfeint wier der by:
 Mar werom hy, het koers jae noam,
 Har jimmerwei ta mjiette koam;
 Dat wist se net. 35
- 't Begon op 't lest ta joenjen:
 Der gong se keamer-op;
 In boérfeint patte it famke,
 In neamde har syn pop:
 Mar ho jae, uet it strijet-kryoel, 40
 Hier smoek yn boérfeints jermen foel:
 Dat wist se net.
- Jae pattene as twae doukes,
 In laeyene oon in oon;
 In ondes al dy wille 45
 Forrasce har de moarn:
 Mar werom eaft 'tsa nuwer wie,
 Dat jae nog lang har noft net hie;
 Dat wist se net.
- In moele oon moele klibjend', 50
 Woe hij de knotte ha;
 In 't famke net wjerstrabbig,
 Ontsloope seft it; ja!....
 Mar werom hy dat habbe woe,
 In jae it him net weeg'rje koe: 55
 Dat wist se net.
- Nou teagen jae nei hoes ta
 As brugeman in breid;
 In kriggene op har boaskjen
 De seinn' fen mem in heit: 60
 Mar dat it boask foar jonge lie,
 Yn eere in deugd, sa sillig wie:
 Dat wist se net. J. G. VAN BLOM.

XVI. WOBBELKE.

Uit: De Vrije Fries IV (1846) p. 10. Ook met enkele veranderingen in Blomme-koerke (1869) p. 26.

- It moäiste famke
Is Wobbelke fen 't gea,
As 't jonge lamke
Sa sæft in tsjep fen lea.

 5 'k Sjuch nearnje, wer 'k myn eagen wein,
Nin scjinner byld, sa fier as hein,
Myn Wobbelke is, fen 't heule gea,
It alder-moäiste famke.

 10 It fluchste famke
Is Wobbelke fen 't gea,
As 't jonge lamke
Sa flink fen liif in lea.
It flucht har alles fen 'e hân,
In rint in ljept hja troch it lân,

 15 Nin gæske kroek't, nin blom lit sceas,
Myn Wobbelke is, fen 't heule gea,
It alder-fluchste famke.

 20 It ljeafste famke
Is Wobbelke fen 't gea,
As 't jonge lamke
Sa derten in sa blea.
Hja laket altyt lyke blier,
Is altyt fol fen wille in tier,
Is altyt fjoerig, smoek en blea,

 25 Myn Wobbel is fen 't heule gea,
It alder-ljeafste famke.

 It beste famke,
Is Wobbelke fen 't gea,

As 't jonge lamke
Sa docht se nimmen quea.80
Mar as har de ondeuchd lægen leit,
Eat foel æf doebelsinnichs seit,
Den wirdt it ljeawe famke quea,
Myn Wobbelke is, fen 't heule gea,
It alder-besté famke.85

J. G. VAN BLOM.

XVII. METTEN SCROAR, TE EARNEWOAD.

Uit: Friesche Volksalmanak 1852. p. 62.

Lijtse Metten, Fen'e Kletten,
Siet ris te Earnewoad by 't fjoer,
Ondre 'n snapke, In en grapke,
Want der mogt er bjuester oer.
Scelle in rase, Pogche in blase5
Koe er aek ordintlyk mei;
In ris ruwkers, Krekt as duwkers,
Roon te jaan, die 'm nimmen nei.
Scipper Sweitse In boer Reitse
Preauwen mei him, 't pijpke ijn brân;10
Baas traktearre, Want te gearre
Hienn' s' him ijn 'é slijde hân.
IJn 'e slijde? In net rijde?
Nou, den wie'r al aardig fearn;
Wel Baas Metten, Jue, hoe dertten,15
Koe net op 'e redens stean.
Lijkwols hinge 't Sonnerlinge
Keareltsje de reed er op;
In hy ferge, Dage in terge
Elk te rijden uwt, dy prop.20
Nimmen doarste Hier de foarste

- Waezze, want min koe him net;
 ›Nou" sei Metten, Wer by setten,
 ›Wa nou mar keraasje het."
- 25 Onder 'tswetsen, Kaam baas Fetsen
 't Herbergje ijn in naam de reed
 Fen 'e moërre, In it doërre
 Nin vijf tel, oaf, by de fleet,
 Helle Metten Fen sijn setten
- 30 Op in fen sijn prijsentol,
 Wijlst dat Sweitse In boer Reitse
 Momplen: ›Nou hy is en bol....
 ›Dat komt Fetsen, ('t Is nin swetsen,)
 ›Fen baas Metten, djoer te stean;
- 35 ›Dy heal rijder Pakt de snijder,
 ›t Komt net aan sijn koade klean."
 ›Hoarris, Metten! 'k Ha besletten,
 ›'k Wol dy en trygone jaan,"
 And're Fetsen, ›t Wier mar swetsen;
- 40 ›'k Fiel wol, 'k kin 't dy dogs net dwaan."
 ›Nou, wat wonder, Om'é donder
 ›Net," sei baas, by heeg in breed;
 ›Mei wat pjuekken Op mijn wjuekken
 ›Haw ik en heal rijder beet."
- 45 Mar trog 't bidden, In 't ijn 't midden
 Kommen fen it selschip, sei
 Baas, premantig, In pekantig:
 ›'k Haw er oars nin earen nei;
 ›Want sa'n giestens, By dy driestens,
- 50 ›Mei wol ris wat leerjild jaan:
 ›Mar it spijt dy; Nou 'k forwijt dy
 ›'t Net, kom oan, 'k sil 't den mar dwaan."
 Fetsen helle, In betelle
 En trygone, in baas zei: ›Kom,
- 55 ›Ale Fetter! Beanne uwt wetter,
 ›In wy bringe 's luftig om."
 In jae likten, In jae pikten

't Graantsje, as oaf se wiern' te bier ,
 Sonder raesten , Ta, ten laesten,
 Baas sijn prijs forsnobbe wier. 60
 't Selscip scaatte; In min praatte
 Oer sijn rijden, oad in jong;
 Mar wat eagen, Doe se seagen,
 Dat baas ijn 'e slijde gong.
 ›IJn 'e slijde? In net rijde," 65
 Grouwde Fetsen ›hoe komt dat?"
 ›Wel," sei Metten, Need brekt wetten;
 ›Bijn ik me op, ik fal op 't gat."
 Dat joeg drokte; Fetsen flokte
 Heisljik, in it selscip sei: 70
 ›Wel, dat poarke, Fen en scroarke,
 ›Het uws kuld; 't rooit nearne nei."
 Mar baas Metten, Fen 'e Kletten,
 Sei: ›Wy binne swiet in fol:
 ›'t Wier mar 'n grapke, Om in snapke; 75
 ›'t Smakke uws swiet, bekomm 't uws wol!"

W. DE JONG. JACOB SZ.

XVIII. UNWAER.

Uit: Iduna, Friske Rîm end Unrîm samla fon Harmen Sftstra. Utjown fon da
 Selskip fôr friske tael end skriftekennisse, IV. 155.

Dy neidei jowt binearjend waer;
 Fon hietme sit ma to hymjen yn 't scaed.
 Wilich, heal libbenleas leit diu tûnblum:
 Oanhaldende hietme hiermet hir tier.

Nen suder siichje, súsjend yn 't beamte, 5
 feit friendlîk det swit of foarholl' end wesen,
 end wîndert droech da wiete lokken.
 Diu tunge kleeft fon toarst oannath wulft.

- Mar eanget for unwaer: Yn 't east kumt diu luft up.
 10 Swiere coppen, Swart end skier,
 Driue langsum, men drouwend foarút;
 wolkene-bergen walj' enoar thruch.
- Det fugelte fliucht forth nei sín nesten,
 der scouwe siungers sangen forstumje;
 15 Kukúts ienklank klinkt yet oer 't gea,
 restleas um rein ruppend yn 't wald.
- Hark! al hieltyd heart ma tunger.
 Ac yn 't westen wirket hit gear.
 Leaden luften, lug' up ien,
 20 scuw' oer da sinne 'n oerscadje 't ierdryk.
- Det waer kumt up! Wyk wínd-red nei hunk!
 Ludor, ludor liachtet dy blixem,
 beart end buldert bupp' ús dy tunger.
 Dy fallende jond spelt en freaslike nacht!
- 25 Da bisten bialte bang ynnath lond;
 aklik liedt hir lííd yn d' earen.
 Mensken faldje forbuke da honden,
 end bidd' um bihald, béwend fon eangstme.
- Olhiel is dy himel oerhinne biwolke;
 30 swier hinget det swirk, swart, thiuster as pik.
 Stil is 't, — dead stil! Stum is natur:
 As untwesne beidet se den to wachtjene slach.
- Heit ynna himel! hoedj' ús! d' Eagen
 blíndet dy blits! Det bloed forstiwt
 35 fon keltme. Det kriten end kiermjen der bern
 oerrummelt ruw dy rotlige tunger.
- Klokken klippe. Kleyend rupt ma:
 »Der brekt brond út!“ Det brocht dy slach!

Gúsjend , gierend , galjend um help ,
scunket end scrept hit scril der up ta.

40

Diu liachte laye lòge fikkert
fier oer da fielden freaslik yn 't rund.
Det knapt , kreaket , knettert end pluft
buppa da brummende buldrjende tunger.

Balken barne , bínten tumlje ,
funken flugge flitsjend umheach.
Wyld bilet dy wínd , untwekk' ynnath neadwaer ,
end fiuret det fiur yn sín forthfretten oan.

Dy gierende storm geit jen 'ne tunger ,
smyt den wald-iik woest er hinne ,
swipet da marren scumjend oer d'iggen .
Dead end fordylging drout diu natur.

Einling untestget hin 't oerladen swirk
yn floedticht fallende fette drippen .
Hia stuwe susjend ynna slinende gloed ,
end bette da biendroege brondig' ierde.

Wolken wike , 't waer driut of . —
Dy stoere scoerende storm giet lidzen .
Det reinen licht , diu luft klearet up ,
't moantsje miket myld wer umleach.

Heit ynna himel ! Hear der natur !
tankfolle tungen telle dín greatme .
Lúd leart det unwaer da lytsens der mensken :
Det redder scepsel rumt yn sín God .

H. SYTSTRA.

XIX. SUELLESANG.

Uit: Swanneblommen, Jierboekje for 1858. p. 14.

Wiuk, wiuk, thruch da luft,
 Meitzia néat nen geruft,
 Duch en suâi end en suîer
 As en flitze sa flink,
 5 Fliuch nù ritsdi end suink,
 Nim sa rēd wer en gier,
 Snap en michje in 'a flecht,
 Den en suîer end en suâi,
 Mei en gier end en drâi
 10 Up 'a góte wer del,
 End siung der den sang fon da suel:

»Forline jier,
 Do ik hjir wier,
 Wîe dit fek fol,
 15 End dét fek fol,
 End nù is 't ollegeare tire lire lire lire l.e.e..ch.”¹⁾

Az et gaiken ús tzielpath: »Et nestje mot klêar,”
 Den tiugga w' er fitich mienskiplik oergêar,
 Wy wietia end wy knettia huet liem end huet klâi,
 20 End fogia 't end logia 't mei 'n strike eft en râi,
 End strika 't end plakka 't, nei foechsum bistek,
 Goe sliuchta toriuchte mei poattzes end bek,
 As 't mitzelian dien is, biklâya w' up th' lëst
 Mei mðas end mei plumkes den boyem fon th' nëst,
 25 Sa sitta wy by nachttid by unwaer eft wind,
 Den koeskes end smouttzes mei th' wifke derin,
 End habba, as ús seis, sauntal berntzes yet' kumt,
 Wy for ût-fon-husers noch gasten nen rumt',
 Jen 'a tzerke òn der wennia wy best nei ús sin,

1) Sa, seith-et sidsake, siunga da suellen.

Det ak en goe wird ûs birikka yet ken, 30
 Buppa ol, stieth en freedlik frum mon hit ûs ta,
 Wolla w' ûnder sîn hûsthek ûs wente graech ha,
 Doch òrs, as hit hjirsa noch dersa naut wol,
 Jaen w' ak ûnder tillen end brêggon ûs dol.
 Hest', burmon, en klüttzen? jow det mar ðn my, 35
 Ik ha hjir huet rûchte, det is gading for dy:
 As ien sa huet oer heth, en òr huet to kôrt,
 Wy helpa mankoren burskiplik mei forth,
 Sa reitzia wy hondich mei th' nestjen up stel,
 End siunga ris frolik den sang fon da suel: 40

»Forlinejjer,
 Do ik hjir wier,
 Wie dit fek fol
 End dét fek fol,
 End nû is 't ollegeare tre lire lire lire l.e.e.ch." 45

Kumt en musk up ûs ta,
 Um-et nêst, det wy ha,
 Us skelmsk as en kaper t' úntsettan;
 Elk user ducht mei,
 Wy fitria hin wei, 50
 End wita 't him wol to biletta.

As er wikel eft êarn
 Eft di hauk hit bistêan
 Up 't òre fry fugelt to loeran,
 Den kitlath ûs bloed,
 Wy flink end fol moed, 55
 Us krya se naut in hiar kloeren.

Ha w' en seinrup êarst jown
 On da fugels in th' rûnd,
 End glupa da hinnen biside,
 Den wy er up in 60

Sa rēd as di wînd,
Wy dòra den skubbert bistrida.¹⁾.

Jow him hommels en piuk,
End den gau wer wiuk-wiuk,
Di ropsek ken lang ûs naut krya,
End ha wy oerwün,
Strikt er of fôr ûs bûnd,
Den ken hit en sankje wer lya:

»Forline jier,
Do ik hjir wîer,
Wie dit fek fol,
En dét fek fol,

End nû is 't ollegeare tire lire lire lire l..e..e..ch."

Heth-et wîfken ûs nestje fol aikeslein
Den brieda wy trou um bar,
End habba wy pîkjes, o den wirth er flein,
Den stella w' ûs wakker to war,
Den giet er by beide nen tîd forlern,
Huent hungrike bouterkes benna dá bern.

Sa wekkath di suel fôr goed end bloed,
End wîkt fôr sîn plichten naut wei,
End téanth er jamk, huet flinkens end moed,
As ma 't mei endor halth, formeit.

Doch sündar geruft
Pilath hy thruch da luft,
End sâith mei en suier
As en blits hinne end wer,
Snapt hjir end der
En michje in sa 'n gîer.
Den ducht er en suai

1) As da suellen en roaffugel siugga, leta se en éang lud hèra, um da òre fugels, end binamma da hinnein, to warskùwan. Disse fiugga dalik ût-ta wei; men da suellen falla up den roaffugel ðn, end forfulgia dien sa heftich, det er um en goed hinnekummen sikia móit.

Mei en linige drâi
 Up 'a gôte wer del,
 End queelth by sîn gâi
 D'ienfaldige sang fon da suel: 95

»Forline jîer,
 Do ik hjir wier
 Wie dit fek fol
 End dét fek fol,
 End nû is 't ollegeare tire lire lire lire l.e.e..ch." 100

H. S. SITSTRA.

XX. BAES PIKTRIED.

Uit: Suringars 12°. Alm. 1860.

Jimme hawwe wol ris hjerd fen in kearel as KARST, en dat KARST in kearel as in stikelbosk wier? Nou, sa'n kearel as KARST wier baes Piktried eak, to siszen: stiek in fikse ju d'earm uet, dan koe hy der sa hwat likernaoch soender kantroeren oender troch renne; hy wier derby sa meager as in ranger, hy hie in kleur as in skijlfisk en in luwd as in pikelhjerring. Sa'n mantsje wier baes Piktried; in spjirring wier 't, mar hy hie gans smoar nei dat it in beest wier, en nen amery hie baes Piktried ræst. Sijn pokdalige tronie, der se noas mei in optik ta uetstiek, en sijn griis hier, sweefden altijd hinne en wer; sijn lijtse eagen flikkeren oan ien wei riuchts en lofts. Der oentkaem him nen ding, hy hie roenom hwat op to lekskoayen, en hy wist it altijd bæst. As er oer 'e boeren gong, dan slingere en sloech er mei sijn earmen, krekt as er mei beide hannen roen to sjidsjen, en ienkear pompte er in faem, dy wetter taoge, sa tsjin d'iene amer oan, dat hy er sels 15 fen bepoese rekke. »Eselskijn!" raop er, wijlst er him aofskodde as in wettirhoun, »koest dan net sjen dat ik dy fen efteren ijn-kaem?" — Op in oar tiid rekke hy er net better aof: do sloech er ijn sijn iiver krekt ijn in tine fen in eide, dy op in jirdkarre

20 lei, dat it bloed er nei roen. »Min scoe nou dan eak by mogelikheid sisze, hoe kenne se sa'n ding sa mids ijn 't paed stêan litte," sei er, »min ken ommers de boeren langer net oengeskansjerre lans komme!"

Hy wier in skoenmakker fen sijn hantwurk, en as er arbeidde, 25 dan helle er de tried sa foeleindich uet, dat er elk, dy net fjirdernaoch fen him aofbleauw, de foest jen. 't liif oan sloech. Nen feint bleauw langer as in moane by him, want hy hie op it bæste wurk altijd yet hwat to siszen. Dan wieren de stekken net egael, dan wier d' iene skoech langer as d' oare, dan wieren de hakken oen-30 gelike heach, dan wier itlear net genaoch kloppe; altijd wier er hwat. En as se har fordiigenje woene, dan raop er: »Sa 't ik sis, sa is 't, en tsjinpraten wo-k net ha: hwat net goed is, ken 'k eak net goed neame, en 'k scoe my skamje as ik it ijn 'e sliep wei net better meitsje koe."

35 »Wacht heite!" sei er tsjin de jonge, der by him learde, »ik scil dy ris wiise ho 't min de huwd weak kloppet," do naem er de spanrime en joech him in pâer fegen oer 'e rech. Sloegerts en lui-terers hjitten se allegaare by him. Hy sette lijkwols sels eak net folle uet, omdat er nen ketier bedaerd by sijn wurk bleauw. Wier 40 sijn wiif moarns betiid ijn 'e skrep, en hie se fjoer oanset, dan fleach er fen 't bæd en roen op bleate foeten nei de hird. »Scist' it huws ijn 'e braon stoke?" balte er dan, »dat is ommers in fjoer der min oxen by briede koe! en kostje turf en hout dan nen jild?" — Op in krijsmoarn kaem er sa eak ris fen 't bæd stouwen, do hie 't 45 wiif krekt in tsjettel fol wetter uet 'e bak helle, en by de plaat delset. As 't fjoer baernde, scoe se 't wetter er oer hingje, en dat wier nou just sa ijn 'e braon slein, wijlst hiëf ekkes boeten doar wier. Baes hie de eagen sa goed yet net iepen, dat er de tsjettel mei wetter seach. Der skopte hy tsjin aan, en in gjalp wetter him 50 oer 'e foet. Doe kamen de eagen iepen, en tagelijk it keelsgat eak. Dat iiskalde wetter op it bleate fel, sa ijn ienen uet it waerme bæd wei, makke him sa kel, dat hy miende, it wier sieden wetter, en dat er him tige baernde. Hy fleach mei koegelsfeart wer op it bæd, en die neat as jammerjen: »Mijn foet! mijn foet! en hwat ha 'k 55 my baernd!" It wiif kaem der op ijnsjitten. »Mar wer baernst dy

dan oan?" frege se foralterjerre. »Wel!" sei er, »der hest' wer in fjoer oan as in arbeiders hnwske, en der stjit en tsjettelfol siedend wetter lijk ijn 't paed, der ren ik jen oan, de hele foet tobaernd." — »Wat eamelste fen siedend wetter," sei 't wiif, »dat is kald: ik ha 't krekt sa uet 'e bak skept." Baes koe him dat earst net be-
60 gripe; mar doe de foet besjen, en der wier neat to rædden. »Nou," sei er, »dat is dan yet goed beslein; mar 't hie like goed siedend wetter wæse kennen. Ik reitsje yet stikken of dea, lijkmallinne troch jimme sleauwens."

As de faem by de wasktobbe stie, en se lake har boerfaem dan
65 i's ta, of fortelde har it nys dat se wiste, dan skelde en rachte hy se uet, as wieren se alheel ta weismiten keard. »Der stean se nou wer to snetterjen, en troch al dat geäamel forjtte se har wurk," sei er dan. »En hwat docht der sa'n sjippe oan it goed? Dat for-
griemt sa ommers forgees te folle, en 't is naet as louter loaijens:
70 75 jimme wolle de hinnen mye, en rosse en wriouwe derom it goed net sa 't hjert." Dan wipte er wer foart, mar fleach ijn 'e haest in ammerfol sjipsop om, dat it de hele flier oer spelde.

Ris op in tiid, op in neimiddei, seach baes ta 't finster uet, do
wieren er ljue oan 't turwjien. Se hellen de turf by koerfolle mei
in taelje omheach en sa ta de soudersdoar ijn. Oan de earen fen
de koerren hiene se eintsjes touw boun, der se de heak dan ijnheä-
ken, dy oan it touw fen de taelje siet. Krekt sa 't baes der nei
dikere, brieken dy eintsjes touw fen in koer, dy sa hwat de helt
fen 'e hichte hie, en dat koerfol turf kaem fen buppen truseljen.
80 Alles besloech bæst, der wier nen ien oender, en sa kaem er ak
nen oengelok fen. Mar baes, dy net oars tochte, as dat it taelje-
touw britzen wier, skeat der ijn ienen hinne. »Scille jimme nou
yete deaden meitsje?" sei baes, dat touw is net heal sterckernaoch
om er turf mei op to hijssen. Jimme scoene de huwd er ljeawer
85 i's goed foar lisze, set in leader dij 't it halde ken, en draech de
turf er op. En stek oars in ny touw ijn 'e taelje, dat er foar be-
stand is." — »Jamar, baes!" seinen se, »dat touw is gevernaoche;
dy eintsjes oan 'e koer wieren hwat to min mansk, en der scille
wy better foar nimme." — »t Scil krekt sa lang doerje, dat er
90 ien oender dea falt," houde baes fol. Wijlst er der sa stie to kea-

keljen, ·slingere in opsloopen grouwe jonge, dy yn 'e soudersdoar
stie, en de turf ophijste, mei it touw, en slingere krekt sa lang,
dat — ja man! de heak heäke baes efter 'e kraech; en do wier 't:
95 hys him op! sa hwat heal op de hichte fen 'e souder. Der sweefde
baes tusken himel en ierde. Slaen en skoppe en kettermintsje! der
wier nen ein aan. »Siuch je nou, baes!" sei de jonge, »it touw
ken wol halde; want it ken jou ommers halde mei al jou deugd
end wijsdom." Do hong baes er raer ta. En de jonge eamele mar
100 troch: »Nou ken-je sjen: it touw ken bæst halde, net wier?" Do
de grap einling langernaoch doerre hie, nei de jonge sijn sin, liet
er him wer sakje; mar do skonke er mei woender steile stappen
nei hoes ta.

Ward er in ny hoes set, dan roen er nei 't finster, en naem it
105 wark op. »Der mitselje se my de moeren sa mar wer uet 'e wiete
groen wei op;" raop er uet, »end de wietigens scil altijd op sa'n
wiise ijn 'e stien opklieuwe, dat kin noait nen droech hoes wirde,
en nen menske blieuwt der op in duer soen. En wat set dat folk
de stjinnen sloarrich op. Siuch ris aan! de kalk wirt net heal goed
110 tamakke, dat doocht net in bijt. Se grieme fjirsten to folle mei
har saon om. 'k Scil 't yet belibje, dat de minsken de husen boppe
de holle ijnfalle.

Dan gong er op 'e skammel, en die in pear stekken, mar dalik
derop sprong er wer oerein, die 't skoatsfel for wei, en sei: »Ik
115 mat er i's uet, ik mat de lju ris sisze wer 't op stjit." By de tim-
merlju kaem er to laonne. »Mar hwat scilwe nou ha," sa begoen
baes wer to kibjen, »jimme kapje 't ommers lang net ijn 't lead!
Miene jimme, dat dy balken riucht komme to liszen? 't Liket er
neat nei. It doeret net lang, dan wijkt alles uet 'e foegen." Hy
120 skoerde in timmerfeint de bile uet 'e haon, en woe him betsjutte
ho 't er kapje moast. Der kaem lijkwal hwat oars foar him to for-
hakstoeckjen. Er kaem en weinfool liem oanriden, en ijn ienen bruide
baes de bile der hinne, en sprong op 'e boer ta, dy by 't hijnser roen.
»Ik leauw, jou binne net by jou sinnen!" raop er de boer to mjitte,
125 »hwa slacht jonge hijnsers foar in wein dy sa swier aofladen is?
d' earme bisten matte er wol by delfalle." De boer joech him nen
antwird, en baes Piktried roen fol ergewaesje wer nei syn winkel ta.

Doe baes wer op sijn skammel siet, kaem de jonge, der 't skoen-meitsjen by him learde, mei in skoech by him, en joech him dy oer. »Hwat is dat my wer?" sa begoen er to kibjen, »ha 'k jimme 130 net sein, dat jimme de skoen sa fier net uetsnye moasten? Hwa wol sa'n schoech ha, der oars hast net oan is as de saole? Ik wol ha, jimme scille krekt dwaen sa 't ik sis." — »Baes," sei de jonge, »jou scille wol gelijk ha, dat dy schoech neat doocht, mar it is deselde dy 't je fen 'e moarn sels snein ha, en der je sels mei to 135 wark wieren. Do je niis oerein sprongen binne, ha je de skoech fen 'e tafel reage, en ik haw er oars neat oan dien, as ik ha him opkrige. Mar nen ingel uet 'e himel ken it jou nei 't sin meitsje." •

Baes Piktried droamde ris op in nacht, dat er dea wier, en hy wier op reis nei de himel ta. Do er der oankaem en oan 'e doar 140 kloppe, die d' Apostel Petrus de doar iepen, om to sjen hwa 't er ijn woe. »Heden! binne jou it, baes Piktried?" sei er, »ik wol jou wol ijnlete, mar ik warskouw je dit foaruet, wy wolle hjir nen smeulske praetsjes hjerre, en hwat je hjir eak komme to sjen, je meye nen ding lekje; want dogge je dat, it koe je ris forkeard 145 aofgean." — »Dat hiene je my net hoeven to siszen," andere Piktried, »ik wit wol hwat pas jouwt of net, en hjir by jimmes is ommers alles folmakke, dat er falt eak net to lekjen, lijk as op ierde.

Baes kaem sadwaende ijn; hy trape ijn 'e wiide romte fen 'e himel aof en oan, en dikere alle siden uet, mar skodholle sommes al i's 150 hwat, of granse ris sa'n bijtsje ijn him sels. Der seach er twa ingels, dy in balke foart droegen. It wier dy balke, der ien ijn 't each hawn hie, wijlst er nei de splinter ijn 't each fen in oar sochte. D' ingels droegen dy balke net ijn 't lang, mar oerdwars. »Het min it nou fen sijn libben sa dom wol earder sjoen?" tochte baes Pik- 155 tried; mar by houde him daoch yete stil, en sei ijn him sels: »Yn 'e groen komt it eak op it selde del, ho 't min in balke draecht, riucht uet of oerdwars, as min er mar goed mei to plak komt, en wrijchtich, ik sjoch, se stijtte nearne net tsjin oan.

Koart derop seach er twa ingels, dy wetter uet in dobbe wei ijn 160 in fet skepten; tagelyk oentdiek er dat it fet fol gatten wier en it wetter er oan alle kanten ta uet roen. »Kremenikes noch ta!" flapte hy er uet; mar, gelokkich, hy berette him yete pas ier, en

tochte: 't Ken wæse, dat se 't louter uet tijdfordrijf dogge; as min
 165 i's op in grap of op in arichheid uetgjut, ken min sa ris dingen by
 d' ein nimme, der neat fen to riuchte komt, en binammen hjir ijn
 'e himel, wer se, nei 't ik sjoch, it daoch mar hwat op in luiter-
 jen lisze"

Hy gong fjirder, en seach in wein, dy ijn in djip gat sitten
 170 bleaun wier. »Dat is nen niget," sei er jen 'e man, dy 't er by
 stie, »hwa loeget nou eak sa dom in wein fol? Hwatha je der?" —
 »Fromme winsken," andere de man, »'t woe my net slagje, der
 mei op 'e riuchte wei to kommen, mar ik ha de wein daoch ge-
 lokkich hjir yet nei boppen to skouwd, en se scille my hjir net
 175 sitte litte." Der kaem eak siker in ingel, en spande er twa hijns-
 sers foar. »Dat is tige," sei Piktried, »mar twa hijnsers loeke de
 wein er net uet; er moosten to minsten fjouwer foar." Der kaem
 in oare ingel, en fierde yete twa hijnsers oan, dy spande er lijkwol
 net foar 'e wein, mar der efter. Dat wier baes Piktried to slim.
 180 »Domkop!" begoen er to rasen, »hwat dochste der? Het min nou
 wol oait, sa lang as de wrald stjit, op sa'n menear in wein uet in
 gat ride kennen? Dan miene jimme hjir yet eak, mei jimme noas-
 wiisens, alles bæst to witten." Hy woe der mear fen sisze, mar
 ien fen de himelbewenners hie him by de kraech pakt, en treau
 185 him foart, en dat gong mei sa'n sterke haon, dat it wier of er in
 sprinkhoane foart fierd ward, baes koe der neat tsjin dwaen.

Oender 'e porte draeide baes him yet efkes om, en seach dat de
 wein fen fjouwer hijnsers mei wjukken omheagens litzen ward.

Op dat stuit ward baes Piktried wekker. »Nou," sei er ijn him
 190 sels, »dat scil wol wier wæse, it gjit ijn 'e himel hwat oars ta as
 op ierde, en in hopen dingen kin min der tajaen; mar hwa kin it
 mei oenforskille eagen oansjen, as se de hijnsers like folle efter
 'e wein slagge as er foar? 't Is wol sa, disse hijnsers hiene wjuk-
 ken, mar dat hie ik sa gau net snoen. It is boetendat eak in domme
 195 ijnriuchting, om hijnsers, dy fjouwer skonken hawwe om to rennen,
 yete eak in pear wjukken to jaen. Mar ik mat fen 't bæd, oars
 meitsje se my ijn 'e hoes allegear wer forkeard wurk. It is mar in
 gelok, dat ik net effetiif dea bin.

(H. SYTSTRA).

XXI. OAN 'T NOARDERHËF¹⁾.

Uit: Byecoer, Jierboekje for 1853. p. 83. — De noten verkort in de Aant.

Hark! hear hit bulderjen! Dy Noardmon bearth!
 Hy brumth end biletth, stuwt sîn weagen forth;
 Lîk 't wulvebruth, sa spialt hiar gappert up,
 Hia springe oerein mei wîtbiskumme haed,
 End duke dol as scoerdon hia den grûnd.
 Hiar biljen jageth nipende eangste in 't hert
 Fon manich-iен up th' alte friske grûnd.
 O, siuch! dy dik, dêr d' alte Fries'ne kreft,
 En golden hoep ollik, um d' ekers sloech²⁾,
 Sidz' bûcht er naut? — Men né, dy stoere kop,
 Oerspat mei brûs, ollik eu fêste tûr
 In wilde storm end thiuke heiljacht stieth',
 Hy telth dit bulderjen, dit bêren naut,
 Bliwt mürefest end keatst da weagen of.
 Men lîkwol huseth frease manich-iен
 In th' hert, siucht hy da fulle fielden oer,
 End thenkt er oan ho manich kear det héf,
 Sa falsk end glûpsk sîn blide hôpe friet,
 Him wente end fia, ja 't liafste faek, untnaem³⁾.
 Eft manich ien, dy 't weagebrûsen hearth,
 Dám eangeth hit um manich sibbe friund,
 Dén 't bitter lot nei fiere strôndon dreau. —

Hark, ho 't hit bulderth, ho dy Noardmon bearth!

Sa bilesstu, o wilde! bilesstu iewen long,
 Sûnt iewen gnaustu jimmer oan ûs strônd,
 End swid, naut oer to sian, unneamber great,
 Is 't unk end wea det-tu ûs jimmer brochst.

Skôgje oan der jinsen, der in th' heage noard,
 Hwer *Fers*, end *Silts* end *Amrams* dûnkont blinkt⁴⁾,
 Der kliût dy sé ònt in da wulkon up,
 End wettirbergen rôlje thruch enoar,

Den foet, den krune umheach. Dy storrem gülth,
 End swipeth baer by baer, hit thungerth, baest end gierth,
 End d' ierde droanth; 't is eft diu wrald forgiest.
 35 End siuch! det skriklik leger thiucht al forth,
 End forth up 't litze end earem eilönd oan.
 Der kreaketh spant end thek end 't mürwirk bücht,
 Da stilen wiggelje en det menske bith um help. —
 Der brüst hit wer, — o God! hit is to let!
 40 Hüs, bist end mensken, olle end olle is wei. —
 End siuch, en manich dagen nei dier tiid,
 Den driwe liken sēftkes der nei th' lond.
 Ei lōts! det brüs, hit dākt end tilth wer up,
 Sa sēft, sa nūver sēft. Spriedstu sa 'n bēd,
 45 Du wilde? — Ja, en bēd fon swanneplum;
 Der rēst' dīn offers; — sé hiar slumme swiet!

Sa foel ak faken hier dīn swiere hōnd;
 Teach thusenden by thusendon in 't grēf,
 End scoerde 't lond fon frydum ut enoar⁵).
 50 Hwerum? Wier dy det folk to *fry* end *heach*⁶)?
 Ha, spiel hit wei, fordīgje 't fon der wrald,
 Sīn namme bliwt sa lang er mensken benn'.

Hark, hear hin bulderjen, hark ho 't er rūst! —

Hwet wîtstu 't us det Fries'ne namme sunk?
 55 Dâgje up den, gaest der skiednis, sprek den doem⁷)!
 Wis 't folk in kamp mei menskon end natûr,
 Det hūsjend up en litze, smelle reap,
 Oan sūd- end noard- end east- end wester-ich
 Bisprungen, falle koe, men naut forgean.

60 Wis 't folk, fon godsthiansthwang end blînd geloaf
 Hûnd, skeind, to gniede, dilge scoe fon d' ierd'⁸)
 Thruch hearsksiucht, giergens, dubelherticheid,
 Skînfriندskip, falskens in partyen skoerd,
 Fon fremde macht oerstialpe, oerwoun, oerheard,
 65 Forrieden, end forkoft, forbroasle, deild,
 Fon wettirfloed by floed oergialpt, forscoerd.

Wis 't lond hweroer sa 'n lot bisletten wier
 End bulk end namme end tael behalden heth.
 Wis oan det bulk, sín weargea 'r by as 't ken! —

»Det bulk is 't friske, men dy weargea is er naut!“ — 70

Ja jimmer, ho fon fremdon ac fornield,
 Ward 't bulk fon fremdon upslukt eft fordriwen,
 Al krung dy Sax oan d' easterkanton in,
 End Hollonds bastertteam oan 't Westerströnd ⁹⁾
 Er bleawen leaten oer fon d' alde stam. — 75

Ja Fries'ne stam end namme end tael bleau fest
 Up th' heilich sté, hwer earst dy namme klunk ¹⁰⁾,
 End twigen spraton nei da noarden út,
 End hwer diu tael hir harich halde mucht, ¹¹⁾
 Der bleau det bulk yet hiem mei d' alde deugd; 80
 Um 't sprake is amme end geast en siel fon th' bulk.

Olliken faem mei tarringreade tzèke
 Ollenken swakkor wirth, ònt d' amm'snik fliucht,
 Sa falt det bulk, det ea sín tael forjit,
 Bifoar 't hit wit is 't oan da könt fon th' grēf; 85
 Hit fielth naut, hearth naut, siucht naut, hit is dead;
 End unbiklage sinkt hit end forgiet.

Ne, bettor den, fon th' wild end weldich hēf
 Oerstiaalp'd, to resten up da diupe boam.
 Sa rēst sa manich jinsen der in th' noard; 90
 End der, hwer 't Elve-wiet end 't pikelfield
 'n Oar reitze, rist er, út der griene weach,
 For hiam det ienlik reade grēfstiente up,
 As wita fon hiar kamp end heldendead ¹²⁾.

O, kaem hit iens sa fier, foel 't bulk sa diup,
 Forgeat hit iens hinselv, sín stam, sín tael.... 95

Ma seit det iens, foar manich thusend jier,
 Fon *Skandinavies* rou end klippich strönd,
 Ont hwer 't hit in d' *Ardennen* buskon rūst,
 Ien bare sé sín weagen ròljen die', 100
 Det, mei ol th' òre lond der twisken in,

Ak Frislönds boam oan th' wiet üntwrungen is,
End up en feste diupe kritgründ rest; —

O, kaem 't sa fier, forgeat dy Fries himself,
105 End aldfaers ère en deugd end aerd end team;
Du weldich hêf, forgearje den din kreft,
Driu, stuw din weagen up, sa 't wile skum
Fon th' himelwulft wer in den öfgränd dript,
End keil se oer 't plichtforgetten lond end fulk,
110 End wrut den boam ònt up dam kritgründ um.
Nen libben, né, nen sôndkerl bliwe er oer,
End lit den fiemen heach da weagen wer
Der buppe ròlje, fredich elkoar nei,
Da prüse kopkes bortjend mei en oar,
115 As hie' der nimmer naut en gründ bistien.

Men né, *det* berth in ivicheid sa naut.
Hwer Frislönda tael hir tempel halden heth,
Der bleau det fulk yet hiem mei d' alte deugd.
't Bleau achttian iewan lang sîn sprake trou,
120 Sîn namme warre 't achttian iewan lang,
End sa lang wenne 't up daselme gründ,
Né Noarderhêf, bithwing din wilde macht
End sparje 't lond, det great bleau wilst hit sunk.
Det, great in litzens, blinkt in thiusternis.

God thank! det fulk, det houd sîn friske tael,
End foarfaers deugd is yete naut forlern!
Det rumruft foarteam, Friesen, skögje 't oan,
Bliu fëst end dreech, ollik det slachte 't wier,
End stif end steech up riuchton end up wet,
130 End klibje fëst oan egin fulk end lond
War fremde wind fon alders erfgründ öf,
Bliu egin tael end rûnde fulksaerd trou,
Den bliut det lond rumruft as 't jimmer wier,
End Fries'ne namme klinkt mei ère in th' rûnd.

Hark, ho 't hit bulderth, ho dy Noardmon bearth!

XXII. „IDUNA”.

Uit: Harmen Sytstra — Forjut My Net XIII. (1883) p. 57.

(Sytstra) naem.... it bislút om in lyts tydwirkje ta bifoardering fen Fryske tael en Fryske sin út to jaen, dat er de namme fen *Iduna* joech en hwêrfen yn January 1845 it earste nûmer aef de earste bôge yn 't ljacht kaem....

De Halbertsma's hieden troch de útjefté fen hjar wirken de ljeafde 5 ta de Fryske tael wer oplibjen dien. Wol hieden der troch alle tiden hinne gûden wézen, dy it Frysk, al wier it den ek út tsjerke en rjuchthûs weiballe, yet goed-enôch achtene om der yn to skriuw'en, en hjar skriften troch se printsje to litten ûnder 't folk to bringen, mar der wier dôch selde eat yn 't ljacht jown, dat sa al- 10 gemien lêzen waerd as de Lapekoer fen Gabe Skroar, it haedwirk fen 'e Halbertsma's, en it is den ek oan hjar, dat wy it wer op-libjen fen 'e Fryske skriftenkennis' binammen to tankjen habbe. De fonk, dy de Halbertsma's yn 't hert fen 't folts slein hieden, hie dêr fjûr fette, en lûd forhefte him de stim fen 'e nationaliteit 15 ta bihâld fen 'e tael, dy tweintich ieuwen lang troch it folk spritsen wier.

De tael wier lykwol nei it uterlike gâns foroare. Libbe se ek, súnt hja fen 't Hollânsk as skriuwtael forkroningen wier, yet kref-tjich foart yn 'e mûle fen 't folk; hie se ek, as me yn oanmer- 20 kinge nimt hwet er mei hjar bard wier, mar lyts wirden forlern, dôch wier se yn hjar foarmen gâns ôfsliten, en de bûgingen, dy de âlde tael ienris sa kreftig en wollûdich makkene, wieren sa goed as allehiel fordwoun, hwêrby ta oermijtte fen ramp yet kaem, dat de iene disse en in oar wer in oare boekstavering útfoun, hwêrym 25 it Frysk for immen, dy dit mar út 'e âlde wetten koe, hast alhiel ünkenber wier. Wier is 't, dat soks dien waerd mei in goed wyt, to sizzen om it Frysk for de Friezen fen ús tiid, dy mei de âlde boekstoaijinge forlegen wést hieden, lêsber to meitsjen. Hettema wier lykwol yn de Voorrede fen de Friesche Spraakleer, oerset út 30 it Deensk fen Rask, al hird útgien oer de spelling fen Gysbert, dy er ôfskilderde as: »een zamenweefsel van Angelsaksische, Hol-

landsche en Friesche klanken, zonder orde daargesteld; een doolhof, opgevuld met taalkundige fouten, waaruit zelfs niet de grootste taalkundige wijs kan worden." Sytstra, dy, lyk as wy sjoen habbe, him ek al ûnder hjar kampfjuchters jown hie, en yn 1844 mei de hear T. R. Dykstra, — dy al lang it plan dêrta opfette hie, — mei in stikmannich oaren, it »Selskip foar fryske tael en skriftenkennisse" oprjuchte hie, wier ek fen miening, dat me de 40 Fryske tael mei hjar egen lâdoantsjuttingen hearde to skriuwen, en dat it ek hiel bêst dwaenlik wier om de efte âlde skriuwwize wer yn to fierren. Machtich waerd er yn dat tinkbyld troch Dykstra, oan hwa er ek syn earste kennisse fen 't âld-Frysk to tankjen hie, stipe en hy naem it bislút om soks to bisiikjen, en for dit hege 45 wyt wier it, dat syn *Iduna* it ljacht seach. Hy bigriep, dat er net yn ienen ta syn doel komme koe, en yn 't foarste boek fen syn tydskriftsje wykte er yn 'e boekstoaijinge den ek mar in bytsje ôf fen de oare skriuwers. Mar mei eltse jiergong gyng er in stapke fierder en kaem syn spelling eat mear dy fen de âlden neiby, sa 50 't syn lêzers, súnder dat hja it fielden aef der hast eat fen mirken, oan in mear suvere Fryske skriuwwize wend rekkene.

Nei *Iduna*, de godinne fen 'e dichtkinst en wolsprekkendheid by ús oerheite en hjar foar de tiden fen 't kristendom, neamde er syn bledtsjes, dy, lyk as 't goadendom oan hjar syn glânze en krêft 55 en oan hjar forjongjende apels iwige jeugd en skienheid to tankjen hie, oan de Fryske tael wer nij libben en tier jaen scoene. Rym en ûnrym, earnstich en grappich petear, egen en oerset, wixelen dêr elkoarren ôf; nou ris krige min in teltsje út it deistige libben aef út 'e skiednis, in Noardsk, in Tsjutsk aef in Frysk mearke aef 60 in âlde sége; den ris hwet kâlderje oer seden en brûkmen aef, humoristisk aef ironisk soms, oer minskene goed en quea, en op in oare tiid in stikjen oer tael in spelling aef in priuwke klearebare âld-Frysk, as 't nedich wier, mei Sytstra syn fortjuskinge der njunkens, — allegearre der op birekkene om de ljeafde for it 65 Fryske sa folle as 't koe oan to fiterjen, en in bulte frjeunen en foarstanners het er dêr mei for ús tael woun.

Lykwol ho 't Sytstra en syn meihelpers hjar bêst ek dieden, ho wezentlik útmintend de ynhâld ek wier, by it folk krige *Iduna* nin

yngong: hja koene mei dat âlde Frysk net to rjuchte, lyk as hja
seijen; 70

En mochten der nou al gûden wêze, dy der krekt sa lang op
omstammeren, dat se it einling goed lêze koeden, elts en ien wit
wol, dat dat oer 't algemien it folk syn foech net is, en sa hie
Sytstra syn wirk den ek net it gefolch, dat er him der fen foar-
steld hie. 75

G. COLMJON.

XXIII. MYN MARY.

Uit: Doaitse mei de Noardsce balke 1848. p. 4. Met andere spelling in latere
drukken.

Der yn dat tropke bjemannen, Der stiet dy alde toer,
De protters in de douwen Dy fleane er om in oer:
Der yn dat lytse huwske, Mei 'n escen beam er by,
Mei 'n drayer op 'e scoarstien, Der wennet myn MARY.

Der jinsen yn 'e finne, Der rinne trye ky;
Ien muwskleur in ien swartien, In ien wytboente er by.

Dat binn' hjar heite bisten, Dy melkt hja twaris deis,
Den sjuch ik hjar wol scrippen, Ik sjuch hjar elke reis.

In sneintejouns nei melken Forklai ik ringen my,
Sa kwikker in sa kruwdich; Den gean ik nei MARY. 10

Ik stap it gea den binnen, Sa proastich as ik mei,
Den sjugge my de fammen Sa spitich efternei.

In kom ik den to hjarres, Den stiet de stoel al ree;
Den kryt se ien piiп fen 't rakjen, In is sa op hjar dree.

Ien wyt porsleinen rieuke, Ien kopke mei ien ear 15
In mei forgulden læzen, Het hja den foar my klear.

Den binn' hjar alde ljouwe Sa yn hjar scik mei my;
Hja wolle 't graech sa hawwe Dat ik hjar dochter kry.

- Dat scil yet eak wol wirkde, Hja het my 't wird al jown,
 20 Ik hoapje, takomm' maye Den wirkde wy forboun.
 Ik wol ien huwske hiere In eak hwet lân der by,
 In der scil ik den wenje, Yn frede mei MARY.

W. DYKSTRA.

XXIV. OAN TSJAMKE.

Uit: Swanneblommen 1851. p. 20. Met veranderingen door den schrijver.

- Scoe ik dy net ljeafje, Myn moetel swiet faem?
 Sa sæft as ien douke, En goller as 't laem!
 Sa boartlyk as 't wyntsje, As 't, dounsjend fen nocht,
 De blomkes al aikjend En patsjend oerfijocht.
 5 En frjeunlyk, as 't roaske is, Dat maityds sa blier
 It sintsjen aanlaket, Mei 't knopken yn 't kier.
 En proes as de weagen, Dy himmel en glæd
 Der glinsterje en djoeye, Op 't wiggeljend bæd.
 O koe ik it litte, Muwlk wier 't ta myn bæst,
 10 Om 't nearne ha 'k wille, Nin frede, nin ræst,
 As den, as yn 't boatsjen Op de iensomme romt'
 Dyn byld mei it koeltsjen For de eagen my komt.
 Den drieu ik der hinne Fen minscetwang fry,
 En mimerje in droamje Myn ljeafken! oer dy.
 15 Mar sitste yn de joun sims Sa næst my by 't roer
 En djoeyet en dwarlet It foegelte uws oer,
 En dounset it michje En goenset syn liet,
 En sljurket uws boatsjen Sa sæft oer it wiet,
 Kruwpt 't sintsje, yet blerkjend, Den stil nei de groun,
 20 Is 't marke as ien spegel, — Hwet sillige joun!

Den bliest uws de minne De herten yn fjoer;
 't Is ræst om uws hinne, 'n Myn ounræst is oer.
 O Ljeafke ik wol 't wæze, Fierwei en neiby,
 Myn langst en myn libben Myn ræst is by dy.

J. VAN LOON JZ.

XXV. „IN SET MEI US MEM”.

Uit: De Jounpraters; Byecoer 1854. p. 23.

Do ik sa 'n groue jonge wier, hiene wy in hoane, dy bare njuet wier. Ik lai ris heal en heal oender de tafel to dodsjen, en ûs hoane stie permantich in de keamersdoar. Us mem stie by de hird en rearde de groatenbry om. Ut tiidkorting hie ik to mûk in pear ier'appels ut 'e poat moffele, en smiet dy Bokke by biten en brokken ta. »Hwet leiste dær wer onmachtich,” sei ûs mem. »Hest dy smoarge hoane wer in 'e huis? Scoe 't net in hopen better wæse datst din fraechboek krigeste, en boekstaverje dær ris in? Dou kenst de fragen yet net healwei, tink ik.” — »Jawol,” sei ik. — »Nou den scil ik se dy offreegje, ik ken se wol fen bûten.” — It 10 wier tsjien minuten foar tsjienen op ûs klok, tzijen ure, op 'e klokslach kaem ûs heit in, den scoene wy ite. De mage jokke my danich en ik digere sa nei dy groatenbry, JAPIK! dy mei ik sa sloarderich.

— »Waardoor wordt de mensch waarlijk gelukkich,” frege ûs mem.

— »Door de bekeering,” sei ik.

— »Wat is bekeeren?”

— »Zijn leven te beteerden,” sei 'k.

— »Te bêteren, koale!” sei ûs mem.

— »Beteeren,” sei 'k.

— »Béteren,” sei ûs mem wer.

— »Nou,” sei 'k, ik ken 't net oars spjeldsje, b, e - be; t, ê - té; r, e, n - ren - beteerden!” sei 'k.

En sonder dat ûs mem my warskoude, fen: kear my dit ris ta, of: kear my dat ris ta, jowt ûs mem my in trewinkel mei de

15

20

25 gleaune brysleef, dat de groatskellen oer de keamer stouden en ik
 suver net mear wiste, ho let as 't wier. »Hwet bi-egewearreste,
 jonge?" sei ûs mem, »hûnst my dær wer mei? Hest den nen her-
 sens in 't liif?" — Ik sei neat. BOKKE hie earst hwet keakele, hy
 waerd, leau 'k yet kjelder as ik. Mar nou bigoun er mei de groats-
 so kellen en dær nôge er ûs trettsjen hinnen by, dy by de doar op
 him wachten. Us mem die krekt as malle JAN; hja boeke mei de
 stikkene sleef in de hinnen om, mar sloech jimmer op 'e estrikken
 flier. »Jei de hinnen der ût, luiwammes!" rôp se. — »BYKE! BYKE!"
 gûlde ik, en dær kaem ûs houn oansetten, hwent heit kaem ek.
 35 »Hi, sa, BYKE!" sei 'k. BYKE op 'e hinnen ta, dy fleagen alle-
 gearre in 'e hichte, dat de fearren wit wær stouden. Keakelst net,
 sa hest net! Ho it op dat stuit wier ken ik net krekt sisse, JAPIK.
 Us mem skrieme en gâle en ût de skrift prate, de hinnen keakelje,
 BYKE bilje en BOKKE kraide boppe alles ût. De stelten fen 'e kast,
 40 de pannen fen e rigchel, de stoelen fen 'e kiste, it leppel- en
 airakje fen boppe. Dær glied ûs heit in ût en naem ûs memme
 pronktafeltsje mei. Alles kort en klien. Trye hinnen troch de glæ-
 sen; in stik of hwet op 'e tafel, dy scoe BYKE fordrieue en sa-
 dwaende rekke de hele kræbbe ek om: »Dat smaakt lekker," stoe in
 45 min panne, wit ik wol. Fjouer hinnen reagen de bargeribben fen
 de deisstokken. BOKKE seach einlings ljocht; hy fleach in de skoar-
 stien op 'e spekstokken en reage deworsten del mei in porsje roet,
 wær in hap fen in de groatenbry kletste. Us mem rôp: »Dat is
 in hûshalding fen JAN STEEN!" It wier sa slim as 't wier, jimmer
 50 scoe 't menske ût de skrift prate. Hja mat oars al from wæse,
 JAPIK. Us heit kaem skoarjende oerein; de flier hie nen bit mei
 jown, sa 't like. »Ho is 't hier sa balstjoerich?" frege er brim-
 stich. — »Ik woe ûs jonge sa graech de rjuchte leare inprintsje,
 mar de dîvel het it keard," sei ûs mem. — »Ho fielste sa nei de
 55 holle?" frege heit my. — »De dîvel het him lean nei wirken jown,"
 sei ûs mem. — »Dat 's net!" sei 'k, »dat het mem sels dien mei
 de sleep." — »Dær is ek hwa, leau 'k" sei ûs heit, en jawol man!
 dær kaem in healsliten Joad in mei bienders en in Kollumersweach-
 ster mei hanskrobbers.

XXVI. IEN INGEL OP IERDE.

Uit: Swannebl. 1854. p. 37.

Der boarte er ien ingel mei minscen op ierde,
 Ien allerljeafst famken, ien selsomme blom,
 Ien hearlike roaze, dy ljeaflik hjur tierde,
 Sa'n famke seach selsom ien fier yn 't rounom.

Hja kaem — in de wolke fen soargen dreaudinne, 5
 De takomst waerd frjeunlik, in klearder de loft.
 Hja kaem in fen de ierde kleau 't lofliet fen dinne,
 Wer bloiden de roazen fen glimlaits in noft.

Hja glied troch it libben, as 'n wolk lâns de dage,
 Hja aerde sa 't like hjur nuwere wol, 10
 In elts woe dat famken op hânnen wol drage;
 Hja wier as ien lamke sa myld in sa gol.

O 'n roas is eak moai, as hjar bloedreade knoppen,
 Al skimerjend kypje troch twichjes fen grien.
 De flinter, ho'n pronkstik! — dochs krekt uwt de doppen 15
 Is 't hjur mei de flinter in roaze wer dien.

De loft dy wirdt tsjok, in de wetters dy bruwse,
 De wyn boaset oan, — in de stoarrem falt yn,
 De blommen dy tyskje, de twigen dy ruwze,
 In flinter in roas waye wei mei de wyn! 20

Hjar tiid is forstritsen, hja trillet fen ængstme,
 It boartsjen is oer, hja wirdt wyt as de snie,
 Hjar eagen dy blinke, hja fluwstert fon længstme
 In seit, det der boppe hjar heitelân wier.

Hja laket hjar heit in hjar mem blier to miette, 25
 Hja tuwtet de triennen hjar wei fen it each! —
 Den duwkt se yn it kjessen, — den glimket se yette,
 In 't wyntsje dat fierde dy ingel omheach.

XXVII. SIMMERNACHT EN SIMMERMOARN.

ORATORIUM.

(FRAGMENT).

Uit: Moaye Blommen fen ûs Frysce Letterkroane (1880). p. 78.

Koar. Sprekkende.

O! sjoch! nou yn 't easten,
 It moarnread forskinen;
 De dei wirdt to wekker,
 En strykt de gordinen —
 Gordinen fen wolken,
 Fen ljochten en kleuren,
 Lyk as der in skilder
 Nea jown waerd to printsjen,
 Dy moarnreade wolken,
 Mei reinbogekleuren,
 Dat bin de gordinen —
 Hwer efter de dei rëst,
 Dy geane nou iepen,
 Gedild yet in hoartsje,
 Den scil se forskine,
 Den scil se wol komme,
 De greate Foarstinne,
 Mei Himelsce glânsen,
 Mei hearlike gloarje,
 Mei iwige preal,

Ien man's en ien froulju's stim.
 Sprekkend en fleurich.

Nou komt op it ierdryk al libben, de kou
 riist oerein, en rekt har is út.

De brimsen en miggen dy tsjugge'r op ou,
 en dy siikje wer om hjar bút.

De hynsers en kij bite freedsum en wol
 yn it dawwige gêrs, nou sa bêst,
 De brimsen dy meitsje dy bisten hast dol,
 sa is d'iene jamk d'oire ta'n lêst.

5

10

15

20

25

It bïjke is al warber en krûpt yn'e blom,
 om it swiete, mar mijt it fenyn. 80
 Och! liken wy minsken, jamk kwea, en soms dom,
 ljeaf bïjke! dy derre mar yn.
 It eintsje dat stekt wer de kop út 'e plûm,
 it plûstert en kweaket; »Goe moarn!“
 De earke seit: »Tankje! Myn famkes! kom! kom!“ 35
 En 't giet op de pôlle wer oan.
 De hoanne, fen nijboer syn team, stekt de kop,
 mei in krûmsteande nekke foarút,
 En »kûkelekû! it wirdt dei! stean wer op,”
 Dat kraeit er wol twyntich kear út. 40
 De fûgels yn 't bosk wirde warberder yet,
 mar 't wyfke dat sit har hast stüif,
 Op 'e aikes to brieden, it mantsje dat gjit
 Om it iten to siükjen foar 't wiif.
 De ekster, de skrie, de fink en de ljurk,
 it sjongt en it fluitet en krast. 45
 It pipet, it tsjottert en elts is oan 't wirk,
 wylst elts op syn eigen wol past.
 De markollen saeye sa lînich oer 't wiet,
 en 't fiskje, dat derten ef bang 50
 Yn 't boartsjen ef eangstich it wetter úntsjet,
 it libbet licht net bare lang.

Froulju. Koar.
Sangerich en treflik.

(p. 90) Sjoch nou de sinne
 De Himel Foarstinne
 Al geande wei roun, 55
 Forlit nou de groun
 Ut marren en kolken,
 Troch kimmien troch wolken,
 Om heech al om heech,
 Foar it weitsjende eech. 60
 De toer en de tsjerke,
 Dy kin it al merke,

- 65 Hja blinke al yn 't goud,
 Dat de wraldbol hjar jout.
 In bytsje yet heeger,
 De grêven binn' leger
 For hjar ek it nocht
 Fen it Himelsce ljocht.
- 70 It skrift, dat de gêrsen
 Fen 't grêf jaen to lêsen,
 Dat is: »Minskebern,
 Neat giet er forlern.
 Hwet pyle dy rekket,
 Ien machtige wekken,
 Hwet ein dat dy treft,
 Yn 't ljocht bljuwt de kreft.»
- 75 Dyn unîgen, dyn sibben,
 Dy ljeaf by hjar libben
 It grêf al ta'n bút,
 It ljocht gong net út.
 Oer grêf en oer deaden,
 Oer prealstien en seaden,
 Hwet komt ef fordwynt,
 Oer alles forskynt —
- 80 It ljocht, dat fen boppe —
 Wer wekker scil roppe,
 Dat stoar en forsonk,
 Ho hearlik as 't blonk.
 Ho neatich as 't hjitte.
 Fruchten ef kjitte,
- 85 Alles scil stjerre,
 mar libbet op nij,
 Dat seit de blomme,
 op it tjerkhôf dy.»
- 90 Alles scil stjerre,
 mar libbet op nij
- Koar.

Dat seit de blomme

op it tsjerkhof dy.

Solo. Manjustim.

Ja, »libben! libben!”, is it liet,

Dat yn it boek der skepping stiet,

100

’t Mei hjir forgotten reitsje.

’t Klinkt op in Himmeltoan sa skoan,

It ierdrik oer yn d’ ieremoarn:

»Hwet slept scil wer üntweitsje.”

»Hwet slept scil wer üntweitsje.”

105

Koar fen froulju en de foarige.

Ja, »libben! libben!“ is it liet,

Dat yn it boek der skepping stiet.

It mei de dead hjir smeitsje,

’t Klinkt op in Himmeltoan sa skoan,

It ierdryk oer yn de iere moarn:

110

»Hwet slept scil wer üntweitsje.”

»Hwet slept scil wer üntweitsje.”

Koar. Kreftich.

Ja, »libben! libben!“ is it liet,

Dat yn it boek der skepping stiet.

God scil syn wirk folmeitsje.

115

’t Klinkt op in Himmeltoan sa skoan,

It ierdryk oer yn d’iere moarn:

»Hwet slept scil wer üntweitsje.”

»Hwet slept scil wer üntweitsje.”

T. G. VAN DER MEULEN.

XXVIII. WINTERNOCHT.

Uit: Swanneblommen 1884. p. 75.

Oer hoes, oer kloes, oer finne

Leit lelieblank en wyt

Wer winters snietapyt,

Wearoer Gods goudne sinne

5

Mei bliere strielen gliidt:
 Mei speeglig iis befloëre
 Is marke, poel en wiel;
 Oan toeken, toer en scoëre
 Blinkt eptig iisjuwel.

10

Wear oars de weagen geane,
 Swiet wiggelje op en del,
 Bij riten rou en fel
 Nei 't swirk opstouwe en fleane,
 Dear rinkelt slide en bel.

15

Dear riidt nou kreaze Sytske,
 In faem asz molke en bloed,
 Op 't holtje in tilig kypske,
 Sa swierig mei har Sjoerd.

20

Wha thinkt om tersk, om tjerne?
 It iis dat is sa moai,
 Wha sit nou klomsk en loai
 To stinnen yn hirdsherne?
 Eltsien gjiet oan 'e goai.
 't Is nocht yn greidhoek, walden,
 Yn boukant, wetterlân,
 Ninien is thues to halden,
 De sceaf boärst uet 'e bân.

25

Nou gjiet it op in krygen,
 Nin ankels bin' nou slop,
 Dat hinget reedens op,
 Dat riidt nei fiere mygen,
 Dat dounzet, hop, hop, hop!
 Jouns let yet twiskenbeide
 Bij Bokke en Poy-moei oan,
 Smoek mei de fammen meide:
 What is sa'n libben scoan!

30

Ja jongfolts! smeits nou wille,
 Salang 't jim' barre mei,

| | |
|--------------------------------|----|
| Nim mei sa'n winterdei: | 40 |
| De nacht is red forsille | |
| En 't iis theit ringen wei. | |
| Jongfamkes mei reawankjes, | |
| Jongfeintjes mei krol hier, | |
| Lisz op en sjong jim' sankjes, | |
| Lisz aan en gean to bier! | 45 |
| Aldgroun! wesz jamk beferzen, | |
| Swaei roege Joekelbird | |
| Al d'ieuwen roun jou swird, | |
| Tjoen blommen op ues gleszen, | |
| Tjoen blommen aan ues hird; | |
| Hjear fryske boykes praten | |
| Oer froulju, waer en wyn | |
| En taepje frjeun en maten, | |
| Jou > boerekoffie" yn! | |

DR. L. C. MURRAY BAKKER.

XXIX. UT ÅLDE TÍDEN.

Uit: Swanneblummen 1864. p. 38.

›Mín soan, míن lieave soan, hâld in!
Och, fulgje net, ôerdwealsk en blínd,
Dín hiëte hulle!

Lík as 't dín brôer die, streaketh dy
Ek de earsucht. Helpt nu 't kriten my 5
Wer like fulle?" —

Sín gleand swart each,
Dat lang oan ien
Wild um him fleach,
Untkumt en trien;
Mar dalik wriwt 10

- Sín hând dy wei;
 End memke thriwt
 Him hir sa nei.
- 15 Mar hy: »Mem, och, lit my,
 Hwent heit aloan bith my,
 End klageth: ik lids hjir allinne!
 Sids mem, scoe 'k den dâf bliwe kinne?"
- »Mar ik den, boäi; siuch den nei my!
 20 Moät 'k, mei dín heit en brôer, ek dy
 Foär altid misse?
 O hert-toskurend oarlochswea!
 Moätst', nei 't mín man fleach in 'e dea,
 Min bern m' untrisse?" —
- 25 »Mem, lit my gean!
 't Is ta míñ bêst,
 Ik fínd thús nearn'
 Ef nea nin rêt,
 Hwent eltze dei
- 30 Droanth, altid thruch,
 As near geklei,
 M' in 't ear: »Untduch
 Fen 't loaikjend geteam dy,
 Skúr los fen 't gedream dy,
- 35 End hâld, beide as soan end as krîchsman,
 Du de ear dôch ín top fen âld Fríslân!" —
- »O swy, míñ junge! yete ienkear
 Rup ik it dy mei eärnst ín 't ear,
 Foär 't alderléste:
 40 As 't kriten fen dín mem 't net kearth,
 Den litt' me 't tsjingean fen dín feart
 Mar fredich rête.
 Hark! Fríslâns ear
- 45 Dy easketh net,
 Dat rumsucht mear
 Is ín dín hert

As fieling fan
 Dín berneplicht:
 By 'n wiere man
 Heth deugd gewicht.

50

Wolst' dy nu bigripe
 Wês my den ta 'n stipe;
 Mar — hear my! — thruch blôedige wrake,
 Scilst neat as dín ôfkumst forsake." —

»O Mem, míjn strîd, jy meitsje 'm swier!

55

Sids, eren wier juw praten fir,
 Hjir *fir* fen dinne;

Jy sprieken skânde ôer elts end ien,
 Dy net, sa 't ik nu wol, hie dien,

Hu scil dat kinne?

60

Do heit stoe klear

Um foärth to tsieän,

End net ienkear

Ju wer scoe sieän,

Do wier juw wird:

65

Gean, lieäfste man!

Brûk trou dín swird

Ta ear fen 't lând;

Bifiuchtje dy freämden,

70

Dy fryheden strimden,

Sa âld as de grûnd dêr w' up steane;

Jow alles dêrfoär: Gôd scil 't leane." —

»Jáwol, míjn soan, dat wier míjn wird;

Al fôel it swier forlies my hird,

Us Fríslând frege 't!

75

Mar hwet dy oandriwt is de wraek,

Dy wrigge, dy en man sa faek

Ta 't dier forlegeth.

Heit joech sín blôed

Ta bêst fen 't lând,

80

Foär 't heechste göed',

85

It frydums-pând!
In dín gemôed
Barnth felle haet,
Dy, inkeld tsiôed,
It gôed' forstaet.

90

Gôd joech ús it libben
Ek mei foär ús sibben:
Wier 't lând ín gefaer, du moäst stride;
Mar nu is dín plak oan míjn side."

1863.

SUMINONA (H. FENNEMA).

XXX. OAN MÎN HÎNDER „SOPHIA”,
NEI 'T WINNEN FEN 'E PRÎS, 14 MAYE 1873, TO LIOWERD.

Uit: Swanneblummen 1875. p. 81.

5

10

15

Wel, Fie! hwet diest dêr wer in set! ¹⁾
Dat hest mei eare helle!
Nin rid forlern! en kamp sels net!
Dêr moat ik prîs op stelle.
Ut Hollând, Grinslând kaem me wei,
Op ien nei thritich diene er mei,
En dou, dou waerdst de winder!
Hwet wierste keintsjes, prûs en kreas!
Hwet joechst dy plat del foar de sieas!
Neat wier dy wis to hinder.

Dôch kom, fen prîsgjen hâldste net;
Dat sioch ik oan dîn blibbe.
Mar, goede ju, hwet wier 't in pret!
Nea, ha 'k it sa bilibbe!
Ik wier ïn 't skik, datstou sa rûnst

1) *Fie*, sa hiette wy ús bistke folle by forkorting.

En mei sa'n ear de pris ek wûnst,
 Mar siker, Fie, dou brochtste
 My wrachtich op in plak, dêr ik
 My hast net rôdde koe mei skik, —
 En hwer den wol? — hwet thochtste?

20

Sioch, do de leste rid dien wier,
 Koest foart de pris ek krye,
 Dêr foar dy tint; — en dêr in stie
 Us Kening, Willem thrye.
 Dêr kaem me nou en sei tsjin my,
 Dat ik moast, mei mîn wif der by,
 Dêr op 't balkon forskine.
 Min goede ginst! sa thocht ik nou,
 Dêr bringt it hinder boer en vrou
 In blidskip en in pine!

25

30

Ja, siker, dou sietst op 'e troan,
 Dou hiest dy goed forklearre,
 Mar 't kaem der nou for ûs op oan,
 Wy moosten 't net bidearre.
 As wy dêr by de kening stien'
 En hielandal biteutre wier'n
 En rabb'len mar hwet hinne,
 Den hie 't dy in din eare kaem,
 En beide hiest 't ûs quealik naem,
 Ho goed w' oars mei 'noar kinne.

35

40

Nou sioch, wy wier'n sa as wy wier'n,
 — 'k hâld neat for dy biditsen —
 Sa ha wy den for Sire stien,
 En dy het ûs taspritsen,
 Mei 'n tael sa goed, sa gol, sa bly,
 In tael, dy ûs, mîn wif en my,
 Alhiel frymoedich makke.
 Ja, sa de Kening wier tsjin ûs,
 Den is me ringen by him thûs,
 Yens bleaëns foart bisakke.

45

40

Do rikte er mei sîn egen hând
 De pris ús oan, moatst thinké,
 'n Horloasie, in eariser, wel man!
 Sa as se er selde blinke!

65

Hy skodde beide ús de hând,
 Hy, ja de Forst fen Nederlân,
 En wy — dôch lit my swye....
 Eare oan 'e Forst, dy tsjin sin folk
 Sa goed, sa minsom is en nolk:
 Lang libje Willem thrye!

60

Mar Fie, ho siochst sa spitich om?
 Hest langstme nei dîn foerke?
 Dou hest it wol fortsienne, kom,
 It stiet al klear in 't koerke.

65

Mîn goede bist, wês mar gerêst,
 Sa lang as 'k libje, dit stiet fêst,
 Kinst, hwetste ha wolste, ite;
 'n Oerrompelt dy iens d' âlde dei,
 Ha dêr folstrekt nin noed ek mei,
 Dy scilste rêtich slite.

70

Mîn goede bist, ja dit stiet fest,
 Dou wirdste en bliuwste sparre:
 Throch dy ha 'k by de Kening wést,
 Dat oars licht nea scoe barre;
 En dêr, dêr stel ik pris op, Fie,
 Oranje's hûs, 'k wít hwet it die,
 For ús throch alle tiden;
 En dêrom, stie 't ris slim der by,
 Ik gie mei dy en dou mei my,
 For sok in Kening striden.

75

XXXI. „NEI 'T HEITELÂN.”

Uit: *Us nye bûrliu. En oisprunkelik forhael.* Swanneblommen 1868. p.

Nei det ik der to Christiana en great tweintich jier practiseare,
end en hiele skat oerwûn hie, bigûn det sin my to bikrûpen um
in Friesland to siean, end woe ik, foar det ik mîn hulle for de iwige
reste dellidse scoe, yetteris det plak siean der 't ik berne wier end
der 't ik by mîn lieave mem mîn earste bernejieren in frede end 5
stille wille sliten hie. Sa reisge ik nei Kiöbenhavn en der fen dinne
mei de stea ver nei Amsterdam. Ho thichter ik kaem by 't doel
fen mîn reise, ho mear de bilden út mîn bernejieren my dudeli-
ker waerden, end klearder my foar de geast kamen. Do 't ik in Am-
sterdam en skipperswif seach mei en gouden eariser up, sprungen 10
my de triënnen in de eagen, end ik koe it net litte lûd to ruppen:
o mem! o mem! — It wier my nammers gled forgotten ho de frou-
liu by us to lande klaid binne, end ik hie der ek nea net oer nei-
thocht; mar nou stie my alles wer dudelik foar de eagen, end it
wier my krekt as stie mîn mem oan de ore ich fen de Südersee, end 15
wunk my mei hir hand, krekt sa as ik det siûn hie in dy nacht
fen 't oersilen fen heite kuf, do 't ik by de Noorman in de koy laei.
Nu wier ik net mear to halden; dy ore moarns naem ik pleats ont
Starum ta up 't Harnser steamboat.

Up dy steamer hearde ik ienige liu Friesk mei en oar praten. Ja 20
wol, det wieren de alde klanken! It klunk as súvere wollust in mîn
earen. O, du swiete, du oer de 'miëtte swiete memmesprake! Nea
klunk my musik sa moai in de earen as 't sliuchte petear fen disse
liu up 't boat. Ik ridbuske oer al mîn lea, end ik harke ta mei sawn
earen. — — Ja wol, det wieren de alde warden lik as heit end mem 25
mei my spritsen hieden. 't Bloed stigde in mîn wangen. Mîn herte
bunsde, mîn puls-ieren jagen! Unrestich trape ik oan dek hin end
wer, end koe ik it net litte um up ny »heit“! end »mem“! to ruppen
in my self. Einlings rekke de Frieske wal in 't sicht. Det boat stoppe
effen. En slûpe mei ien pear manliu derin, laei up side fen de stea- 30
mer oan. Ik sprung der in, en de manliu roeiden my to Starum in
de haven, wilst 't steamboat sin-reis nei Harns forfulge. Mei en

ûtrup fen blîdskip sprung ik to Starum oan de wal. — O, du hillige
heitegründ! — Hwet skînde de sinne my der blier! — Hwet streamde
35 my der en suvere, kleare, libbensluft mîn lungen út end ïn. It wier
my as wier de himel for my updien! Mar jimme to fortellen hwet
sillige fielings mîu herte thruch gloiden, ken ik net. Suk ding mat
ma fiele. — Sa stoep it foart up de wei fen Starum nei Warns end
kaem der ringen oan. Mar och! det foel my of! Is dit Warns?
40 Hwer is dy rige greate husen hwer earn dy rike skippers up de
Eastsee wennen? Hwer is 't hûs der heit end mem wennen? Alle-
gearre wei, ofbritsen, de hûssteden sliucht makke. — 't Is middei,
en deastil in de bûrren. En pear iensumme skiep stean up de plak-
ken dy earn mei husen bibuwd wieren, ïn de smoarwaerme sim-
45 mersinne tjin eltjoar to bletterjen. Ik gean nei 't tjerkhoaf. Hjir is
alles gelik bleawn; de alde tsjerke; de alde toer. End hjir biwesten
de toer is earne 't plak hwer mem bigraven leit. Mar der leit nin
stien up 't gref; ik keu it net goed sidze, is it hjir ef is it der.
De klok in de toer slacht tolft. En ald man giet langsum oer 't tjerk-
50 hoof; hy siucht forheard up det der en freämde hear stiet. Slûch
end slieperich thruch 't barnen fen de middeisinne, tikketh er efkes
oan sîn hoed en mumpelt »dei!« Hy slût de toersdoar up, en bi-
gint de klok to lieden. Ja, det is 't alte lûd! De alde man ïn de
toer stiet mei ien bûgde rech as en wirktaich oan 't klokke-sil to
55 lûken end thinkt net ho eltse slach fen de klok dy freämde man
der up 't tsjerkhoaf thruch 't herte snyt, hwent it wier my as
hearde ik de klokken wer lieden, do mem to hoaf brocht waerd.
Nee, det koe ik net langer útsteân! Ik rûn foart end stoep sa tel,
as ik koe, de wei up nei Kaldum. Hjir fen dinne liet ik my mei
60 en foerman's weintsje.... nei Harns bringe.... Hwent it wier my
unforskillich hwer hinne, end ik moast dochs earne wêse. Der siet
ik dy jânds ïn de herberge, in 't Severyn's hûs det der bûte oan de
seekant stiet. Sa rum um 't herte as ik de moarns wier, sa mistreas-
tich fielde ik my nu. Iensum siet ik der end bithucht det ik de ore
65 moarns mar wer mei 't boat nei Holland woe end den sa ringen as mar
koe werum nei Noarweine, mîn twade heiteland, hwer 't ik mîn wirk
hie, hwer 't de minsken my koeden, my doctor Peter Carstensen neam-
den, end my foar en Noarman halden.

GUNDEBALD (JOHAN WINKLER).

XXXII. „KOMMEN EN GEAN”.

In mannich rigels út in lêzing útspritsen yn de bûtengewoane gearkomste fan
de Krite Frjentsjer, yn de winter fan 1886—87. (MS.)

Ik scoe hjir noch wize kinne op mannich foarfal út it deistich libben,
det oan dat kommen en gean forboun is. Op it kommen fan
mije lju yn it gea, dy 't der in tiaidlang bliuwe, om dérnei wer
hinne to gean,.... op it jierliks aef ek wol binnentiids forwixeljen
fen tsjinstboaden,.... op it kommen fen in nije master, dokter
aef boargemaster,.... op it kommen fen in nije domeny, dolearjende
aef net dolearjende, hwértroch mannich gemeinte yn twa
aef mear kampen fordield wirdt; mar it faek ûnforkwikkelike
fen dy dingen lit ik ljeaver oan oaren oer,.... it scoe jimme,
wol 'k leauwe, net haegje en ik sels wird 'r mar grizelich fen.
Ijeaver woe ik op dizze kalde winterjoun fortelle fen 't moajie
oankommende foarjier, mei syn bolle sude wyntsjes,.... kabljende
weagjes,.... goudene sinnestrielen,.... hipljende launkes,....
oaljende kjeltsjes,.... bloeijende beammen,.... 't blomjende
ierdryk,.... sjongende fûgels,.... gonsjende bijkes....

15

Dêrynn leit poësij foar 't libben.... Mocht ek de minskewrâld,
lyk as it ierdryk, in ny kleed oantsjen,.... in kleed fen ljeafde
trouw en oprjuchtheid,.... en ouлизze it winterpak fen haet, nyd,
ûnfordaechsemheid en skynhillichheid....

Mear mei de bloeijende natûr oerienkommende is it dwaen fen
dat lodderich fanke, dy 't mei in striel fen blydschap yn it each
stiet to dikerjen nei hjar hertlap, mei hwa 't hja to maeije trouwe
scil en dy 't hja yn de fierde oankommen sjocht. O! gean him vrij
to miette jong faem; hy scil 'r syn stap om forhaestsje as er dy
oankommen sjocht; den koartet de ofstân, dy 't jimme noch skiedt,
fen beide einen yn en ringen slút er dy yn syn earmen en pattet
er dy dat it klapt.... En stiet ek dyn each hwet minder blier,
as er, nei in ûrke fen sillige wille, wer hinne giet en ôfskie nimt,....
ha mar gjin noed,.... maeije is net sa fier mear ou,.... den

30 wirdt de knotte lein en werde jimme foar jimmer forienige....
 Scil dy forieniging jimme ta lok wêze?

Nommel fanke!.... den wol, as jimme de ljeafde, dy 't jimme nou foar 'noar fiele, ek noch nei jimmie boask sykje oan to kweekjen,.... sykje to forsterkjen,.... sykje to forealjen, troch ienfals 35 dige mar wiere godtsjinstsin,.... troch sedelikheid en wiere houwlikstrouw. Den wol, as dyn halding fen dizze joun, it byld wêze mei fen dyn houwlikslibben, hwent den ek scilsté mei langstme nei him útsjen, so faek as er fen syn wirk thûskomt, en him to-miette komme mei golle blidens yn it each. Den scil syn plakje 40 oan de hird troch dy biwarre wirde as dyn hillichdom, en scil it foar him bliuwe in feilige taflecht, en in ljeaflike útspanningspleats. As dat jimme wyt is, jonge ljuë, gean den, aef riid den to maeijje fol moed nei de trouwseal ta, elk mei in spiksplinter nij pakje oan, yn in moaije sjeas aef tilbry, mei in moai hynsder der foar 45 mei in moai túch dérop, en mei in brede skare fen frjeunen en sibben efter jimme, dy 't er jerne by wêze wolle as jimme troch de houwliksbân oan 'noar keple wirde. O! as den de flaggen, jimme ta eare, sa wapperje,.... en de eareskoaten, jimme ta eare, sa poffe,.... en de brulloftsgasten, jimme ta eare, san wille ha.... 50 en de brulloftssangen, jimme ta eare, sa rûze,.... en de brulloftstoanen, jimme ta eare, rolje, de feestseal troch!.... O! den sjugge jimme de tokomst sa blyd to miette, en 't wier?.... En ik mei it sa jerne, dy blide laeits op jimme antlitten,.... ik mei it sa jerne, dy ljeafdefolle blik, dy 't jimme op 'noar festigje, hwêry in 55 wrâld fol lok en sillichheid bisletten leit, mar hwêrfen jimme to gearre allinne it rjuchte fiele....

Mocht sa jimme trouwdei de earste wêze fen in lokkich houwlikslibben, den scille jimme wêze en ho langer hwet mear wirde, in seine foar elkoär,.... in seine foar jimme hûs,.... in seine ek 60 foar de maetskippij.

Ik haw wolris sizzen heard, det jonge ljuë, by hjar trouwen, op de heechste trime fen de learre stéane, mar ik leau der neat fen. Wol min it byld fen de learre hâlde, den scoe ik hjar net mear jaen as de middelste trime. Dan kinne hja falle, mar ek op-65 klimme. Ja, opklimme kinne hja den mei 'noar, as hja it libben

mar mei in helder tûbinevle each oanskouje,.... as hja elkoar stypje,.... elkoar leare,.... elkoar leavje,.... elkoar earje.... Den kinne der komme, ja, somtyds tsjustere dagen,.... dagen fen lijen,.... dagen fen aengstme,.... dagen fen rouwe,.... mar dy kinne it gebouw fen lok, dat syn fondement het yn de ljeafde, 70 nea alhiel omfear heisterje. Wol scille se forsichtich meitsje,.... neitinkend,.... wiisder,.... en dreger yn al yens dwaen; en scille de dagen fen foarspoed gjin oanlieding jaen ta oerdwealskens, mar ta in tankber brûkme fen it jinge hja oanbringe.

Jonge ljuë!.... as jimme, mei dat wyt foar eagen, it houwliks- 75 arkje ynsteppe, den scil gjin sondfloed jimme oerfalle en roppe wy jimme mei folle fortrouwunen ta:

farkje wol....

O. D. VAN DER WEG.

XXXIII. IISSANKJE.

Uit: Ny Frysk Lieteboek fan P. J. Troelstra en P. H. de Groot. (1886) p. 21.

| | |
|-----------------------------------|-------------------|
| Keald smeit om sleatten, | Poelen en petten, |
| Feearten en marren in izeren bân; | |
| D'izerkes tille | Herten fol wille; |
| »Feintsje, liz op!" ropt de faem; | »jow dyn hân. |

| | | |
|--|-----------------------|---|
| »Kom, hjir fen dinne! | Blier skynt de sinne, | 5 |
| Klear is de loft, as it blau fen dyn each. | | |
| Litte wy swaeije, | Swiere en draeije, | |
| Sa 't nea to foaren in pear der oer fleach." | | |

| | |
|---|----------------------|
| Lûkt joun de sinne | Nei 't Westen hinne, |
| Bergjend hjar holle yn it djip fen de sé, | 10 |
| D'eagen den blinke, | Ljochten den winke: |
| Op nou, to keamer, de spylman sit ré! | |

»Feinten!“ ropt Watse, »Fammen, kom, skotse;
 O! yn de rounde, mar gau fen de flier.
 15 Wês net sa mijen; Dounsjen en frijen,
 Makket in minske wer soun en wer blier.

 Nochlike tiden, Do 'k under 't riden
 't Iens waerd mei Foekje, myn wille en myn rom!
 't Feintsje, det jimmer Socht yn de simmer,
 20 Foun yn de winter op d' iisbaen syn blom.

 Keald smeit om sleatten, Poelen en petten,
 Fearten en marren in izeren bân;
 Sinneskyn teide 't Lis wer, mar smeide
 My oan myn Foekje mei hert en mei hân.”

S. H. HYLKEMA.

XXXIV. FOR PRIISUTDIELINGEN BY HIRDRIERIJEN.

Uit: Nieuw Advertentieblad, Heerenveensche Courant van J. Hepkema.

' Scoe 't nou foartwinterje scille?
 Ja en né wirdt er tocht en sein.
 Ho det wêse mei, is 't nou net, den is 't foar letter, det de
 stikjes dy 't ik hjir folgje litte wol immen licht ris fen tsjinst wêse
 5 kinne by in froalike oanset, lyk as de winter dy jowt nei ôfrin fen
 in hirdriderij. Hjir ha jimme nûmer 1 en bliuwt it froastich dan
 jaen ik eltse kear ien of mear, al nei 't lân leit en de tiid seit.

RECEPTE OF WONDERDRANK.

Lyk as 't er spant om kåld wei in hoep om 't tsjil fen in wein
 to lizzen, hwet gloeiend gau en goed giet, sa hat it ek foatten yn
 10 om kåld wei hwet to sizzen yn 't iepenbier, der 't gloede yn sit
 en det hâldfêst kriget.

To sprekken as de plicht det freget of de form dit easket, det
 kin, mar det sa to dwaen, det de hearder der waerm fen wirde

scil hwylst me sels kåld bliuwt, ik leau grif det kin net. Hwa
't mei fiür sprekke wol, mat fjílling en oandrang hawwe en hat 15
er dy — tsjen tsjin ien, — of hy scil ek de warden fine om to
úterjen, hwet him op 't hert leit. 't Is er mei as mei siedend wet-
ter, de brobbels kliuwe aloan en alwei fen 'e boayem nei boppe en
der spatte se útelkoar, det me it sjen en hearre kin en sa giet it
nou ek mei immen dy 't besiele is for dit of det, der matte sta- 20
dich buwltsjes yn him opwallen, dy 't yn klanken de lippen oer-
en útfleane, sá det de hearders bij 't einslúten sizze: hè, dêr
waerd ik siker hast waerm fen!

Ja, as 't koe, den mast it oeral en altiid sá wêse! — En kin
det den net? — Né, det hat er wol oan. — En is dêr den neat 25
oan to dwaen? — Stellig wol — hielfolle sels.... — Hwet den?....

De koarts, sels de threddedeiske kåerde koarts, kin weinomd wirde
mei in bytsje kinine, det witte jimme nou? en hwa 't nou gebrek
oan moed of gloed hat, dy kin yet gauer, makliker, better, smaek-
liker en ik wol leauwe, ek yet goedkeaper klear komme by ús 30
kastelein, as by dokter en aptheker — hwent dy tapet in drankje —
(*hwylst er de romer omheeg en for 't ljocht hâld*) — moai fen kleur,
oangenaem fen geur en boppedien.... (priuw mar is).... keurig,
hé? Ja, det is nou in drankje om er fleurich by to warden! En
fleur mat er earst komme, scil 't hert ta sprekken dringe, lyk 35
de Généstet seit.

En dringt it hert ta sprekken — mits it forstân by 't roer — den
binne we der 't we wêse wolle, det is yn in oare wrâld, as troch in dei.

Nimmen scil der derom hwet op tsjin hawwe en elts jerne mei my
ynstimme as ik drink op dizze wonderdrank — lit de drûfkes groeye 40
en bloeye, har bloed ús smeitsje, moed en gloed jaen en fleurig meitsje,
sa lang as de hoanne kraeit en de wyn waeit, it gêrs groeit en de beam
bloeit, lyk as d' alte Friesen seien. Ik hat sein!

Dizze 31ste fen Wintermoanne 1886.

GABE FEN GROUERGEA (J. HEPKEMA).

XXXV. NEEDWAER.

Uit: Forxit My Net XV. p. 24.

Lang hie hy kampe tjin 't leed, det him please,
 Det him by dei en by nacht net forliet,
 Mar ho 't er uitseach, safier as er eage
 Seach er it ein net fen 't kank'rjend fortriet.

5 Hwêrom den libje, as dochs nea yn it libben
 Rêst aef gelok mear him tafalle scoe?
 Wier 't sims in meilijend wird fen syn sibben,
 Det him oan 't libben yet fêstbine koe?

10 Né, út 'e tiid mar, en d' iwige rête
 Mar ta syn diel as it heechste genot;
 En sy den ek mar dizze ure de lêste,
 Dy 't him yet skiedt fen syn rêt en fen God?

Hwa seil hîm rjuchtsje? It minske det bouwend
 Op syn gelok-stjer syn libbenspaed giet?
 Kin dy sa grif op it sintsje bitrouwe,
 Det dêr fol glâns mei syn ljocht him oerjit?

Hark dêr komt it ûnwaer!
 Stoarm trochstout it gea,
 Beart troch 't skodsjend beamte;
 't Seinjend ljocht is dea.

Sjoch, de bledden stouwe
 Foar de stormwyn wei,
 En de neare nacht komt
 For de bliere dei!

Sjoch — dy stoere iik dêr
 Jinsen yn it wâld.
 Hark ris, ho 't er kreaket!
 Tinkt jimm', det er 't hâldt?

Lüder beart de stoarmwyn,
Giet fordylgjend roun;
't Knapt, de splinters stouwe:
D' iik leit tsjin 'e groun.

30

Scil de wrâld it hâlde?
D'ierde skoddet mei;
En út ôfgrouns djipten
Klinkt in near geklei.

35

't Rommelt en it skoddet,
't Fjûr dêr binnen siedt,
Alles beeft en trillet,
Wé, de wrâld forgiet!

40

O. H. SYTSTRA.

XXXVI. „DE SÉ”.

Uit: Hwet rûchkalt oer reisgjen en oars hwet. Forjit My Net. XV. p. 32.

| | |
|-------------------------|----------------------------|
| Wy kamen it wâld út, | En sjoch, dêr laei foar ús |
| De sé — en wy stiene | Forsteld op dy oanblik. |
| Gjin weachje forsteurde | Dat effen glêd plak, en |
| De sinne dy geat er | Syn ljocht oer út. |

| | | |
|----------------------------|-----------------------------|---|
| En wy mei ús trijen, | Yn stille biwândring, | 5 |
| Oanskoagen 't toaniel, det | Dêr foar ús nou bleat laei. | |
| Wy koen' mei nin wirden | De yndruk werom jaen, | |
| Dy dat op ús makke; | As sulver en goud | |
| Blonk yen alles tomjitte. | | |

| | | |
|-----------------------------|--------------------------|----|
| En ik koe 't net litte, | Hwet mear fen neiby yet | 10 |
| Dy pracht to oanskoagjen. — | Ik gyng nei it strân ta, | |
| Om dêr nou dy macht'ge | Dy dêr yn syn rêt sa | |
| Fol frede en fol greatme | Him oan ús hjir teande, | |
| Yet mear to biwând'rjen. | | |

- 15 Ik kaem oan sé's igge, — Mar, och, ik bistoar hast!
 Wier dat nou dy pracht en Forhevene greatme?
 Moast dat me biwûnderje?

 In pear deade hounen, Dy laeijen to rotsjen
 Yn slyk en yn séwier, Det dêr om yen hinne
 20 De loft hast forpestte.

 Ik skrille tobek, en Ik tocht yn my selme:
 Is dat mei dat moaije, Det hjir op 'e wrâld yen
 Yens eagen forblinet, Den iwich en altiid
 En oeral it selde? —

 25 Faek as it jong herte De ljeafde as alles
 As 't heechste biskoaget, Den komt er in hertleas,
 In meinedich famke, En nimt him syn dreamen
 Fen libbenslok wei.

 En as hy den yn 'e Natûr wer forromming
 30 En treast en genezing Werom mient to finen,
 En al yn oanbidding Forsonken hjar priisget,
 Den kommt hja de lijer Mei pestloft tomjitte. —
 Is 't net om to skriemen? —

O. H. S.

XXXVII. SKIMERJOUNJE.

Uit: It jonge Fryslan. Sangen en Rimen fan jonge Fryske Skriuwers byenoar-brocht troch P. J. Troelstra en O. H. Sytstra. p. 12.

- 't Is winter, en wy bliuwe Smûk mei 'noar yn de hûs;
 De bern boartsje om ús hinne; Ha wille by de rûs.

 Dy rydt op »Pyt" nei beppe, En set it bist sa oan,
 Det, as it libbe en fielde, It wier al lang bidoarn.

 5 Hy moat er ringen hinne, En net to let werom,
 En den nei oarreheit ta.... Sa praet dy lytse blom.

 By 't naentsje sit syn sister, En widzet, hwet hja kin;
 Sjongt dêrby »suze nane" For »Lys", hjar lêstich bern.

O jiffer Fantasye, Hwet jow yj hjir in noct!

Jy spriede oer dit toanieltsje Jou waerm en hearlik ljocht. 10

Jy meitsje it deade libben, En jowe oan 't stomme lûd; .

Hwet bern yn hadden habbe Det kriget krêft en gloed.

Strak, as it poarpren sinke Yn 't Westen leger glydt.

En mem hjar naeiwirk del leit, En hwet oan 't breidsjen giet,

Sjoch, den leit heit de pinne Mei 't oare skriuwark wei: 15

•Nou skimerjounje, berntsjes!" Sa ropt er, »hwa wol mei?"

•Ik, ik wol!" skreaut de ruter, En rôllet oer de groun;

In amerytsje letter Het boi syn plak al foun.

En sy, dêr by de nane, Forjit hjar »Lys" alhiel;

Hja wjukkelt nei hjar heit ta, En wol ek graech hjar diel. 20

En op de selde knibbels Dêr eren 't fanke siet,

Det sint fiif jier syn wiif is, Klinkt nou it berneleit.

Dêr giet it: »foart mar, hynke; Mar hird nei Dockum ta;

Wy moatte in botsens koeke Mei ulevellen ha."

En strak, as heite hynzers Hwet wirrech binne en loai 25

Fen 't felle hossebossen, Den wirdt it earst noch moai!

Den moat er oan 't fortellen; Fortelle, hwet mar past;

It smakket altiid lekker, Al is 't ek âlde kost.

Allinne it knapprich fjurke, Dat mei syn dounsjend ljocht

Us skaed op 't bêdsket teikent, Hwêr 'tfamke graech nei sjocht, 30

Allinne 't knapprich fjurke, Dat heart me nou en den,

As heit fortelt oan 't boike Fen 't swiet Loailekkerlân,

Of fen de earme jonge, En fen de rike hear,

Of fen 't meilijich hintsje, Fen 't kouke, en sa al mear.

En jiffer Fantasye Dy spilet wer hjar rol: 35

Hwêr heite bylden stykje, Dêr teikent hja se fol.

Hja lit de bisten sprekke, Jowt nammen oan de kij;

Neat is er, ef hja dielt it In fielber wêzen mei.

En bükemantsje harket, De lipkes op in kier,

Mei eachjes, nou tindogens, Den trienjend, den wer blier. 40

- En 't moantsje foar it finster, Mei 't bleke silv'ren ljocht,
 Det glimket om dy wille, En dielt ek yn de nocht.
- En memme wêzen strielet Fen súvre sillichheit,
 En súnder dat hja 't útsprekt, Wit heit wol, hwet hja seit!
- 46 O mantsje yn de moanne, Bring dit toaniel yn print,
 En stjûr, as d' âlde dei komt, Dy den oan ús presint.
- En, lieawe skimerjounen, Kom jimme faek werom
 Jimm' jowe nocht en wille; Jimm' meitsje ús goed en from!
- Ternaerd, 3^e fen Selle, 1880. T. E. HALBERTSMA.

XXXVIII. OP ÚS ÁLDE SLOTGREFT. (WINTER).

Uit: Forjit My Net XVII. p. 42.

- Mem, de skonken jûkje my,
 'k Kin 't net langer hirde!
 't Iis is sterk yn Herwey's gréft;
 't Riden kin dêr wirde.
- 5 'k Siikje klearn en redens klear,
 Hwa scoe 't litte kinne?
 Lit my ride, lit my glide, } bis.
 Om âld Herwey hinne!
- Sjoch, de gréft is swart fen folk!
 10 Minsken, hwet in wille!
 Feinten binn' út 't bûthús flein,
 Fammen fen de nille.
 't Streamt fen de ien nei de oare ein,
 't Mealt al troch 'enoar hinne!
- 15 Lit ús liere, lit ús swiere, } bis.
 Om âld Herwey hinne!

't Lytsfolk hokket om de tint,
Snobbet mälke en koeke;
Greate Japik feegt de baen,
Sleaukmoai lit hjar luke. 20

Oarremem stiet op de wâl,
— Heal yn 't nêst dê sinne. —
Eren teach hja, eren fleach hja } bis.
Ek om Herwey hinne.

'k Ha myn famke afteroaan,
En wy litte ús driuwe. 25
Mei my oars gjin ien' foarby,
Nou lit ik se stouwe.

Kâltsjend, laeitsjend ride wy,
Hawwe it hert fol minne, 30
Litt' se stouwe! O, wy driuwe } bis.
Om âld Herwey hinne!

't Iensom stjerke strielt yn 't blau;
't Seit: »myn bern, ho sillich
Hawwe jimme it byenoar; 35
Hâld de ljeafde hillich.”
Op it eastein lizz' wy oan —
't Moantsje sjocht 't allinne —
En wy draeije, en wy swaeije } bis.
Wer om Herwey hinne. 40

Ternaerd, 12/1 '87.

T. E. HALBERTSMA.

XXXIX. „DE TSJERKÛLE.”

Uit: Nei de Stoarm, Rym en Unrym fen Pieter Jelles 1886. p. 67.

Ho smûk leit Wûns yn it beammeskâd,
Sa kûs yn it grien biskûle!
Hofsjongerkes niuentje 'r sa bly hjar liet —
Op 'e tsjerkenaed sit in tûle.

5 Dy üle knypt d' eagen stiif ticht for it ljocht,
 Det der útgiet omheech fen 'e siinne.
 Mar nachts den gält er it út fen 'e nocht,
 As it spoeket en rüst om him hinne.

10 Den ropt er de deaden fen 't tsjerkhof op,
 Dy kladderje omheech nei de laeijen —
 't Giet klipperdeklap by de mûrren op,
 Wylst de nachttwierkes suchtsje ûnder 't waeijen.

15 Den waechst d' âld üle — wirdt reuzegreat —
 As fjûr sa barne syn eagen;
 Hy ropt de deaden it wolkom ta —
 Hja suchtsje as 't gebrûs fen 'e weagen.

20 En slacht den d' ure fen middernacht,
 't Giet klipperdeklap wer omlegens —
 Den giert d' âld üle 't kleijend út
 En wjukkelt omleech en omhegens.

»O, hwêrom mei ik net mei yn 't grêf,
 For iwich yn 't koele, yn it tjustre!
 Nou wirdt moarnier myn stoarjend each
 Troch 't ljocht fen 'e dei wer forbjustre.

25 »Nou fijucht moarnier, as de sinne komt,
 Wer 't sjongende brod om my hinne.
 Hja haffelje wyld yn myn fearren om —
 Ik fiel 't: ienkear moatte hja 't winne.

30 Yet sit ik by nacht en by dei op 'e wacht,
 Yet nea is de moed my úntsakke;
 Mar de sjongfûgels fijuchtsje mei help fen it ljocht —
 De wrâld is for d' âlen net makke."

Sa geit er — en as de sinne komt
 Mei libben for alle folken,

En as de ljurk syn tankfol hert
Heech útjít, heech yn 'e wolken;

En as it minske by 'n hert fol ljocht
In laits het om 'e mûle —
Den sit dêr boppe op 'e tsjerkenaed
Stil drôgjend dy ljochtskouwe üle....

35

40

P. J. TBOELSTRA.

XL. KRIICHSSANG.

Ik wol net mear fen bliere blommen liuentsje,
Fen himelblau] of myerde stjerrepracht,
Fen swiet gefry yn stille simmernacht,
Fen ljurken, dy de moarns hjar tankliet niuentsje —
Ik sjong net mear fen lieafde en frede in sang:
'k Set oare snaren op fen djipper klang.

Net, det de lieafde wykte út disse siele;
Hja het it foun, hwet hja fol langstme socht:
My het it lot as heechste jefte brocht
De faem, dy-t lang al yn myn dreamen striele;
Mar do-t de frede 't herte binnenglied,

5

10

Rôp 't kriichslûd wer: »De man past mannedied!

»Dyn heechste wyt sy net, dyn huis to warjen,
»Om 't brea to skrippen, bodsjend jimmeroan.
»Fiel, bern fen d' ierde, dy ek himelsoan;
»Hab oars to dwaen, as goud by goud to garjen.
»Der binn' wol oare skatten op 'e wrald,

15

»Bring dy oan 't ljocht — bliuw for de modder kåld.

»Slach d'eagen op! — de poarte is dy úntsletten!"....

En 't minskelibben die syn fluvers foarwei —

20

Ik stoarre 't oan — 't wier midden op 'e dei;
 Mei gjalpen ljocht wier 't bount gekriel bigetten —
 »Mar ho? Moat ik dy milioenen bern
 »Fen 't selde hûs yn sok in steat hjir sjean?

25 »Doch 't fliuers wer foar!"" —

»Dou scist him dochs oanskôgje,
 »Dy wûndre wrâld, sa moai en sa fordoarn.
 »Dou hearst him ta, dou bist syn eine soan;
 »Ho koest him dy *sa* moai, sa himelsk drôgje?
 »Dou woest tobek? Sei, wier det mannetael?
 30 »Yn 't stiel, dou *ridder fen it ideael!*

 »Hwest yn dyn bêste tûren tochst en fielste;
 »Hwet út 'e himel dy yn d' eagen blonk;
 »Hwet dy as wierheid lûd yn d' earen klonk;
 »De God, dêrst' fol oanbiddinge for knielste,
 35 »Nim 't dêrfor op! Hwet dy dyn herte seit,
 »Folbring det trou, nou en yn iwichheid!" —

Do swyde 't lûd — Dêr stie 'k; *yet gloeide en trille*
 De rêch, dy pas de ridderslach ântfong —
 Yet gloeit myn siele nei! — En hwet ik sjong,
 40 Det binn' nin sangen mear fol simmerwille:
 It het in stielien klang; 't is hirde tael —
 It is de *kriichssang fen it ideael!*

AANTEEKENINGEN.

Een enkel woord vooraf over de verschillende spelling.

De Halbertsma's gaven in 't eerst zoo veel mogelijk de klanken terug, zooals men die sprak in en om Grouw; maar ter wille van de andere Friesche streken, waar de uitspraak verschilt (Zuidhoek, Dongeradeelen en Wâlden) in verband met de etymologie der woorden, gewijzigd. Niet consequent toegepast, zie Voorrede van de Rimen ind Teltsjes, p. xv, en de Vergelijking onderling hunner stukken door Colmjon, Forjyt My Net V (1875) p. 117, 145. — Men vergelijke Jierboekje fen 1833, Fr. Spell., door J. H. H. op verzoek v. h. Fr. Gen.; „it wier Gysberts Japicx spelling, dy er learde, mar eat foroare nei de easken fen 'e tiid”. Ook Lapekoer 1834, Voorrede. Vrije Fries X, 345 vv. Eeltsje H. „hie' nin spelling yn it geheel, dær liet er (J. H. H.) foár kedize” Rim. ind T. p. 207.

Niet allen volgden zijne spellingswijze, velen hadden, vooral vroeger, een op eigen hand — vgl. K. Adama, Sparpot (1875), waarover Colmjon, F. M. N. V, p. 81.

Eigenaardig is die van H. S. Sytstra „Iduna” (vgl. n°. XVIII en Aant.). — Door velen (door T. R. Dykstra, T. G. v. d. Meulen, D. B. Nieuwenhuis enz.) gevuld en onder anderen, behalve in de Iduna ook in de Swanneblommen tot 1865. Ook namen velen slechts enkele regels der spelling over. — Thans volgt men vrij algemeen de spelling van het *Frysk Selskip*, met kleine wijzigingen van elks dialect. — Vgl. J. H. Behrns, Vrije Fries VIII, 48. — Beknopte Friesche Spraakkunst van G. Colmjon 1863. Tweede druk in bewerking bij Mr. Ph. van Blom, den Haag. — V. d. Schelde t. d. Weichsel III, p. 1—4. — Forj. M. N. VII, 191. —

I.—V. Eeltje Hiddes Halbertsma, 8 Oct. 1797—22 Maart 1858. Dr. Med. te Grouw.

Vgl. De Jonkerboer fen Dr. E. H., nei syn dead moi in oersicht fen syn libben uitjown trog (W. Eekhoff) 1858; en lijst v. z. geschriften. — Colmjon, Iduna XVI (1860) p. 155; Swanneblommen 1876, p. 67. — W. Dykstra, ald. p. 76.

I. Eigenaardig ook v. d. spelling in overeenstemm. m. d. uitspraak, vs. 8. l. reade. 31. Bunyan's Christenreize.

II. Gewijzigd door J. H. H., deze liet tusschen coupl. 6 en 7 een uit. E.'s loopt tot coupl. 11, de volgende zijn van J. H. H.

IV, 140. tijt = duit. — Gabe verhaalt in een „selscip” (vs. 181) boeren. De ontvanger (vs. 182) was uit Dokkum. vs. 188. grenael = garnaal.

V.—VIII. Joost Hiddes Halbertsma, 23 Oct. 1782—27 Febr. 1869. Dr. Phil. honoris causa te Leiden, Mennisten Ds. te Bolsward, Deventer. Vgl. vooral Eekhoff, Vrije Fries XII, 1. Volledige Lijst zijner werken ald. p. 69. — Colmjon, Up it Kopstik in Iduna, Oarde rige, 1, 65. — Deventer Courant 5 Maart 1869. — Verwijs, Ned. Spectator 1869. — Mr. Ph. v. Blom, Forjyt My Net X, 1. — Zeitschr. f. Deutsche Phil. XVII. — De meeste van de stukken der Halbertsma's zijn door J. J. A. Gouverneur in het Ned. overgebracht. De Lapekoer ook in het Hd.: K. J. Clement, der Lappenkorb (Leipzig 1846).

Zijne Friesche werkjes zijn bijna allen gedrukt bij J. H. de Lange, Deventer; waar thans een vierde druk der Rimen end Teltsjes verschijnt.

V. 80. Geboarteleppel, vgl. Rim. ind Teltsj. p. 58a.

VII. Op verzoek en kosten van prins Louis Lucien Bonaparte vertaald door

J. J. H. en ten getale van 250 uitgegeven, George Barclay, London 1858. Vgl. vooral Vrije Fries X, 1.

VIII—XI. Mastir Jouke = Tjalling Hiddes Halbertsma, 22 Jan. 1792—12 Dec. 1852; boterhandelaar te Grouw. Ook de schrijver van n°. IX, auctoritate J. v. Loon Jz. e. a. — Vgl. Vrije Fries XII, 58. — W. Dykstra, Frysk Lësboek (1883) p. V. — Van hem: Vele van de Grouster Weachbriefkes (vgl. R. ind T.); het Voorwerk voor de Skearwinkel fen Joutebaes, vgl. R. ind T. — De Roeker, n°. I—V, 1832/33. — Friesk Spjealdeboek, It libben in de wiersizzery fen Maaike Jakkeles oon de Frieske fammen, 1836. — De beste freed yn Ljouter merke (met J. H. H.) Suringar's 12° Alm. 18 ?

Door eene vergissing zijn van dezen schrijver een paar ns. te veel opgenomen, en is een van den algemeen bekenden J. C. P. Salverda (1783—1836) weggevallen.

IX, X. Ondertekening t. l.: T. H. Halbertsma.

VIII, 15. Vgl. n°. XV, Bloeml. II n°. VIII, de Aant. — 21. „kealleflesk, viool, waarop gespeeld wordt” (noot v. d. S.). — 28. l. suwpe!

IX. Met eene vertal. in h. Sagelter-Friesch ook in de Haan Hettema en R. Posthumus, Onze reis naar Sagelterland (1836).

XI. Rinse Posthumus, 30 Oct. 1790—28 Sept. 1859. Ds. te Waaxens en Brantgum. — Vgl. Halbertsma Vrije Fries IX, 207. — J. v. d. Zwaag, ald. p. 272. — Colmjona, Iduna XVI, 155. — v. d. Meulen, Moaye Blommen, p. 220. Van hem: Prieuwcke fen Fr. Rymmelarije (1824). — Shakespeare's Julius Caesar, Keäpman fen Venetien (1829). — Moarn-, Joonsankje fen ien boer (1834). — In Jouwerkoerke fol Fr. Grienmank (1836). — De Paadwisen n°. I—III (1841). — As jimmie it lije meye (As you like it) (1842). — Farwol, taroppen oon . . . W.v. Peyma, (1849). — Fr. Leedsang o. d. dead fen Dr. E. Halb. (1858). — Nog in MS. de Stoarm fen Shakespeare, vgl. Vrije Fries IX, 293; is echter niet voor den druk geschikt, Colmjona is er mee bezig geweest het hiervoor gereed te maken.

XII. Albertus Telting, 11 Oct. 1803—17 Sept. 1863, Dr. Jur., Secret., later Kantonrechter te Franeker. — Vgl. Levensber. Maatsch v. Letterk. Leiden 1864, p. 76. Lijst zijner Werken, ald. p. 103. Ook van hem: Ald Skuttersankje in Fryske Husfrieun (1866), vgl. W. Dykstra, Fr. Lësboek, p. vi.

XII, 101. Als schutter-officier was de S. in den strijd tusschen Nederl. en België, 1830—33.

XIII—XV. Rein Baukes Windsma, 26 Juni 1801—23 Aug. 1862, schoenmakersknecht te Bolsward, later hulponderwijzer te Offingawier, Wolsum, vgl. voora. G. Colmjona, R. B. W., Forgit My Net XIV, p. 1—35. Van hem: Friesch Blomkoerke, 1829; Friez'ne blommekrânze, 1833; Bledden uwt myn Skriewboek 1847, de meeste stukken vroeger in verschill. jaarröckjes of maandschriften.

XIII. vgl. Bloeml. II. p. 21, en Aant. Ook Fr. Volksalm. 1888.

XV—XVII. Jan Gelinde van Blom, 2 Jan. 1796 (Harlingen)—29 April 1871, notaris enz. te Drachten. Van hem: Blommekoerke, oanbean oan syn Lanzljue, 1869, de meeste reeds vroeger in Fr. Volksalm. Swannebl.; Vrije Fries; Friesch Jierboekje. Ook elders?

XVII. Wopke de Jong Jacobsz., 24 Maart 1799 (Grouw)—17 Oct. 1852 schoolmeester te Zuid-Drachten, ná 1826 te St. Jacobi-parochie; stukjes in de Fr. Volksalm., Byekoer en Fryscce Almanak; ongetwijfeld van hem: De Dominy's hifke, mar fallen to licht achte (1840), vgl. Dykstra, Lësboek, p. vi. Verschillende opstellen en verzen afzonderlijk verschenen; vgl. Fr. Volksalm. 1889 !

XVIII—XXI. Harmen Sytzes Sytstra (Zylstra), 14 Jan. 1817 (Midlam)—4 April

1862, bakkersknecht te Achlum, later ondermeester te Sexbierum, Franeker, Bergum, schoolmeester te Baard. Van hem: *Tsijen tuwsen uwt de lottery oaf Jouke Rommerts scriften* 1841. — *Frieske Sankjes* (met T. R. Dykstra) 1842. — It boask fen de kasteleins dochter (*blyspil*) 1843 (omgewerkt in proza door W. Dykstra: *Yn 't Forgulden Büterfet*, 1877). Proza en poëzie in de Fr. Volksalm., *Suringar's 12° Alm.*, en vooral in *zijne Iduna*. Vgl. *Forjyt M. N.*, VII, 36; VIII, 187. Over de spelling in *Iduna*: *Sytstra*, *Hwet habbe da Frysce scriūers yn acht to nimen?* — *Klank en Schriftleer der Friesche taal* 1856. Vgl. ook nog *Iduna* I, 38, 84, 153, 192; IV, 11; V, 1; VI, 8; IX, 1; XVI, 1; vooral dit laatste; ook *Iduna*, *Oarde rige III*, 1; IV, 39 en *Bloeml. III* n°. XIV noot en n°. XXII. Vgl. over hem: *Colmjou, H. S.*, *Iduna XVIII* (1862), pag. 1; *Iduna*, *Oarde rige*, I, p. 10 en vooral *Forjyt My Net XIII* (1883), p. 49. — v. d. Meulen, *de Friske Hüsfrieun XII* (1862), p. 193.

XX. Al de stukjes van *Sytstra* uit *Suringar's 12° Alm.* in 1867 uitgegeven: *Teltjes en Rimkes* fen H. S. (foroare spelling fen W. Dykstra).

XXI. Tiede Roelofs Dykstra, 25 April 1820 (Leeuwarden)—29 Mei 1862, student te Franeker, daarna te Groningen in Rechten en Letteren, promoveerde niet. Later privaat-docent in de oude talen te Leeuw. Na 1858 Arch.-Bibl. van Friesland. Foars. fen 't Selskip van de oprichting tot zijn dood. Voor alle Friesche schrijvers was hij de vraagbaak. Van hem: *Foarjierssankjes*, of *ytlke Minnewrymkens* (1840); zie bij H. *Sytstra*. *Artikelen in Iduna*, *Byecoer*, *Swanneblommen*. vgl. J. v. Loon Jz., *Fr. Volksalm.* 1863, p. 3. Vgl. n°. XXIV.

Noten van n°. XXI (verkort): 1) útspritzen up th' Selskip foar frysce taal en skriftenkinnisse in 1849 to Liowerd. Northēf = Noardsē, vgl. v. Richthofen, *Altfr. Wtb.*; Outzen; Ehrentraut, *Fries. Arch.* p. 186. — 2) Vgl. Grimm Gesch. d. D. Spr. II, 673; v. Richth. Fr. Rq. 122; Oude Fr. *Wetten* I, 129: „ene geldene hop” = sédik. Müllenh. Sagen, (enz.) aus Schleswig, p. 248, N°. 343; Dr. Clement, *Die Weisseagung der Frisin Hertje*, p. 6. — 3) Dr. Clement, *Lebens- u. Leidensgesch. d. Friesen*. — 4) Fer, Silt, Amram, da greateste fon da Noardfriske eilanden, vgl. Clement. — 5) Clement, *Lebens- u. Leidensgesch.* — 6) *Frisii majores* = fry; *Chauci* = heach, heachmōdich, stoer, vgl. Grimm, Gesch. d. D. Spr. 668—681. — 7) Doem = Holl. vonnis, oordeel. — 8) Vgl. C. A. Scharling, *de Stedingis*. — 9) Hollonds bastertteam „hia (kenne) nen öfkumate fen en alde stamme biwise. Se forskulje hia efter Batavieren, end thenke er naut um, det då in da Friesen forraend benne. Se skermje mei hiar sprake, der ein dum is fon en oar fulk, fon da Flamingon”. — 10) Grimm, Gesch. d. D. Spr.; *Friesen* end *Hessen*.... wenje (yetē) up th' selfde sté'). — 11) Harich, aldhedenske namme for: *templum*. — 12) „Wita, tiuge. Det ienlik reade grefstiente = Helgolond, ût en read soarte fen stien eft ierde, is.... det ienichste oerbluisel fen en great lond, det iens fon Frieson bewenne ward”.

XXII. Gerben Colmjou, 27 April 1828—28 Dec. 1884, van beroep borstelmaker, later boekverkooper, vervolgens Archivaris-Bibliothec. van Friesland; reisde met W. Dykstra op Winterjoune-nocht, zie n°. XXIII. Was 1^e skriuwer en samler (redacteur) fen h. *Selskip* van 1862 tot zijn overlijden en tal van jaren Foars. fen 'e krīte Liouwert. vgl. n°. XXIV. Van hem: *Hwet de Lieafde net dwaen kin* (1862). — *Bekn. Fr. Spraakkunst* (1863). — It *Ewangeelje* fen Lucas (1879): 't eerste werkje geheel in de spelling van het Fryske *Selskip*. Talrijke stukken in *Iduna*, *Swanneblommen*, *Forjyt My Net*.

1) Vgl. echter Kern, *Taal- en Letterbode V* (1874), p. 87. Verz.

XXIII. Waling Dykstra 14 Aug. 1821. Vgl. Biogr. Wrddb. Huberts, e.a. „Bakersgezel, (tot 1856) boekverkoopersbediende te Franeker, later boekverkooper te Holwerd. Na G. Colmjon's dood belast met het afwerken van het Lexicon Fricum van J. H. Halbertsma.

Tallooze werken en werkjes, o.a. By Gealeboer (1850, 1859) 2^e dr. (1860). — De Silweren Rinkelbel 1856; 2^e dr. 1866; 3^e dr. 1887. — W. D. en T. G. v. d. Meulen, In doaze fol alde snipsnaren (oude liedjes, raadsels) 1856 enz. W. D. zal thans eene nieuwe verzameling bijeenbrengen; waartoe ieder uitgenoodigd wordt meetewerken — Friske Thyl Ulenspegel (1860, 1862), 2^e dr. (1879). — *Friske Winterjoune nocht*, met T. G. v. d. Meulen, dl. I (1861), II (1864); met G. Colmjon dl. III (1866); met A. Boonemmer dl. IV (1876) dl. V (1886). — Twa grappige stikk'en (Fr. Reuter) 1879. — Oebele Glûper (Molière's Tartuffe) 1875. — Vgl. Catalogus Histor. Tentoonst. te Leeuw. (1877) p. 149 vv. 154.

Ontelbare stukjes in *Friske Husfrieun* (1851—1869), *Swanneblommen*, *Byecoer*, Forj. M. N., *Iduna*, *Fryske Skuralmanak*.

Reisde sinds 1860 als lezer op de Winterjoune-nochten Friesland door, met T. G. v. d. M. (1860—62), G. C. (1862—68), A. B. (1868—74), thans alleen. Vgl. W. D., *Wintergrien* 1884. Inleiding.

XXIV. Jacobus van Loon Jz. 30 Dec. 1821; doorliep de Lat. school te Leeuwarden, werd fabrikant en gemeente-secretaris van Baarderadeel, sedert 1860 Gedep. Staat v. Friesl. Stukken in: *Swannebl.* I, 86; III, 73; IV, 32, enz., *Husfrieun*, *Iduna* en *Friesche Volksalmanak*, „It Lieteboek” (1876), Forj. M. N. Net XVII, 97.

Met Harmen S. Sytstra en Tiede R. Dykstra deed hij in 1844 het voorstel tot oprichting van het Selskip for Fr. Tael en Skriftenk. Was de 1^e Skriuwer fan 't Selskip. Na 1862 Foarsitter. Het gezelschap telt thans 480 leden; vgl. nog Forj. M. N. XVII, 109.

XXV. (Jan Tjerk) Auke Boonemmer, 8 Juli 1823 (Grouw), van beroep verver, thans te Hardegarrijp, reisde met W. Dykstra, zie n°. XXIII. Schreef talrijke stukken, o.m. Jounpraters te Stoppelgea (1855), 2^e verm. dr. (1886); It doarpke aan 't Spoar (1876). Stukjes in *Iduna*, *Friske Hüsarieun*, *Swanneblommen*, *Byecoer*, Forj. M. N. 1887. Schreef ook onder het pseudonym: „Master Abe” eig. Master ABé (Auke Boonemmer).

Vgl. Bijvoegsel Leeuw. Cour. 22 Apr. 1877. — vooral: A. Boonemmer; De Schoolmeester in 't laatst der vorige.... eeuw (voor eigen reken.) 1884.

XXVI. Jilles Klaasesz. 19 Oct. 1822. Eerst Secret, na 1862 Burgem. van Westdongeradeel. Stukjes o.m. in *Swanneblommen*, '52, '53: „Farwol”, „Op ien brilloft” ook in Ny Fr. Lieteboek (1886); *Swannebl.* '55, '58, '60, '74: „God is ljeafde”, ook in Lieteboek (1876). „For wierheit in ljocht”, Forj. M. N. (1876), ook in Lieteboek (1876). — Proza: „De Arbeidersstand”, *Iduna* (1867).

XXVII. Tjibbe Geerts (v. d. Meulen) 1824. Horologie- en uurwerkmaker, thans Boekh.-Courantier te Bergum. Tallooze werkjes, tooneelstukken, verhalen, o.v.: Min Suchten en min Sangen (1859). Mål ut-mål thuis (1859). Fen de Wilp nei Leauerd, en fen Leauerd nei de Wilp (1861). Ségepraal fen 't bigelofe (1870). Stukjes in *Iduna*, Fr. *Hüsarieun*, *Swannebl.*, *Byecoer*, Fr. *Volksalm*. Reisde met W. D. op winterj.-nocht, zie n°. XXIII.

XXVIII. Lucius Columba Murray Bakker, 7 Jan. 1822 (Pingjum), Dr. Med. te Huzum bij Leeuwarden. Een 14 liederen in *It Lieteboek* (1876). Preaukes uet Goethe's Faust (1881). Verder vertal. v. Faust in Forj. M. N. 1/2, nog in MS. Stukjes in *Swannebl.*

- XXVIII. 45. = to keamer gean. Vgl. n°. VIII. 15; n°. XV; Bloeml. II, n°. VIII Aant. 54. „boerekoffie”. Joh. Winkler, Oud Nederland (1887) p.
- XXIX. Onder dit pseud. nog verzen in: Iduna, Oarde rige; Swannebl.; Fr. Husfr.
- XXX. Tjeerd Velstra, 10 Nov. 1840 (Lekkum). Vroeger veehouder te Deinum en Marsum, woont thans op „Baens-ein” bij Leeuwarden. Veel tooneelspelen, o. m. Da twa ringen (1880); It gouden Kroantsje (1881) en Sjouke de Fries (1883) — beiden door het Fr. Selscip de uitgeloofde eereprijs toegekend. — Weldra verschijnen Trou ef Ontrou, De âlde Baron, It Pykelfleskfet. — Zie ook Swannebl. 1880 en Fr. Volksalm. 1885. — „Tal van Rijmen” in Iduna, Swanneblommen, Forj. M. N., Friesch Volksblad. Sommige onder het pseudoniem *D. Verslat*, of *Doede*.
- XXXI. Johan Winkler, 12 Sept. 1840 (Leeuwarden), studeert te Haarlem 1857—60, te Amsterdam 1864—65. scheepsdokter van 1860—64; Genees-, heel- en verloskundige te Leeuwarden; na 1875 ambtelooch te Haarlem. Letterkundige opstellen „onder den schuilnaam Gundebald”, o. a. in Swannebl. 1867, '68, en Iduna '67, '69, '70; de Bulla ineffabilis van Pius IX „forfriske” (1875); Nederduitsch Dialecticon (1874), waarin Friesche lezingen van den „Verloren Zoon”, en Aant. En ± 160 boekwerken en losse opstellen in andere talen.
- XXXI. I. Swannebl. p. 81.
- XXXII. C. D. v. d. Weg. Proza-opstellen en verzen in Forjt My Net, laatste jaarg. — Tooneelstukjes.
- XXXIII. Sjouke Hylkes Hylkema, 23 Mei 1852 (bij Akkrum). Novellen, gedichten in Fr. Volksalm. '86, Swannebl. en F. M. N. nà 1870. — O. m. Lytse Toanielstikjes (1879), Toanielfoarstelling to Jelryp (1881), „Foarsitter fen it bekinde Ljouter Toanielsskip, sont 1879”.
- XXXIV. Jacob Hepkema, 30 Mei 1845, onderwijzer, later uitgever Heerenveen. Van hem: Fiouer rotten yn ien falle (1870); Heeg aan, in Smalbrège net ienris besyle (1871); Lean nei wirken (1871); Hâld op Jonges fen Gabe fen Grouergea, zie n°. XXXIX. „Forspraete stikjes, meast yn de saneamde Hepkema ('s krante”).
- XXXV—XXXVII. Onno Harmens Sytstra, 10 Oct. 1858 (Baerd), onderwijzer te Leeuw. Tal van prozaopstellen en verzen in F. M. N. (o. m. „De Friezen” in XVI, 145). Friesch Volksblad; Swannebl.
- XXXVI. De tekst heeft: „Oanskoagen 't toaniel, Det dêr foar ús nou bleat laei”! —
- XXXVI—XXXIX. Tjalling Eeltjes Halbertsma, 28 Jan. 1848 (Grouw), onderwijzer te Ternaard. Stukjes in Swannebl., Forj. M. N., It Jonge Fryslân, Ny Frysk Lieteboek. — Vaste medewerker aan „For hûs en hiem”.
- XXXIX. Pieter Jelles (Troelstra), 20 Apr. 1860. jurist en journalist te Leeuw. Met O. H. Sytstra: It jonge Fryslân (1881). — Van hem: „Bydr. yn Forj. M. N., en Swannebl. sont 1880”, yn 't Friesch Volksblad, Hepkema's krante en Friesche Courant”. Wiersizzery fen Alde Foeckje (1881). „Oan de sédyk (Toanielspil 1881). „Ny Frysk Lieteboek” (1886; met P. H. de Groot voor de muziek). Fy Lútsen, Iepen brief aan Dr. L. Wagenaar (1885). Nei de Stoarm (1886), vgl. hierbij „Hark 'ris, Pieter” fen Lútsen, en „Hâld op, jonges”, fen Gabe fen Grouergea (1886). — Red. van „For hûs en hiem”, medew. Tj. E. Halbertsma, en C. Wielsma, Grouw.

NB. Op verzoek van sommige schrijvers is hun Aantek. niet nader aangevuld.



IN H O U D.

| | Bladz. |
|--|------------|
| Een woord vooraf..... | VII. |
| I. Uut fen hoes by de boer. De Moantiid..... | 1. |
| II. Geales slijpke..... | 3. |
| III. Oan ien berntje yn de òare wrald..... | 4. |
| IV. „De kreeft fen Dockum”..... | 5. |
| V. De Krijemmesite..... | 11. |
| VI. It Ingelgereaut op Sciermontjeaig..... | 19. |
| VII. It Ewangeelje fen Matthewes, cap. VI. 7—VI. 16..... | 21. |
| VIII. Sets en Tjerk yn Snitser Merk..... | 22. |
| IX. De brune in de bles, Op trye romers..... | 24. |
| X. It Stiinrjuecht: in twade joonpraatje tusken Master in Botte..... | 25. |
| XI. De keapman fen Venetien, V Bedriewu. — I Tooneel..... | 29. |
| XII. Oan uwz lytze jonge, az er ien heal jier âd warden wier..... | 33. |
| XIII. Greate Pier..... | 36. |
| XIV. Ate..... | 40. |
| XV. Dragtster Merke..... | 42. |
| XVI. Wobbelke..... | 44. |
| XVII. Metten Scroar, te Earnewoad..... | 45. |
| XVIII. Unwaer..... | 47. |
| XIX. Suellesang..... | 50. |
| XX. Baes Piktried..... | 53. |
| XXI. Oan 't Noarderhêf..... | 59. |
| XXII. „Iduna”..... | 63. |
| XXIII. Myn Mary..... | 65. |
| XXIV. Oan Tsjamke..... | 66. |
| XXV. „In set mei us mem”..... | 67. |
| XXVI. Ien ingel op ierde..... | 69. |
| XXVII. Simmernacht en Simmermoarn..... | 70. |
| XXVIII. Winternocht..... | 73. |
| XXIX. Ut âlde tiden..... | 75. |
| XXX. Oan mîn hinder „Sophia”..... | 78. |
| XXXI. „Nei 't Heitelân”..... | 81. |
| XXXII. „Kommen en gean”..... | 83. |
| XXXIII. Lissankje..... | 85. |
| XXXIV. For priisútdielingen by hirdrideryen..... | 86. |
| XXXV. Needwaer..... | 88. |
| XXXVI. „De Sé”..... | 89. |
| XXXVII. Skimerjounje..... | 90. |
| XXXVIII. Op ús âlde slotgrêft..... | 92. |
| XXXIX. De Tsjerkûle..... | 93. |
| XL. Krichssang..... | 95. |
| AANTEKENINGEN | 97. |

PB-55482-SR
18

82-24744-01

(

Stanford University Libraries

3 6105 124 416 996



PF

1513

B8

V. 3

Stanford University Libraries
Stanford, California

Return this book on or before date due.

00000000000000000000000000000000
JUL 27 1974

